

**Ferkiezingsprogram  
Partij foar de Dieren  
Twadde Keamerferkiezings  
2021**

**Idealisme is it  
nije realisme**



**Partij voor  
de Dieren**

**P  
l  
a  
n  
B**

# Ynhâldsopjefte

<b>Ynlieding</b>	<b>3</b>
<b>1. In leefbere Ierde</b> Foar al har bewenners	<b>8</b>
<b>2. Diererjochten</b> Dieren hawwe it rjocht om te libjen nei harren aard	<b>18</b>
<b>3. Iten en lânbou</b> Allinne duorsume lânbou leveret sûn iten foar elkenien	<b>30</b>
<b>4. Systeemferoaring</b> Ekonomyske groei is net de oplossing, mar it probleem	<b>40</b>
<b>5. Miljeu, enerzjy en mobiliteit</b> Alles fan wearde beskermje, alles wat krap is earlik ferdiele	<b>50</b>
<b>6. In sûne maatskippij</b> In oerheid dy't it wolwêzen foarop set	<b>60</b>
<b>7. Wenromte foar elkenien</b> Passend en betelber wenje yn in griene omjouwing	<b>70</b>
<b>8. Tûker, wizer en moaier</b> Underwiis, wittenskip en kultuer	<b>78</b>
<b>9. In rjochtfearde mienskip</b> Mei in oerheid dy't lústeret, net ôflústeret	<b>86</b>
<b>10. Europa en ynternasjonale solidariteit</b> De Ierde foarsjocht yn 'e behoefte fan elk, mar net yn 'e habsucht fan elk	<b>94</b>

Wy libje yn ûnwisse tiden. Mar wy stean ek foar grutte feroarings dêr't wy lang nei útsjoen hawwe. Oeral op 'e wrâld gean boargers de strjitte op en easkje aksje foar it klimaat. De wyn waait út in oare hoeke. In groeiend tal minsken wol net mear gearwurkje oan de bioindustry. De stipe foar frijhannelsferdragen brokkelet ôf. Politisi fan tradisjonele partijen komme der mear en mear foar út dat se harren hieltyd ûngemakliker fiele oer de gefolgen fan harren eigen neoliberale belied. Oandielhâlders waarden ryk, mar de gewoane boarger bliuwt yn 'e kjeld stean. It ekonomyske systeem tsjinnet ús minsklike waarden net mear. It is tiid om radikaal oare karren te meitsjen.

De koroanakrisis fersterket dat besef. De pandemy set in fergruttlês op de systeemflaters dy't de tradisjonele polityk ûntstean litten hat. De wrâld as ien grutte merk, dêr't alle produksje sa goedkeap en effisjint mooglik yn moat, brocht ús yn in tige nuodlike situaasje. Ynienen wienen wy foar krúsjaal guod folslein ôfhinklik fan Sina, as fabrykshal fan 'e wrâld. Beroppen dy't leech wurdearre waarden, bliken ûnmisber foar ús wolwêzen – yn skril kontrast ta de beleanning fan beroppen mei in ûndúdlike tafoege wearde. Sels yn ús rike Nederlân ekplodearre it tal minsken dat ôfhinklik is fan de help fan oaren foar iten. In firus dat fan dier op minske oersprong, makke oer de hiele wrâld mear as in miljoen minsken dea, en soarge foar de grutste ekonomyske krisis sûnt de Twadde Wrâldoarloch. Wilens tsjinje nije soönoazen mei pandemyske driging harren oan, lykas de fûgelgryp en in fia nertsens mutearre fariant fan COVID-19. As de minske de dieren gewurde litte soe, dan hiene wy no net te krijen mei in oerfloed oan ynfeksjesyktes dêr't 75% fan ôfkomstich is út it diereryk.

Alles wiist derop dat it kearpunt berikt is. Wy kinne it net tastean om op 'e âlde foet troch te gean. It is no tiid foar in Plan B – omdat der gjin Planeet B is. Dit ferkiezingsprogram is ús Plan B. Gjinn symptoombestriding. Net it byskaven fan in

Histoarikus Philipp Blom omskriuwe it sa: *“Wy sjogge in breuk yn in tiidrek. Wy libje yn in kanteltiid. It kin de iene of de oare kant op falle. Wy sitte fêst yn in ekonomysk model dat net folle langer goed gean kin. Óf it einiget yn in katastrofe mei nije pandemyen, oarloegen, gjin tagong ta helpboarnen en neam mar op, óf wy gean in oare kant op. Mar kantelje docht it. Dat stiet fêst.”*

ûnhâldber ekonomysk systeem. Gjinn oplossings dy't oer tsientallen jierren pas in bytsje effekt hawwe kinne soene, yn it geunstichste gefal. Gjinn kompromisme, it polderjen tusken partijen dy't it fûneminteele ûniens binne en dêrom op kearn-

wearden safolle tajouwe dat der fan idealen gjin sprake mear wêze kin. Wat dan al? In moedige polityk, mei perspektyf foar minske, dier, natuer en miljeu dêr't idealen sintraal yn stean. Us idealen, dyn idealen. Wy binne derfan oertsjûge dat it kin. Wy sille der alles oan dwaan om dyn idealen te ferwêzentlikjen. Trou oan dyn idealen, dêr sette wy op yn.

### Idealisme is it nije realisme

De Ierde biedt genôch foar it ferlet fan elkenien, mar net foar de habsucht fan elkenien. De grutste útdaging op it stuit is om de Ierde leefber te hâlden foar takomstige generaasjes. In Ierde mei skjinne lucht, skjin wetter, rykdom yn soarten, in fruchtbere boaiem, in stabyl klimaat en yn harmony libje mei alle bewenners fan dizze planeet. In maatskippij dêr't de soarch foar elkoar sintraal yn stiet. Dêr't earlik diele en gelyk behannelje op alle boegen wier wurde. Dêr't goed ûnderwiis en sinfol wurk foar elkenien is. In maatskippij dêr't minsken har ynsette foar de feroarings dy't dêrfoar nedich binne. Ôfskied nimme fan systemen dy't net mear wurkje. Gjinn âlderwetsk links/rjochts-tinken en egosintrisme. Us ekosintrale program is nedich om it tij te kearen. Wy binne de iennichste partij dy't de belangen fan alle soarten – minske én dier – as útgongspunt nimt. Wy hawwe in planeetbrede fyzje. En dêr binne wy unyk yn.

It unike startpunt fan de Partij foar de Dieren makket romte en kreativiteit foar echte oplossings. Der is in geweldige kâns om de crises dêr't wy foar stean yn de kearn oan te pakken en yn gearhing op te lossen. Ekonomyske groei is net de oplossing, mar it probleem. Nederlân kin net de molkeboer en de slachter fan 'e wrâld wêze. In radikale krimp fan it tal dieren yn 'e feehâlderij is needsaaklik om boeren, dieren en natuer te befrijen út in dearinnend lânbousysteem. Mear frijhandel is net goed foar minskerjochten en klimaat, mar giet tsjin ús natuer en it mienskiplik belang yn.

Wy brekke troch taboes. Yn plak fan in ekonomysk systeem dêr't mar in lytse boppelaach fan profitearret, kieze wy foar in wolwêzenekonomy dy't bliuwt binnen de draachkrêft fan 'e Ierde. Yn plak fan lânbou-eksport as doel, helpe wy boeren om te skeakeljen nei regionale en wier duorsume produksje, dêr't de minsklike mjitte en boerefakmânskip wer de romte yn krije. Wy beskermje boeren, selsstannich ûndernimmers en wurknimmers yn ús part fan 'e wrâld én yn ûntwikkelingslannen tsjin ûnearlike konkurrinsje en hieltyd hegere priisdruk fan bûtenôf.

Wy jeie fûneminteele, positive feroaring oan. De koroanakrisis is in kearpunt. In kâns om foar altyd ôfskied te nimmen fan 'business as usual'. Weromgean nei it âlde abnormaal is gjinn opsje mear. In maatskippij dêr't minsken yn harmony mei oare soarten yn libje, mei ús leefomjouwing en mei-inoar, is dat wol. Dy gedachte jout rêst, no en aansen.

### Skeefgroei

It hjoeddeistige belied is der op rjochte om gau werom te gean nei de tradisjonele rôfbou en útputting fan 'e Ierde, dy't ús koarte tiid it gefoel joech dat de beammen ta yn de himel groeiden. In hiel soad liend jild yn 'e ekonomy pompe biedt gjinn útsicht op in strukturele oplossing. Fersmoargjende en belesting ûntwykjende bedriuwen krije yn dy refleks stipe, wylst it kabinet mar kwealik jild oer hat foar de soarch en de kulturele sektor. Der is mar kwealik omtinken foar wat wier de muoite wurdich is. Foar wat yn in soad gefallen letterlik fan libbensbelang is, mar fan 'e polityk freget om de blik op in wat langere tydshorizon te rjochtsjen.

Oeral op 'e wrâld hawwe wy te krijen mei ferskate crises: in klimaatkrisis, bioferskaatkrisis, in sosjale rjochtfeardigenskrisis, en no ek mei in sûnskrisis dy't de wrâld ferlammet. Feroarsake troch de wize wêrop't de minske mei de natuer en mei dieren omgiet. Wy seagje oan de tûken

dêr't wy sels op sitte en wy sille ús relaasje ta dieren en natuer fûneminteele feroarje moatte.

Plan B nimt it wisse foar it ûnwisse. Omdat der gjinn Planeet B is.

### De nije donut-ekonomy

In hâldbere ekonomy bliuwt binnen de draachkrêft fan 'e Ierde. De Britske ekonoom Kate Raworth sketste him as in donut, dêr't elkenien rjocht hat op (sosjale) basisfoarsjennings en gjinnien it rjocht hat om it ekosysteem te misbrûken foar eigen gewin. Wy sille ús benammen liede litte moatte troch mienskipssin, sûnskrisis en wolwêzen fan minske, dier en natuer, en in flinke ferlytsing fan ús ekologyske fuotprint. Iensidige groei modellen fan it Centraal Planburo hâlde net, of mar kwealik, rekken mei de gefolgen fan ús hanneljen. Yn plan B sil de fersmoarger betelje, oft dat no de loftfeart, de agraryske sektor, it ferkear of de yndustry is. Beloften foar ús takomst, lykas preventive soarch en duorsum iten, krije foarrang. Belesting op arbeid wurdt bot fermindere, it brûken fan krappe grûnstoffen wurdt djoerder. Der komme mear banen, omdat arbeid goedkeaper wurdt en wy ynvestearje yn 'e griene ekonomy. De fitale beroppen sille op 'en nij wurdearre wurde en publike foarsjennings wurde opholpen. De learaar, de ferpleger, de jiskeman, de plysje, de skjinmakker en alle oare krúsiale beroppen dy't ûnderwurdearre wurde, krije in earlike beleanning.

### De dieren kinne de pest krije, en wy minsken dus ek

Fan alle ynfeksjesyktes dy't ús minsken bedriigje is 75% fan dieren nei minsken oersprongen. Neffens firolooch professor Ron Fouchier fan it Erasmus MC binne wy mar in pear stappen ôf fan 'e mutaasje fan it fûgelgrypfirus, dat by minske-op-minske-besmetting ta in stjertesifer liede sil dat tsientallen kearen heger leit dan no

by COVID-19. Dat makket de wize wêrop't wy dieren eksploitearje libbensgefaarlik, net allinne foar de dieren, mar ek foar de minsken, foar ús libben en wolwêzen. De bio-yndustry is letterlik siik meitsjend; dêr moat sa gau as mooglik in ein oan komme. De Partij foar de Dieren wol dat it tal dieren dat alle jierren yn de feehâlderij fokt, brûkt en deamakke wurdt (op dit stuit yn ús lân mear as 640 miljoen) mei op syn minst 75% ferlege wurdt.

As wy de ikkers dêr't wy feefoer op bouwe foar de fleisyndustry, brûke soenen foar gewaaksen foar iten dat drekt troch de minske iten wurdt, kinne wy mei de opbringst fan dat lânbou-areaal trije kear safolle minsken iten jaan as no it gefal is en sels ikkers weromjaan oan 'e natuer. Yn 'e kommende 40 jier moat de larde likefolle iten produsearje as yn 'e ôfrûne 8.000 jier it gefal wie. Dat kin allinne mei in radikale omslach. It fergriemen fan iten moat aktyf tsjingongen wurde en de ferdieling fan iten moat earliker.

Dat biedt allinne mar foardielen. Mei in mear plantaardige lânbou besparje wy dieren in ûnbidich soad lijen. En wannear't wy hinnen wer de romte jouwe om harren natuer te folgjen, hoege wy net mear sa bang te wêzen foar in fûgelgryppandemy dy't no hieltyd driget troch it ophokjen ûnder tige ûnnatuerlike omstannichheden. Dan komt der lân frij foar natuer en foar wenningbou. Us boaiem wurdt wer sûn, wy komme drûchte en fersakkings foar fan huzen. Op it stuit wurde yn ús lân in miljoen huzebesitters bedrige mei fersakking fan harren kostbere besit as gefolch fan it ferleegjen fan 'e grûnwetterstân foar de agraryske sektor. Gemiddelde te ferwachtsjen kosten per huzebesitter: € 80.000,- yn 'e kommende jierren. Minder dieren yn 'e feehâlderij leveret dus in soad op: wetterbesparring, mear grûn foar natuerwerstel en wenningbou, minder klimaatproblemen en in stik minder risiko's op in nije pandemy.

### Prioriteit foar biodiversiteit

Yn Nederlân is noch mar 15% fan 'e dier- en plantesoarten oer dy't hjir oarspronklik libben. Net allinne de soarterykdom wurdt fuortreage, mar ek de itensfoarsjenning, sûnens en feiligens fan de minske stiet op it spul. Yn Plan B sille wy natuergebieten wer mei-inoar ferbine. Wy stopje mei biomassa en sille op grutte skaal nij bosk oanplantsje. Sa helje wy CO<sub>2</sub> út 'e loft, jouwe wy de natuer de kâns om wer better te wurden en krije minske en dier mear griene romte. Wy rekkenje letterlik ôf mei natuerskea lykas lânbougif, stikstof en broeikasgassen.

### 10 foar klimaat

De kommende tsien jier binne beslissend foar ús klimaat. Dêrom binne de ferkiezings fan 2021 belangriker as ooit. De enerzjytransyzje sil yn it kommende desennium plakfine moatte om gefaarlike opwaarming fan 'e larde foar te kommen. Wy binne de earste generaasje dy't de gefolgen fan 'e opwaarming fan 'e larde ûnderfynt, en de lêste dy't slimmer foarkomme kin. Alle tonnen CO<sub>2</sub> dy't no't de loft yn gean, sille hûnderten jierren as in swurd fan Damocles boppe de larde hingje bliuwe. Nederlân polderlân is net langer in frijbliuwend praathûs foar politike partijen mei tsjinstelde belangen en prioriteiten, mar sil him as lân dat foar in grut part ûnder de seespegel leit tsjin klimaatferoaring warre moatte. Wannear't wy ús gebouwen brûke om enerzjy op te wekjen yn plak fan enerzjy te fergriemen, dan kin dat in wrâld fan ferskil meitsje.

Nei krimp fan 'e loftfeart, sjogge wy wer faker blauwe loft en wurdt de loft dy't wy ynazemje wer fris en sûn. Troch better iepenbier ferfier en minder autoferkear ûntstiet minder fynstof en komt der wer romte foar grienere strjitten. Troch mear thús te wurkjen kinne minsken lanliker wenje en wurde de krimpregio's fersterke. Tichtbefolke stêden krije mear lucht en romte. Skoallen, lytse supermerken en buertbussen

soargje foar leefberens yn dyn direkte wenomjouwing.

### Better sa: de oerheid dy't opkomt foar in sûne maatskippij!

Yn in leefomjouwing dy't net sûn is, moatte minsken harren bêst dwaan om net siik te wurden. Dat is de wrâld op 'e kop. It ynlike ferfrisseljen fan yndustry en polityk hat soarge foar minne luchtkwaliteit, sûnensskea, in leugenêftige itenslobby, in deadlike tabaksyndustry, en in drankyndustry dy't ús jongerein ferslaafd makket oan in leefpatroan dat net sûn is, foar't se sels by steat binne om bewust te kiezen. Elkenien hat rjocht op in sûne leefomjouwing. De oerheid moat ús frijheid bewekje en de rânebetingst stelle dy't ús sûnens beskermje.

### Ynternasjonale solidariteit

Wy sitte yn noed oer it grutte tal konflikten yn 'e wrâld. Miljoenen minsken flechtsje fan hûs en hiem. De konflikten wurde faak noch slimmer troch wetter- en itenstekoarten as gefolch fan klimaatferoaring. Wy kinne ús wrâld feiliger en freedsumer meitsje as wy ree binne om te sjen nei ús eigen oandiel yn it ûntstean fan 'e problemen. Mei ús ekonomyske dogma's fan ûneinige groei en in heger bbp hawwe wy it gelok en de takomstmooglikheden fan oaren te faak oer de holle sjoen. Wy fergrieme helpbronnen: fossile brânstoffen, swiet wetter en fosfaat. Wy hawwe in aggressive eksportstrategie dy't te'n koste giet fan lokale ekonomyen yn earme lannen, en in wapenyndustry dy't konflikt slimmer makket. De bestriding fan hunger en earmoed yn 'e wrâld begjint by in earlike ferdieling fan wat de larde te bieden hat. De Partij foar de Dieren wol op syn minst 1% fan ús bruto nasjonaal product ynsette om de ûngelikens yn de wrâld te bestriden. Ungelikens hat grutte gefolgen: wannear't grutte groepen minsken slachtoffer wurde fan klimaatferoaring, tekoart oan ekonomyske mooglikheden en

oarloch, dan wurde streamen fan minsken dy't op drift reitsje ûnhâldber, mei alle dêr oan ferbûne gefolgen.

### Hâld fêst oan dyn idealen

Hieltyd mear minsken hawwe yn 'e gaten dat it tiid is om te brekken mei manieren fan tinken dy't net mear wurkje. Do hearst dêr by, oars wiest net hjir oan ta kommen. Dit program fertelt dy oer de planeetbrede fyzje fan 'e Partij foar de Dieren. Us stimgedrach yn 'e polityk kent fjouwer toetsstiennen: moederaasje, duorsumens, persoanlike frijheid en persoanlike ferantwurdlikheid. Us Plan B is net djoer as wy prate oer jild, mar fereasket wól de moed fan genôch dappere boargers om it tij te kearen. Ek op 17 maart 2021. As de polityk net yngrypt, moatte de boargers yngripe yn 'e polityk. Dizze ferkiezings biede de kâns om in âlderwetske ynhelrace tusken fossile politisi te'n koste fan it klimaat en de natuer foar te kommen. Fêsthâlde oan idealen, yn plak fan polderje, 'pappen en nathouden'. Mei-inoar kinne wy soargje foar in radikale omslach nei in belied dat ek kommende generaasjes in gelokkige takomst biedt.

Dizze ferkiezings binne de kâns fan dyn libben. Noait earder stienen safolle seinen op grien om it fossile tinken definityf op de jiskebult fan de skiednis te smiten. Meitsje fan dizze krisis in kearpunt en jou de jongerein, ús bern en lytsbern in duorsume takomst. Kies 17 maart partij. Foar de dieren. Foar de planeet. Foar dysels.



# 1 In leefbere lerde

## Foar al har bewenners

De lerde is mei har natuerlike rykdommen fan libbensbelang foar alle foarmen fan libben. Se biedt in ûnderkommen oan in enoarm ferskaat oan ekosystemen, plante- en diersoarten. Dochs giet it mei ús planeet minder as ooit. At wy net radikaal oare karren meitsje, sette wy ta op in temperatuerstiging fan 4 graden oan it ein fan dizze iuw. Wy sjogge de gefolgen fan dizze temperatuerstiging no al: drûchte, oerstreamings, ferneatigjende boskbrannen en swiere stoarmen. Natuergebieten ferdwine en wurde ferstikt, ekosystemen wurde út lykwicht brocht en de rykdom fan soarten wurdt fuortreage. Troch de ynfloed fan 'e minsk stjerre oeral op 'e wrâld plante- en diersoarten yn in ôfgryslke tempo út.

Rom 70% fan alle lândieren is yntusken ferdwûn. It Intergouvernementeel Platform voor Biodiversiteit en Ecosysteemdiensten (IPBES) warskôget foar it útstjerren fan ien miljoen plante- en diersoarten. De minsk, dy't mar 0,01% fan it libben op lerde fertsjinwurdiget, is dêr ferantwurdlik foar. It ferlies oan bioferskaat feroarsaket mear klimaatferoaring, en oarsom, yn in delgeande spiraal dy't trochbrutsen wurde moat. De Partij foar de Dieren stiet foar minder konsumearje. Wat wy dogge mei de draachkrêft fan 'e lerde net oerstige. Der is letterlik in wrâld te winnen.

Nederlân hat as meast feeticht lân en as twadde lânbou-eksporteur fan 'e wrâld in soad ynfloed op it klimaat en it bioferskaat. Mear as de helte fan 'e Nederlânske grûn wurdt brûkt foar (monotoane) lânbou, en fan it oarspronklike bioferskaat yn Nederlân is noch mar 15% oer. Ferdonging en ferdrûging, foaral as gefolch fan 'e bio-yndustry, bringe de oerbleaune natuer slimme skea ta.

De grutskalige fiskerij feroarsaket neist klimaatferoaring ek in signifikant ferlies oan bioferskaat. De skea oan ekosystemen en bioferskaat as gefolch fan fiskerij wurdt slimmer troch klimaatferoaring, dêr't de fiskerij ek oan bydraget. Neist de yntinsive feehâlderij ûntregelet ek de Nederlânske fossile yndustry it klimaat en de natuer op 'e hiele wrâld. Boppedat soargje bioferskaat- en habitatferlies derfoar dat besmetlike diersyktes, lykas COVID-19, ienfâldiger oerspronge kinne fan dieren op minsken. De itensfoarsjening, sûnens en feiligens fan elkenien op ús planeet stean dêrmei op it spul. Troch ús ekonomy griener te meitsjen, kinne wy in wrâld fan ferskil meitsje foar in leefbere takomst.

De Ierde kin noch opholpen wurde as it roer radikaal om giet. Wy moatte stopje mei ûneinige ekonomyske groei op in planeet dy't net meigroeit. Mei in nije ekonomy dy't him beweecht binnen de draachkrêft fan 'e planeet, biede wy de Ierde de kâns om better te wurden. Dêrby fine wy in sosjaal rjochtfearde transysje och sa belangryk. De útstjit fan broeikasgassen wurdt benammen feroarsake troch in pear grutte fersmoargers. De Partij foar de Dieren wol dat sy it grutste part fan 'e kosten fan it ferduorsumjen drage, en dat de maatskippij de foardielen hat fan 'e transysje. De fersmoarger betellet, duorsume sektoaren jouwe wy de romte.

De Klimaatsaak, wêrby't de rjochter de Nederlânske Steat in tik op de fingers joech, makke pynlik dúdlik dat der folle drastyskere maatregels nedich binne om de klimaatdoelen te heljen as dat de tradisjonele polityk fan doel is. Klimaat- en bioferskaatdoelen mei net

langer frijbljuwend wêze. De tiid om klimaat- en bioferskaatswerstel te realisearjen is no, fierder útstel is net ferantwurde. Wy binne de earste generaasje dy't de gefolgen sjocht fan klimaatferoaring en bioferskaatferlies, en wy binne de lêste generaasje dy't it tij noch keare kin.

### De bioferskaat- en klimaatkrisis yn gearhing oanpakke

De belangrykste maatregel om de krisis te kearen is it lytser meitsjen fan ús ekologyske fuotprint. Dit freget om in alles omfiemjende oanpak: ien wêrby't de bioferskaatsmaatregels kombinearre wurde mei klimaatplannen. Troch in duorsume feroaring yn 'e produksje fan iten, it ferminderjen fan it brûken fan enerzjy en in reduksje yn it brûken fan grûnstoffen, jouwe wy de natuer de kâns om better te wurden. Sa kinne wy genietsje fan mear natuer, in moaiere en skjinnere wenomjouwing, minder útstjit fan it ferkear en de lânbou, en mear sinfolle, griene wurkgelegenheid. Wy meitsje fan in min-min in win-win.

- De ferantwurdlikens foar it dierewolwêzen wurdt ûnderbrocht by in nij ministearje: it ministearje fan Folkssûnens, Sport en Dierewolwêzen.
- Der komt in ministearje foar Klimaat & Bioferskaat. Dit ministearje kriget deselde status as it ministearje fan Finânsjes: it belied fan oare ministearjes wurdt tenei op duorsumens toetst. It bewekket de natuer, bioferskaat, grûnstoffen en CO<sub>2</sub>-budzjetten op sa'n wize dat de natuer better wurde kin.
- Nederlân leveret in maksimale ynspanning om de opwaarming fan 'e Ierde te beheinen ta in boppegrins fan 1,5 graad Celsius. Uterlik yn 2030 is Nederlân klimaatneutraal. Wy lizze de reduksjedoelstellingen yn in nije Klimaatwet fêst. De loftfeart en skipfeart binne net langer útsûndere fan it beheljen fan 'e klimaatdoelen.
- Wat jin net oan enerzjy brûke, hoege je ek net op te wekjen. Dêrom sette wy fol yn

op it besparjen fan enerzjy yn 'e lânbou, de yndustry, it ferfier en yn 'e beboude omjouwing. Yn 2030 brûkt Nederlân op syn minst 50% minder enerzjy. De transysje nei in enerzjy-sunige mienskip besparret net allinne kosten, mar soarget ek foar in soad griene wurkgelegenheid, bygelyks yn 'e bou, de enerzjysektor en yn it (technysk) ûnderwiis.

- It tal dieren yn 'e feehâlderij krimpt mei op syn minst 75%. Lânbougrûnen dy't sa frijkomme, wurde oan de natuer weromjûn en der ûntstiet romte foar it bouwen fan wennings.
- Op syn minst de helte fan 'e koroanastipefûnsen wurdt oan ynvestearings útjûn dy't yn tsjinst stean fan natuer, miljeu, klimaat en duorsume, griene wurkgelegenheid.
- Der komt in ein oan 'e útsûnderingsposysje fan 'e fossile yndustry. De subsydje foar de fossile yndustry wurdt ôfskaft. Wy ferminderje it brûken fan enerzjy en ynvestearje yn 'e ûntwikkeling fan duorsume enerzjyboarnen. Wy wolle ta nei in nije ekonomy binnen de draachkrêft fan 'e Ierde.
- Der komt in ferbod op it ferbrânen fan biomassa en fergisten fan dong foar de opwekking fan waarmte en elektrisiteit. Subsydzjes op biomassa wurde fuortendaliks ôfskaft.
- Nederlân kiest foar de needsaaklike krimp fan 'e loftfeart. Dat betsjut dat it tal fleanbewegings omdel giet nei maksimaal 300.000 per jier yn 2030.
- Maastricht Aachen Airport wreidet net fierder út. Fleanfjild Twinte en Lelystêd Airport sille net iepensteld wurde foar kommersjele flechten. Grins Airport Eelde en Rotterdam The Hague Airport slute.
- Nederlân wurket aktyf oan it befoarderjen fan betelbere, duorsume en flugge ynternasjonale treinferbinings.
- It Ynternasjonale Strafhôf kriget de mooglikheid om bedriuwen of lannen dy't skuld hawwe oan ekoside te ferfolgjen. Ekoside is in misdied wêrby't ekosystemen ferlern gean troch fersom, skansearring of ferneatiging.

### Gjin ekonomyske groei, mar ekologyske groei

Der moat slim ynset wurde op ekologyske groei troch bettere beskerming fan 'e natuer en it ûntwikkeljen fan nije natuer. De stege fokus fan 'e fêstige polityk op ekonomyske groei en de tanimmende konsumpsjedrang dy't dêr by heart, yn kombinaasje mei hiele hege subsydzjes oan skealike aktiviteiten, hawwe it bioferskaatprobleem op in net ferantwurde wize eskalearre litten. Dat hat net allinne enoarme neidielige konsekwinsjes foar de natuer yn Nederlân, mar ek foar ekosystemen op oare plakken. It útrûpeljen fan 'e Ierde foar de koartermyn-belangen fan in lytse groep minsken moat stopje.

- Der komt mear natuer en fersnipele natuergebieten wurde wer mei-inoar ferbûn, sadat der romte ûntstiet foar natuerûntwikkeling. Sa wurdt de natuer wurdt robúst en kinne kwetsbere ekosystemen better wurde, wêrmei't ûnder oaren fûgel- en ynsektepopulaasjes rêden wurde.
- Lânbougrûnen wurde omfoarme ta natuergebieten, sadat it bioferskaat opholpen wurdt en de útstjit fan broeikasgassen wêzentlik ôfnimt. Eigners wurde kompansearre foar de feroaring fan 'e bestimming fan 'e grûn.
- Lânskippen wurde bestowings- en dierfreonlik ynrychte om in ekologysk netwurk fan leefgebieten en 'corridors' te kreearjen.
- Blêdblazers op fossile brânstof wurde ferbean fanwegen de skealike effekten op 'e luchtkwaliteit en lûdsoerlêst. Blêdblaze wurdt allinne tastien op ferhurde oerflaktes yn ferbân mei feiligens salang't de blêden net fuortsmitten wurde, mar nei in plak brocht wurde mei oerflaktes dy't net ferhurde binne en net te fier fuort lizze.
- Der komt in ferbod op it brûken fan gemyske pestisiden, herbisiden en ynsektisiden.
- It kabinet sil him ynsette om it Nederlânske oandiel yn Earth Overshoot Day (de dei wêrop't alle opnij te brûken foarrieden dy't ús planeet biede kin yn ien jier ferbrûkt binne) sa gau as mooglik werom te bringen nei minimaal 31 desimber.

## In rjochtfeardich klimaatbelied

De Partij foar de Dieren stiet foar in duorsume mienskip binnen de draachkrêft fan 'e Ierde. Nettsjinsteande alle moaie tasizzings fan tradisjonele politike partijen, helje wy yn dit tempo de doelen út it Klimaatakkoord fan Parys net. It hjoeddeistige klimaatbelied is it resultaat fan polderjen tusken de belangen fan ús planeet en de belangen fan 'e fossile yndustry. Troch it polderjen driigje oerstreamings, en dy hawwe konsekwinsjes. De Partij foar de Dieren is de iennichste politike partij dy't in kompromisless klimaatbelied oanjaget. De transysje dy't nedich is om de klimaatkrisis te beheinen, hat grutte ynfloed op alle fasetten fan 'e maatskippij. Der lizze geweldige kânsen om noflikker te wenjen, ús ferfier te ferbetterjen, skjinne enerzjy op te wekjen en sûner iten te produsearjen sûnder grutte belesting fan 'e omjouwing. De transysje nei in klimaatneutrale maatskippij leveret op grutte skaal nije, griene wurkgelegenheid op, bygelyks yn it (technysk) ûnderwiis, de bou en yn 'e enerzjysector. Dat kin allinne slagje as elkenien meidwaan kin. As de lêsten earlik ferdield wurde. De grutste fersmoargers sille harren werklike oandiel yn 'e problemen dy't sy feroarsake hawwe betelje moatte.

- Nederlân wurdt paadsljochter yn it meitsjen fan mondiale, binende ôfspraken om de útstjit fan broeikasgassen te reducearjen.
- Wy sille de werklike kosten fan produkten en tsjinsten yn 'e priis trochberekenje, sadat se net mear op de hiele maatskippij ôfskood wurde.
- De oerheid jout ûnôfhinklike en dúdlike ynformaasje oer de ympakt fan produkten en tsjinsten op klimaat en miljeu.
- Der komt in oerheidskampanje om boargers better foar te ljochtsjen oer klimaatferoaring.
- Alle belied, op hokker mêd dan ek, wurdt toetst op it effekt dat it hat op duorsumens, dierewolwêzen en minskerjochten. De oerheid jout it goede foarbyld. De ynkeap fan alle produkten en oanbestegings wurde 100% duorsum en fair trade yn

2030. Dit jildt ek foar organisaasjes dy't bannen mei de oerheid hawwe: netbehearders, drinkwetterbedriuwen, havenbedriuwen, lofthavens, selsstannige bestjoersorganisaasjes en alle iepenbiere lichems, lykas it Ryk, provinsjes, gemeenten, wetterskippen en bedriuwen dy't subsydzjes of belestingfoardielen ûntfange.

- De transysje nei in klimaatneutraal Nederlân yn 2030 jouwe wy mei-inoar foarm. It is belangryk dat boargers nau belutsen binne by it klimaatbelied. De oerheid organisearret in Burgerconventie klimaatcrisis dy't advys útbringt oer klimaatmaatregels.

## De fersmoarger beteljet

Om fersteuring fan it klimaat tsjin te gean, wolle wy gau folle minder CO<sub>2</sub> útstjitte. Dochs is Nederlân op dit stuit hast folslein ôfhinklik fan fossile brânstoffen. Trochdat de oerheid dit âlde enerzjysysteem stypjen en subsidearjen bliuwt, hâlde wy de âlde ekonomy yn stân en krije duorsume oplossings mar kwealik in earlike kâns. De ôfrûne fiif jier gong der alle jierren mar leafst 8,3 miljard euro oan oerheidsstipe nei de fossile yndustry ta. De Partij foar de Dieren sljochtet it paad foar in flugge omskeakeling nei duorsume enerzjy troch de fersmoarger betelje te litten.

- Wy ferleegje de belesting op arbeid en ferheegje de belesting op grûnstoffen, fersmoarging, fermogen en winst.
- Der komt in flinke CO<sub>2</sub>-belesting dy't jilde sil foar alle fersmoargjende sektoaren. De loft- en skipfeart ferlieze harren útsûnderingsposysje.
- Subsydzjes en lege belestingtariven foar produsinten en grutferbrûkers fan enerzjy wurde ôfskaft. Dêrmei wurdt it foar grutferbrûkers folle wichtiger om harren enerzjyferbrûk te ferminderjen. Ek wurdt sa de komst fan enerzjysloarpjende datasintrales en fersmoargjende yndustry nei Nederlân ûntmoedige.
- De miljeukosten foar de produksje fan waarmte en elektrisiteit wurde yn 'e priis

trochberekenne, sadat smoarge enerzjy djoerder wurdt en skjinne enerzjy goedkeaper. Leveransiers fan sinne- en wynstroom krije foarrang op it elektrisiteitsnet.

- Omdat reklame troch de fossile yndustry (koale-, oalje- en gasbedriuwen) en foar fossile produkten en tsjinsten (bygelyks benzine-auto's en fleanreizen) it klimaatprobleem slimmer meitsje, ferbiede wy dy reklame. Op ferkeappunten fan fossile brânstof, fleanreizen en reau mei in fossile brânstofmotor komt in warskôging.
- Enerzjybedriuwen wurde ferplichte om minimaal in bepaald persintaazje oan duorsum yn Nederlân opwekke stroom te leverjen. Dit persintaazje wurdt alle jierren ferhege. Wy stelle in maksimum oan de útstjit fan broeikasgassen troch nije en besteande enerzjysintrales. Dat maksimum wurdt periodyk nei ûnderen bysteld.
- It brûken fan gas wurdt foar grutferbrûkers de kommende jierren djoerder, sadat it besparjen op gas leanend wurdt en gas flugger ôfboud wurdt. Yn 2030 brûkt Nederlân gjin gas mear. De ynlânske fraach nei gas daalt troch bettere isolaasje fan huzen en oare gebouwen en troch alternative manieren fan ferwaarming.
- Skaly- en stienkoalgas bliuwe yn 'e grûn, de winning wurdt ferbean. Der komme gjin fergunnings foar proefboarings. Besteande fergunnings wurde ynlutsen. CO<sub>2</sub>-opslach ûnder Nederlânske boaiem stean wy net ta, ek net ûnder de Noardsee. Lege gasfjilden wurde net brûkt foar de opslach fan (ymportearre) ierdgas.
- De koalesintrales wurde sa gau as mooglik sletten. Stroom út koalesintrales en âlderwetske kearnsintrales mei net it Nederlânske elektrisiteitsnet op.
- Nederlân bout gjin nije kearnsintrales en besteande sintrales wurde sa gau as mooglik sletten. It is moreel net ferantwurde om takomstige generaasjes mei noch mear kearnôffal op te skypjen dat tûzenen jierren gefaarlik bliuwt. Boppedat duorret de bou fan in kearnsintrale tsientallen jierren en de bou is net rendabel. De gefolgen by in ramp binne

net te oersjen.

- Tige fersmoargjende fossile brânstoffen, lykas tearsânolje en skalygas, komme Europa net mear yn; Nederlân set him dêr wakker foar yn.

## Beammen plantsje jout lucht

Minsken en dieren kinne net sûnder beammen. Beammen filterje de lucht dy't troch de yndustry, de feehâlderij en it ferkear fersmoarge wurdt, beammen ferkuolje de Ierde en beammen biede in thúsoan talleaze dieren. Beammen en natuerlike bosken binne fan ûnskatbere wearde foar it bioferskaat. Ek yn stêden en doarpen binne beammen fan grut belang, om it bioferskaat te fersterkjen, mar ek foar ferkuolling yn in wrâld dy't opwaarmet. Ien grutte beam kuollet, troch skaad en troch ferdamping fan wetter, likegoed as 10 airco's. Wy moatte folop ynvestearje yn beammen as natuerlike airco's. Alde en grutte beammen kuolje folle better as lytse. Dus wy moatte net allinne nije beammen oanplantsje, mar ek ús âlde beammen koesterje. Yn in Nederlân dat opwaarmet, is it fan it aldergrutste belang om nije beammen te plantsjen, en om âlde beammen takomst te bieden.

It bêste momint om in beam te plantsjen is tweintich jier lyn, mar it op ien nei bêste momint is hjoed. Dochs wurde Nederlânske bosken yn heech tempo kapt om der finansjeel better fan te wurden. Dêrneist hawwe de bosken te lijen fan klimaatferoaring en drûchte. Wy moatte ús beammen beskermje, fersterkje en útwreidzje.

Nederlân hat spitigernôch ek in belangryk oandiel yn 'e ferneatiging fan 'e natuer op oare plakken op 'e Ierde. Tropysk reinwâld, oerbosken en oare natuerlike gebieten wurde ferneatige foar de produksje fan palmoalje en foar de grutskalige bou fan soja dy't jûn wurdt oan de hûnderten miljoenen dieren yn 'e Nederlânske fee-yndustry. Undertusken wurde foar biomassasintrales yn Nederlân op grutte skaal yn it bûtenlân beammen kapt en ferwurke ta houtpallets om te ferbrânen. Dêr moat in ein oan komme.

- Ynheemske beammen wurde grutskalich oanplante. Dit is needsaaklik foar de fersterking fan de natuer en de opslach fan CO<sub>2</sub>. De oanplant fan beammen yn stêden soarget boppedat foar in noffliker klimaat yn tiden fan hjitte.
- Ynheemske beammen en bosken krije in beskerme status.
- De fergunningsferliening foar it kappen fan beammen wurdt oanskerpe, sadat beammen net langer sûnder wichtige redenen sneuvelje meie. Wannear't in beam wier net langer stean bliuwe kin, dan fertsjinnet it ferpleatsen fan beammen altyd de earste foarkar boppe kapjen. De rêst- en nêstplakken fan dieren wurde hjirby beskerme mei in ferplichte skjintiid yn it bried- en sûchseizoen fan dieren. Der komme swiere sanksjes op it yllegaal kapjen fan beammen.
- Beammen binne gjin brânstof. It stoken fan hout en resthout as biomassa foar enerzjyproduksje is net duorsum en feroarsaket lucht dy't net sûn is. Subsydzjes op houtige biomassa stopje. Der komt in ferbod op it brûken fan biomassa foar de opwekking fan enerzjy en waarmte.
- Ekonomyske en fiskale systemen komme yn tsjinst te stean fan in sûne planeet. Der komt wetjouwing dy't foarkomt dat produkten of finansierings bydrage oan ûntbosking (oer de hiele wrâld) en ferneatiging fan ekosystemen en soarten.

### Lit de natuer net stikke

Yn Nederlân stjitte wy folle mear stikstofbinings út as de natuer hawwe kin. Mar leafst 41% fan 'e stikstofdelslach op 'e beskerme natuer komt út 'e Nederlânske lânbousektor. It giet hjir foaral om ammoniak út dierlike dong en urine. Wannear't de ammoniak delslacht yn in natuergebiet fierderop, fersuorret en ferdonget it de boaiem, wat libbensbedrigjend is foar in soad plante- en diersoarten. De opfallende manier wêrop't it kabinet needsaaklik yngripen útsteld, is net te tolerearjen. In flinke krimp fan

it tal dieren dat yn 'e feehâlderij fokt, brûkt en deamakke wurdt, is needsaaklik. Hjirtroch kriget de natuer wer lucht en kin sy werstelle fan 'e jierrenlange oerbedonging. Boppedat moat der strikter hanthavene wurde op natuerfergunnings om skealike yndustry, wegebou en megastâlen te beheinen. Dat jildt ek foar bedriuwen dy't net beskikke oer de juste natuerfergunnings en dêr't de oerheid oant no ta in eachje tichtknypt, lykas by Skiphof, Lelystêd Airport en in soad biomassasintrales.

- In krimp fan 'e feehâlderij mei 75% fan it hjoeddeistige tal dieren soarget foar mear lucht foar de natuer. Om natuergebieten hinne wurdt de fee-yndustry en de fersmoargjende sierteelt, fanwegen de grutte hoemannichte gif dy't brûkt wurdt, flugger ôfboud.
- Omdat 70% fan 'e agraryske produksje op dit stuit eksportearre wurdt, betsjut in flinke krimp fan 'e feehâlderij dat de Nederlânske boer yn it foarste plak wer foar de eigen regio produsearje sil. Dit leveret koarte itensketens op en in folle lytsere ekologyske fuotprint fan 'e agraryske sektor.
- De oerheid set yn op it ferminderjen fan 'e produksje en konsumpsje fan dierlike aaiwiten mei in aktive kampanje en stimulearringsbelied, dat soargje moat foar in fluggere transysje nei in mear plantaardige en dus dierfreonlike en klimaatfreonlike maatskippij.
- Yn 2030 is de útstjit fan stikstof (ammoniak en stikstofoksiden) lanlik 50% leger as yn 2020. Dy doelstellings, dy't ôf te rekkenjen binne, wurde wetlik fêstlein. Yn gebieten dêr't dat foar de natuer nedich is, wurdt de stikstofútstjit nei 2030 noch fierder redusearre.
- Der sille gjin subsydzjes mear gean nei technyske lapmiddels fan 'e fee-yndustry, lykas luchtwaskers of saneamde emissy-earme stâlssystemen. Ek foar de fee-yndustry sil jilde dat de fersmoarger betellet.
- Yn en om Natura 2000-gebieten hinne fine gjin mynbou-aktiviteiten plak (lykas gas- of sâltwinning).

- De loftfeart krimpt flink; it tal fleanbewegings wurdt ferlege nei maksimaal 300.000 per jier yn 2030. Troch it tal fleanbewegings ôfnimme te litten, ferminderet de útstjit fan broeikasgassen en stikstof.

### Natuer ferbine en beskermje

Natuer is fan grut belang foar it bioferskaat en foar it wolwêzen fan minske en dier. Dêrom is it wichtich om te soargjen dat der genôch natuer is, sadat alle belangen tsjinne wurde kinne. Grutte oaniensletten gebieten dêr't dieren rêst fine kinne en dêr't it bioferskaat opbloeie kin. Dan is der ek foldwaande romte foar minsken om fan 'e natuer te genietsjen.

Dochs bongelet Nederlân yn 'e EU ûnderoan as it om de hoemannichte natuergebieten giet en wurde natuergebieten troch de oerheid letterlik yn 'e útferkeap set. De Partij foar de Dieren wol dat de natuer dy't wy noch oerhawwe yn Nederlân bliuwt en útwreide wurdt. Wy wolle dat it oarspronklike plan om natuergebieten mei-inoar te ferbinen (de ekologyske haadstruktuer) noch útfierd wurdt, sadat plante- en diersoarten bettere kânsen krije, en de hoemannichte natuer tanimt en robúster wurdt.

- Natuerbelied wurdt wer de earste taak en ferantwurdlikheid fan it Ryk yn plak fan dy fan provinsjes, ynklusyf resultaatsferplichting foar natuerwerstel, mei konkrete terminen en doelstellings dy't ôfrekkene wurde kinne.
- De ferantwurdlikheid foar de Oostvaardersplassen wurdt Ryksbelied en is net langer de ferantwurdlikheid fan 'e Provinsje Flevolân.
- De oarspronklike Ecologische Hoofdstructuur (EHS), in netwurk fan oaniensletten natuergebieten wurdt yn syn gehiel uterlik 2025 noch realisearre. Natuergebieten fan 'e oerheid wurde net ferkocht.
- Natuergebieten dy't hast ûnkearber oantaaste binne, wurde mei foarrang oankocht, wersteld en dêr't dat mooglik is ferbûn mei oare

natuergebieten.

- Aktiviteiten en projekten dy't te'n koste gean fan besteande natuer, meie allinne útfierd wurde as se oantoanber en essinsjeel bydrage oan duorsumens op lange termyn. As opoffering fan natuer ûnûntkomber is, dan wurdt foarôfgeand en yn 'e drekte omjouwing twa kear safolle natuer kompensearre.

### In natuernetwurk yn it wetter

De Noardsee is ús grutste natuergebiet, mei fan oarsprong in grutte rykdom yn soarten. Spitigernôch ferkeart it gebiet yn kritike tastân. Troch yntinsive fiskerij binne grutte fisken lykas haaien en roggenseldsum wurden.

- De Waadsee moat de wetlike beskerming krije dy't dit UNESCO-wrâlderfgoed fertsjinnet. Fersteurende ekonomyske aktiviteiten, lykas gaswinning en fiskerij, wurde oan bannen lein.
- Der komme mear beskerme seereservaten. Hjir is gjin plak foar fiskerij, gaswinning of oare skealike aktiviteiten en kinne fisken en planten bekomme. Gebieten as it Fryske Front, Natuerpark Oosterschelde en de Centrale Oestergronden krije folsleine beskerming.
- Foar it ophelpen en behâld fan marine ekosystemen wurdt fuortendaliks it 'nee, of it moast wêze dat'-prinsipe tapast foar ekonomyske aktiviteiten.
- Yn de Wet natuerbeskerming wurdt de beskerming fan ferskillende kwetsbere trekfisken en seesûchdieren wersteld. De mooglikheid foar fisken om te migrearjen is in hurde betingst. Wêr't hindernissen binne, wurde foarsjenningen lykas fisktreppen oanlein dy't it foar fisken mooglik meitsje om dêr trochhinne te kinnen.
- Yn gemalen komme alle jierren miljoenen fisken om it libben. Sluzen en gemalen wurde oanpast, sadat fisken der lâns swimme kinne. Fiskerij yn 'e omkriten fan dy fiskpassaazjes wurdt fuortendaliks ferbean. Fiskmigrasjerûtes fan en nei see wurde feilich foar fisken en de Haringvlietsluzen



wurde fierder iepen set.

- Der komt in wetterferbining en fiskmigraasje tusken it Iselmar en it Markermar.

### Drûchte yn it wetterrike Nederlân

Hieltyd mear dielen fan Nederlân drûgje út troch klimaatferoaring en trochdat it wetterpeil keunstmjittich leech holden wurdt. It grûnwetterpeil wurdt foar de lânbou yn in soad gebieten mei opsetsin leech holden, sadat lânbou-ark dat hieltyd swierder wurdt de fjilden op kin. Dat hat wer as gefolch dat de grûn yninoar drukt wurdt en sa kompakt wurdt, dat sy min wetter fêsthâldt. Hjirtroch ferdûget en ferskraalt de natuer, komme natuerbrannen hieltyd faker foar, buorket it bioferskaat noch fierder tebek, wurde diken kwetsber troch skuorren en ynklinking, fersakje huzen en nimt de leef- en wetterkwaliteit yn sletten noch mear ôf. Dêrneist is de lânbousektor grutferbrûker fan grûnwetter, oerflaktewetter én liedingwetter foar it bereinen fan lânbougrûn. Troch it fierstente lege grûnwetterpeil, de lange perioades fan drûchte en de ûnearlike ferdieling fan wetter, komme dieren en de natuer bot yn 'e knipe. Troch feanoksidaasje komt der alle jierren hieltyd mear CO<sub>2</sub> frij út feangrûnen (te ferlykjen mei de útstjit fan 2 miljoen auto's) en fersakje huzen yn 'e omjouwing.

De Partij foar de Dieren wol dat by de ferdieling fan wetter de prioriteit by maksimale beskerming en behâld fan natuer leit. In diedkrêftich klimaatbelied is ek in wichtige betingst om drûchte foar te kommen.

- Troch in natuerlik wetterpeil en in earlike ferdieling meitsje wy de wetterhûshâlding wer sûn. Dat is goed foar de rykdom fan soarten en it kin de rêding wêze foar greidefûgels, dy't no mei troch lange perioades fan drûchte stjerre troch in tekoart oan iten.
- Grûnwetterstannen wurde net mear keunstmjittich ferlege foar de lânbou. Sa krije natuergebieten dy't gefoelich binne

foar ferdrûging de kâns om te bekommen. Feangrûnen wurde wer wiet makke en kinne tsjinje as klimaatbuffer.

- It wurdt net mear tastean om wetter op te pompen foar de lânbou (bygelyks troch ûnbeheind wetterputten te slaan). In natuerfreonlik wetterbelied organisearret de ferdieling fan it wetter, wêrby't de natuer prioriteit hat boppe lânbou.
- De ôffier fan himelwetter wurdt loskeppele fan de riolearring, de ôffier fan fersmoarge wetter wurdt ferplichte.
- It griener meitsjen fan tunen wurdt sterk stimulearre. Yn 'e iepenbiere romte wurde ek minder tegels brûkt, hjir komme planten foar yn it plak.
- De frijstelling fan 'e liedingwetterbelesting by it brûken fan mear as 300 kubike meter wetter ferfalt. Yn plak dêrfan komt der in progressive wetterbelesting sadat yndustriële grutferbrûkers, lykas de gemyske- en itensyndustry, de rekken krije fan harren hege wetterferbrûk.

### Wetter as driuwende krêft fan 'e natuer

Skjin oerflakte- en grûnwetter soe fanselsprekkend wêze moatte, mar yn 'e praktyk is it oars. It oerflaktewetter wurdt fersmoarge troch lânbougif, medisynresten, gemyske ôffalstoffen, mikroplestik en dong en hormoanen út 'e fee-yndustry. Hjirtroch stjerre planten en dieren en komt de drinkwetterfoarsjenning yn gefaar. De Noardsee en de Waadsee binne net allinne oantaaste troch fersmoarging (troch plestik, gemykaliën, ensafh.), mar ek troch oerbefisking. Fiskerijtechniken skeine de seeboaiem bot. In soad fisksoarten driigje út te stjerren. As ús oerflaktewetter én it grûnwetter skjin binne en de fiskers net mear yn de seeën komme meie, dan kin it libben yn it wetter bekomme fan it enoarme ferlies oan bioferskaat.

- Bedriuwen dy't wetter fersmoargje wurde oanpakt. It Ryk nimt de rezjy oer it tafersjoch en de hanthavening fan miljeuwetjouwing.

Der komt mear kapasiteit en ekspertize by de tafersjochhâlders. De boetes wurde aardich heger, en passe by de omset fan de bedriuwen dy't dy boete krije.

- It yntinsyf dongjen fan lânbougrûn wurdt stoppe.
- De hanthavening fan en kontrôle op it brûken fan bestridingsmiddels wurdt yntinsivearre. De hannel yn bestridingsmiddels foar partikulieren wurdt ferbean en der komt goede foarljochting foar boargers en bedriuwen om it brûken fan gif te ûntmoedigjen.
- Wâlkanten, diken en wetterkanten moatte sa natuerlik mooglik ynrjochte wurde en it maaibelied moat dêrop oanpast wurde, wêrby't maksimaal rekken holden wurdt mei dieren en planten. By hege kades wurde Fauna Uittreed Plaatsen (FUP's) oanlein, sadat dieren út it wetter komme kinne.
- De natuer wurdt beskerme tsjin risiko's by skipfeartûngemakken.
- Ekologysk weardefolle skipswrakken wurde beskerme.
- De boarge sitten yn 'e wetterskipsbestjoeren, dy't reservearre binne foar boeren, bedriuwen en behearorganisaasjes wurde ôfskaft, sadat wetterskippen in demokratyske ferdieling fan 'e sitten krije.

### Beskerming Karibysk Nederlânske natuer

Bonaire, Saba en Sint-Eustatius binne bysûndere Nederlânske gemeenten en eilannen mei in grutte soarterykdom oan planten en dieren. Der komme koraalriffen, seldsume wylde orchideeën en mear as 10.000 diersoarten foar, ûnder oaren flamingo's, leguanen en seeskyldpodden. Troch oerbefisking, klimaatferoaring, fersuorring fan it oseaanwetter trochdat CO<sub>2</sub>, baggerwurk, eroazje, toerisme en minne ôffalwettersuvering, wurdt dy unike natuer mei har mannichte oan diersoarten bedrige.

- De Ryksoerheid draacht fia regels, hanthavening, kennis en finansjele stipe

by oan it behâld, de beskerming en de fersterking fan 'e natuer op en om de Karibysk Nederlânske eilannen.

- Beskerming fan 'e koraalriffen kriget hege prioriteit. De ferkeap en ymport fan oxybenzon-hâldende sinnebrân-krêmes wurdt ferbean om de koraalriffen te beskermjen.
- It Ryk ynvestearret yn 'e flugge oanlis fan goede ôffalwettersuvering op 'e eilannen, sadat dy lykweardich binne oan Europeeske en Nederlânske standerts, om rampsillige gefolgen foar it koraal tsjin te gean.
- Aktiviteiten dy't skealik binne foar it bioferskaat wurde net finansierre mei Nederlânsk belestingjild.
- Dieren dy't yn it wylde libje en dieren dy't losrinne op 'e eilannen, lykas ezels, hûnen en katten, krije optimale beskerming. Der komt in chipplicht foar hûnen en katten, en it Ryk finansierret in sterilisaasje- en kastaasje-program om it tal swalkdieren te ferminderjen.
- De Ryksoerheid soarget foar it foldwaande finansierjen fan spesjalisearre opfangsintra foar ferwûne en sike dieren en dieren dy't help nedich hawwe.

## Dieren hawwe it rjocht om te libjen nei harren aard

Dieren wurde faak allinne mar as 'ding' beskôge dat ûndergeskikt is oan 'e belangen fan 'e minsk. Dieren binne lykwols krekt as minsken yndividuën en hawwe bewustwêzen en gefoel. Wy diele itselde leefgebiet, maar dochs is der sprake fan ernstige rjochtsûngelikens. Sa hawwe in soad dieren in min libben omdat se troch de minsk fokt, ferhannelle, brûkt, ferdreaun, bejage en deamakke wurde. Alle jierren stjerre yn ús lân stjerre mear as 600 miljoen dieren nei in ellindich libben yn 'e feehâlderij, en dat allinne foar ekonomysk koarte-termyn-gewin. De Partij foar de Dieren wol in ein oan it útrûpeljen fan dieren. Wy wurkje oan in maatskippij wêryn't sa min mooglik dieren troch de minsk brûkt wurde.



Dieren hawwe yntrinsike wearde en ferstjinje de rjochten dy't harren takomme. In drastysk feroarjen fan ús relaasje mei dieren is ek yn it belang fan minsken sels. Foar in soad fan 'e grutte mondiale problemen, lykas klimaatferoaring, bioferskaatsferlies en it ûtrûpeljen fan 'e boaiem, jildt dat de feehâlderij ien fan 'e grutte feroarsakers is. De koroanakrisis hat boppedat sjen litten dat ús sûnens drekt gefaar rint as wy dieren sjen bliuwe as dingen dy't wy fange kinne of fokke of deameitsje. Koroana is in soënoaze, in sykte dy't oerslein is fan dier op minske. Wittenskippers warskôgje dat 75% fan alle nije ynfeksjesyktes dy't de sûnens fan 'e minsk bedriigje, in soënoaze is en dat dy hieltyd faker foarkomme sille as wy safolle dieren fokke en deameitsje yn 'e feehâlderij, as wy net stopje mei de hannel yn wylde dieren en wy natuer en klimaat ûnder druk setten bliuwe. Soënoazen lykas MRSA, Q-koarts, fûgelgryp en Meksikaanske gryp toanden al earder oan: it is ek yn ús eigen belang om de eksploitaasje fan dieren in halt ta te roppen. In feiligere wrâld foar dieren is in feiligere wrâld foar minsken.

### Diererjochten yn 'e grûnwet

Dieren fertsjinje it om mei respekt en barmhertigens behannele te wurden. Yn 'e praktyk krije dieren lykwols mar kwealik wetlike beskerming. Tink oan stâlbrannen: foar wc-rollen jilde brânfeiligheidsregels, foar libbene dieren yn stâlen net. In absurde politike kar dy't alle jierren wer tsientûzenen slachtoffers makket. Wannear't dieren rjochten hawwe, kin in soad dierelijen foarkommen of bestraft wurde.

- De rjochten fan dieren wurde erkend en fêstlein yn 'e Grûnwet.
- De Wet Dieren wurdt ferfongen troch in échte dierebeskermingswet, wêrby't de yntrinsike wearde fan it dier en it natuerlik hâlden en dragen fan dieren net mear oan 'e kant skood wurde foar ekonomyske belangen.

### Dieren yn 'e feehâlderij

De Partij foar de Dieren wol dieren befrije út 'e itensketen. Yn 'e tuskentiid moat it lijen fan dieren yn 'e feehâlderij safolle mooglik beheind wurde. Smaaklike, plantaardige en duorsume alternativen foar fleis biede hoop foar de dieren en ús takomst. It kabinet moat him aktyf ynsette om dy transysje sa gau as mooglik foarinoar te krijen. De Partij foar de Dieren wol dat der goede foarljochting komt oer it lijen en stjerren fan dieren dat no foar konsuminten ferburgen holden wurdt.

### In ein oan 'e bio-yndustry

De wize wêrop't dieren yn 'e gongbere feehâlderij holden wurde, is net etysk en net langer hâldber. In soad dieren sjogge faak net iens deiljocht. Der wurde sa'n ferskriklik soad dieren holden foar fleis, suvel en aaien dat gjin miljeu-, natuer- of dierewolwêzensmaatregel op kin tsjin alle problemen dy't dit mei harren meibringt. It tal dieren dat foar konsumpsje fokt en deamakke wurdt giet drastysk omleech. Der moat sa gau as mooglik in ein komme oan 'e bio-yndustry.

- It tal dieren yn 'e feehâlderij krimpt om te begjinnen mei op syn minst 75%.
- Der komme wetlike regels dy't de brânfeiligens fan stâlen garandearje, lykas in flinke beheining fan it tal dieren per stâl, ferplichte sprinkler- of wettermistynstallaasjes, ferplichte flechtmooglikheden lykas falmuorren en in ferbod op luchtwaskers.

### It earlike ferhaal oer it lijen fan dieren yn 'e fee-yndustry

Kabinet nei kabinet is it deroer iens dat konsuminten witte moatte wêr't harren iten wei komt. Mar de deistige realiteit achter fleis, suvel, aaien en fisk wurdt aktyf fuorthâlden foar it publyk. Der is in grut gat tusken de ôfgryslke

werklikheid foar de hûnderten miljoenen dieren yn 'e feehâlderij en de fiskerij en it bliere byld dat minsken hjirfoer foarspegele wurdt. Skarrelaaien komme bygelyks hielendal net fan hinnen dy't lekker bûten omskarrelje kinne, mar fan hinnen dy't harren hiele libben trochbringe yn in grôtfolle skuorre. Troch dit soarte fan mislieding ha in soad konsuminten gjin idee hoe't it der werklik om en ta giet. Yn reklame en op ferpakkings sjogge dizze dieren der bliid, gelokkich en sûn út. Itselde jildt foar bygelyks bargaen, kija, lamkes, eienen en kninen. In grut kontrast mei de werklikheid.

De Partij foar de Dieren wol in ein oan de mislieding oer wêr't dierlike produkten weikomme. De oerheid moat noed stean foar folsleine iepenheid en foarljochting oer wat dieren yn 'e fee-yndustry ûndergean foar't harren fleis of harren produkten yn 'e supermerk telâne komme. Konsuminten hawwe it rjocht om te witten wat de realiteit is achter molke en tsiis. Ek sjoernalisten moatte better tagong krije ta ynformaasje oer wat der yn 'e feehâlderij bart. Sa wurdt in ko yn 'e molkfeehâlderij alle jierren swier makke, en wurde har kealtsjes sawat drekt nei de befalling by har weihelle. De boltsjes en faarskealtsjes dy't net oanholden wurde om sels te brûken as melkko, einige yn in mesterij foar de produksje fan keallefleis. Paul McCartney sei oait treffend: "As slachthuzen glêzen muorren hienen, soe elkenien fegetariër wêze."

- Der komt in ein oan misliedende kommunikaasje, termen dy't de konsumint poatsjelichtsje en reklame foar dierlike produkten.
- De oerheid draacht soarch foar ûnôfhinklike bylden fan 'e realiteit yn stâlen, slachthuzen en de fiskerij en bringt dy aktyf nei bûten ta. Ek soarget de oerheid foar goede publyksynformaasje oer wat dieren ûndergean foar dierlike produkten.
- De oerheid sil feiten en sifers oer dieren yn 'e feehâlderij folslein en helder registrearje en op in tagonklike manier publisearje. Dat giet ûnder mear oer it tal dieren dat te betiid stjert

yn 'e stâlen of dea oankomt by it slachthûs nei transport.

- Op fleis, suvel en aaien komt in dúdlik etiket dat sjen lit wêr't it belutsen dier berne is, hoe't en hoelang't it libbe hat en – yn it gefal fan fleis – wêr't en hoe't it dier slachte is. Op fleisguod komt in QR-koade mei in stream nei it slachthûs dêr't it dier slachte is, sadat konsuminten sels it slachtproses beoardielje kinne.

### Dieren hawwe rjocht op natuerlik hâlden en dragen

De manier wêrop't dieren holden wurde yn 'e feehâlderij kin beslist net. Sa komme miljoenen eienen noait bûten en hawwe se gjin wetter om yn te swimmen of om harren mei te fersoargjen. Se sjogge foar it earst yn harren libben wetter wannear't se deamakke wurde yn it elektrokúsjebad. Kealtsjes en geitelamkes wurde nei de berte by de mem weihelle, sadat de molke fan 'e mem troch minsken brûkt wurde kin.

De Partij foar de Dieren wol dat it rjocht op natuerlik hâlden en dragen foar dieren wetlik fêstlein wurdt. Sa hearre hinnen in stofbad nimme te kinnen, wolle bargaen yn 'e ierde omwrotte kinne, en hearre kija en geiten bûten yn plak fan yn stâlen. De Partij foar de Dieren wol dat alle dieren nei harren aard libje kinne en dêr ek de romte en de gelegenheid foar krije.

- Alle dieren yn 'e feehâlderij krije frije útrin nei de greide mei foldwaande mooglikheden om te skûljen tsjin waarsomstannichheden lykas hjitte en rein. Yn 'e stâlen beskikke dieren oer foldwaande romte, strie en ôfliedingsmateriaal en hawwe se de mooglikheid om harren werom te lûken of just tegearre te wêzen.
- Kealtsjes en lamkes wurde net langer gelyk nei de berte fuorthelle, maar meie opgroeie by harren mem yn 'e greide en de molke drinke dy't foar harren bedoeld is. Dat moat ek jilde foar de bollekealtsjes, de raamkes en de bokjes.

- Kreamboksen mei sûgen tusken stangen wurde ferbean. Sûgen krije de gelegenheid te nesteljen en harren bichjes te fersoargjen.
- Gjin pynlike yngrepen mear lykas it kastrearjen fan biggen, it ôfbrânen of knippen fan sturten, it ôffyljen fan tosken en it ûnthoarnjen fan kij en geiten.
- Der komt in ferbod op it fergassen fan nijberne hoantsjes yn 'e aai-yndustry.
- De produksje fan blank keallefleis wurdt ferbean. It is ûnakseptabel dat kealtsjes foar dit fleis mei opsetsin siik makke wurde mei in izerearm dieet dat ta bloedearmoede liedt.
- Der komt in ferbod op it fokken, brûken en hâlden fan dieren as der net foarsjoen wurde kin yn harren natuerlike behoeften, of as troch de hâlderij slim lijen ûntstiet. De eine- en kninehâlderij wurde yn alle gefallen ferbean.

### Gjin plofdieren

In soad dieren binne sa fier trochfokt dat se yn in pear wike fetmeste wurde kinne. Dit soarget foar earnstige wolwêzensproblemen. Sa sakje plofhinnen troch de poatsjes en kinne dikbilkij net mear natuerlik befallje. In dierweardich bestean betsjut ek dat dieren harren op natuerlike wize fuortplantsje kinne en net langer keunstmjittich en mannichfuldich ynsemearre wurde.

- It fokken op ekstreem flugge groei (lykas by hinnen en bargaen) of op ekstreme produksje (lykas by melkkij) wurdt ferbean.
- Der komt in maksimum foar de 'produksje' per dier.
- Der komt in ferbod op it ynsemearjen fan dieren.
- Der komt in ferbod op keunstmjittige metoaden om sied te winnen.
- Der komt in ein oan it trochfokken op hieltyd gruttere tallen bichjes dy't in sûch per dracht smite moat.
- Nederlân makket him sterk yn 'e EU foar in ferbod op 'e produksje fan foie gras (guosse- of einelever) en stelt foar dy produkten in hannels- en ymportferbod yn.

### Oanpak fan it lijen ûnder diertransporten en yn slachthuzen

Dieren wurde sa min mooglik ferfierd, en as se ferfierd en slachte wurde, moatte se dêr sa min mooglik lijen en stress by ûnderfine. Dierfreonlik slachtsjen bestiet net. Lijen ûnder it slachtsjen moat safolle mooglik foarkommen wurde salang't slachthuzen noch bestean.

- It ferbod op net ferdôve slachtsjen sil foar elkenien jilde: de útsûndering dy't foar religieuze slacht op dit ferbod makke is, wurdt skrap. Salang't der noch sûnder ferdôving slachte wurdt, jildt dat der ferplichte etikettearre wurdt en útsletten wurdt dat der sûnder ferdôving slachte wurdt foar de eksport of de reguliere ynlânske merke.
- Diertransporten duorje maksimaal twa oeren. Op waarme dagen (dat wol sizze: op dagen mei in ferwachte temperatuer fan 25 graden Celsius of heger) meie dieren net op transport set wurde. Der komt in folle strangere kontrôle en hanthavening fan 'e Nederlânske en Europeeske transportregels.
- Transporten fan libbene dieren nei lannen bûten de EU, lykas Turkije en Sina, binne net langer tastien. Oan ymport en trochfier fia de EU fan dieren út bygelyks de Feriene Steaten nei Azië komt in ein. Piken fan ien dei âld wurde net langer eksportearre en de hiele wrâld oer flein.
- Feetransportweinen krije in GPS-folchysysteem, nettsjinsteande de doer fan it transport.
- Slachtmetoaden en metoaden om dieren yn 'e sûs te bringen dy't in soad pine en eangst feroarsaakje, lykas de wetterbadmetoade by hinnen en CO<sub>2</sub>-ferdôving by bargaen, wurde fuortendaliks ôfskaft.
- Feemerken feroarsaakje in soad lijen en stress by dieren en wurde ferbean.

### Fisken fiele pine

Hiel lang hat men tocht dat fisken gjin pine fiele kinne. Mar yntusken stiet it ûnwjerlisber fêst dat

fisken wol deeglik pine en stress ûnderfine kinne en sels in bewustwêzen hawwe. Fisken dy't yn netten telâne komme of fia heakken (longlines) fongen wurde, gean op in groulike wize dea. De Partij foar de Dieren set har yn foar in ferbod op alle fangst- en deadingsmetoaden dêr't sprake is fan lang en slim lijen en dy't einigje yn it slachtsjen sûnder ferdôving.

- Wy wolle ôf fan 'staandwantsvisserij'. Yn dy steande netten komme ûnder oaren brúnfisken fêst te sitten, wêrtroch't se ferdrinke.
- It libjend sieden fan dieren lykas kreeften, krabben en garnalen en de ferkeap fan libbene dieren foar konsumpsje wurdt ferbean.
- Besteande fiskkwekerijen wurde ûnôfhinklik toetst op dierewolwêzen en duorsumens. Fiskkwekerijen dy't net troch dizze toets hinne komme, ferdwine.
- It slachtsjen sûnder ferdôving fan fisken wurdt ferbean.
- Sportfiskerij (de angeljacht) is in foarm fan tydsferdriuwing dat slim lijen fan dieren feroarsaket en ferbean wurdt.

### Jou dieren de romte, stopje de jacht

De Partij foar de Dieren wol dat yn it wyld libjende dieren safolle mooglik gewurde litten wurde. De leefromte fan dieren wurdt hieltyd fierder beheind en wannear't der minsken yn 'e buert fan dieren komme krije dieren dêrnei de skuld as der oerlêst is. Dat is de wrâld op 'e kop. Under it mom fan 'populaasjebehear' sjitte hobbyjagers alle jierren yn Nederlân twa miljoen dieren dea. Inselde tal dieren wurdt oansketten en rekket slim ferwûne. Jonge dieren bliuwe achter sûnder mem, partnerferbannen wurde wreed fersteurd en groepshiërargy en populaasjedynamyk wurde letterlik oan flarden sketten. De Partij foar de Dieren wol dat der in ein komt oan 'e wrede jacht op dieren, en dat dieren wer de romte krije om yn 'e natuer te libjen nei harren aard.

- De yntrinsike wearde en beskerming fan yn it

wyld libjende dieren binne tenei útgongspunt fan belied.

- Yn it wyld libjende dieren wurde net deamakke. Allinne by driuwende redenen, bygelyks as in dier útsichtleas of slim lijt of de folkssûnens bedrige wurdt, kin de oerheid in útsûndering meitsje nei't ûnôfhinklike deskundigen rieplachte binne. De ûntheffing hjirfoar wurdt allinne troch de lanlike oerheid ôfjûn, net troch provinsjes.
- De lanlike list fan soarten dêr't frij op jage wurde mei wurdt ôfskaft. Der komt in ferbod op it deadzjen fan yn it wyld libjende dieren troch hobbyjagers. De Wet natuerbeskerming wurdt oanpast ta in wet dy't de natuer echt beskermet.
- It fangen fan dieren út it wyld of it útsetten fan dieren foar de jacht en de yllegale jacht wurde oanpakt mei mear fjildtafersjoch en strangere straffen. Jagers krije earder dan no it gefal is in libbenslang jachtferbod by slimme oertredings fan 'e wet.
- Jachttafersjochhâlders en oare bûtengewoane opspoaringsamtners meie net yn tsjinst wêze by de jachthâlders op wa't se tafersjoch hâlde moatte. Faunabehearhâlders (jagersklubs) wurde ôfskaft.
- It organisearjen fan jachttoerisme yn binnen- en bûtenlân wurdt ferbean, lykas it advertearjen foar dy aktiviteiten.
- Dieren meie net fersteurd wurde yn kwetsbere perioades lykas de draach-, rui-, bried- en sûchtiid.
- Der komt in lanlik netwurk fan soarch foar yn it wyld libjende dieren dy't ferwûne rekke binne dêr't jagers net langer by belutsen binne fanwegen harren dûbele agenda.
- Dieren krije de romte, rêst en beskerming om te libjen nei harren aard. Natuergebieten wurde ferbûn om migraasje mooglik te meitsjen en de populaasjedynamyk yn lykwicht te hâlden.
- Wolven foarmje in ferriking fan 'e natuer yn Nederlân en drage by oan in grutter bioferskaat. Skieppenhâlders en boeren krije foarljochting oer it beskermjen fan harren dieren sûnder wolven dea te meitsjen. Foar

previnsje komt subsidy dêr't dat nedich is.

- De kening stoppet mei jeien en it Keninklik Jachtdepartemint wurdt net langer subsidiearre. It Kroandomein bliuwt it hiele jier iepen foar publyk.

### Goed tafersjoch en strange hanthavening

It tafersjoch op dierewolwêzen moat op 'e skop. De Partij foar de Dieren wol dat der folle mear kontrôles plakfine dy't net fan te foaren oankundige binne, sawol yn 'e feehâlderij as op oare plakken dêr't dieren yn kontakt komme mei minsken. Oertredings moatte strang straft wurde. Om better hanthavenje te kinnen wol de Partij foar de Dieren dat de wetjouwing oanskerpe en konkreekt makke wurdt. Iepen noarmen en selsregulearring litte te folle romte foar diskusje en meitsje de hanthavening faak ûnmooglik. Sanksjes kinne boppedat makliker oanfochten wurde wannear't de regeljouwing net dúdlik is. De dieren binne net baat by juridyske ûndúdlikens.

Ut steapels ûndersyksrapporten docht bliken dat it tafersjoch op 'e fee-yndustry oan alle eienen en kanten faalt. In belangrike reden hjirfoar is it enoarme tal dieren yn 'e feehâlderij. Dieren wurde yn Nederlân letterlik yn in moardzjend tempo troch slachthuzen jage. Sadwaande is der gjin inkelde mooglikheid foar normaal tafersjoch. Dit wylst de ekstreme faasje grutte gefolgen hat foar de dieren, foar de itensfeilichheid én de sûnens fan 'e slachthûsmeiwurkers. Sa komt it hieltyd faker foar dat sike en heechswiere dieren slachte wurde, ek al is dat ferbean, of dat de dieren yn it slachthûs noch by bewustwêzen binne wannear't se deamakke wurde. Ta eintsjebeslút seagen wy dat de slachthuzen wiere brânkearnen bliken te wêzen foar koroana. De faasje fan it slachtsjen moat dan ek drastysk omleech.

- Stâlen en slachterijen krije permanint kameratafersjoch. Dit komt boppe-op kontrôles troch de bistedokters fan 'e NVWA op it plak sels.
- De biezem giet troch de Nederlandse Voedsel-

en Warenautoriteit (NVWA). It falende management en de NVWA-meiwurkers dy't net hanthavenje wolle krije dien. De tsjinst giet by it ministearje fan Lânbou, Natuer en Itenskwalityt wei en komt ûnder de ferantwurdlikheid fan it ministearje fan Folkssûnens.

- De kontrôle op alle skeakels yn 'e feehâlderij wurdt opfierd en komt yn hannen fan de oerheid yn plak fan 'e sektor sels.
- It tempo dêr't dieren mei troch slachthuzen jage wurde, sil flink omleech moatte. It tal dieren dat slachte wurdt, wurdt ôfstimd op it tafersjoch dat de NVWA wiermeitsje kin. Dat binne der dus folle minder as no. Om fraude en korrupsje foar te kommen, sille kontroleurs tusken slachthuzen rûlearje. Der is dus gjin fêste kontroleur mear per slachthûs.
- Slachthuzen dêr't slimme oertredings plakfine, slute fuortendaliks. Meiwurkers dy't harren skuldich meitsje oan ekstra mishanneling fan 'e dieren boppe-op it lijen dat sy al ûndergean yn it slachthûs, krije in bliuwend beropsferbod.
- De NVWA jout by oertredings fuortendaliks in flinke boete, relatearre oan de omset fan 'e slachterij, en makket de kontrôlegegevens iepenbier, lykas it antibioatika-register yn 'e feehâlderij.
- Der komt in ein oan 'e ferplichting om dieren te earmerken. Salang't dy regels noch jilde, krije minsken mei gewissebeswierien in ûntheffing fan 'e earmerkplicht. It kabinet pleitet op Europeesk nivo foar de ûntwikkeling en ynfiering fan in dierfreonliker alternatyf, lykas chipwerkening.
- Dierewolwêzen moat foarop stean by de training en ynset fan plysjehûnen en -hynders. Der wurde oare metoaden foar opskuorbehearsking ûntwikkele sadat hynders net langer ynset wurde by rellen. Der wurdt ûndersocht hokker alternativen der brûkt wurde kinne foar de ynset fan plysjehûnen as geweldsmiddel.

### Previnsje yn plak fan bestriding

De minske hat de natuer en har ekosystemen út lykwicht brocht. Natuergebieten binne ferspraat en hieltyd minder ferskillend. Dat bringt pleagen mei har mei. Dieren lykas de ikeprosesjerûp profitearje hjirfan. Yn in sûn ekosysteem hâlde blokmiezen, spjochten, wantsen en flearmûzen de populaasje yn it gareel, mar troch it monotoane oanplantsjen fan iken en it fuortmeanen fan strûken binne dy natuerlike fijannen yn 'e minderheid rekke. Blokmiezen hawwe boppedat bot te lijen ûnder de bestriding fan de buksusmot. In soad gemeenten kieze foar it ferbrânen, fuortsûgjen en fergiftigjen fan 'e ikeprosesjerûpen. De Partij foar de Dieren wol in dier- en natuerfreonlike oanpak, nammentlik troch yn te setten op it werstel fan it lykwicht yn 'e natuerlike ekosystemen.

It fergassen fan guozzen om lofthavens hinne is wreed en sinleas, seker omdat lânbougrûnen om lanningsbanen hinne ynsiede binne mei foar guozzen oantreklike gewaaksen. De Partij foar de Dieren wol mei tûke, effektive en dierfreonlike metoaden oerlêst foarkomme en dieren beskermje.

- Om fleanfjilden hinne wurde gjin lânbougewaaksen ferboud dy't guozzen oanlûke, mar komme greiden mei sinnepanielen of gewaaksen dy't foar guozzen net oantreklik binne. Troch in flinke krimp fan it tal fleanbewegings komt der foar minske en dier ek wer romte om te azemjen.
- It fergassen fan yn it wyld libjende dieren, lykas guozzen, wurdt ferbean. Guozzen yn 'e omjouwing fan fleanfjilden wurde sa nedich nei oantreklik makke gebieten lokt, dêr't de dieren feilich ferbliuwe kinne.
- Boeren krije allinne in skeafergoeding as se dierfreonlike metoaden brûkt hawwe om skea te beheinen dy't net holpen hawwe.
- Alle jierren stjerre sa'n 50.000 muskus- en beverratten op in grouwelige wize yn in klem of ferdrinkingsfal. Dit moat stopje. De oerheid moat ynsette op previnsje en fersterke dykbewekking.

- Der komme ôfrasterings fan diken en doarpskearnen foar swinen en harten. Op diken yn en om natuergebieten hinne sil boppedat in nachtlike snelheidsbeheining jilde.
- Offal lûkt dieren oan. Swerfôffal en ôffal dat oanbean is mar net deugd, wurde aktyf bestriden.
- Der komme alternative nêstgelegenheden foar seefûgels en downen om oerlêst yn it bewenne gebiet foar te kommen.
- Ferwyldere katten wurde net deamakke, mar fongen, kastrearre of sterilisearre en weromset. Sa wurdt op dierfreonlike wize foarkommen dat ferwyldere katepopulaasjes har útwreidzje.
- Leanen en strjitten mei in soad ikebeammen wurde mei strûken en nêstkasten oantreklik makke foar de natuerlike fijannen fan 'e ikeprosesjerûp. It brûken fan gif en plakstrips om beammen hinne is gjin oplossing. It deadet in soad natuerlike fijannen fan 'e ikeprosesjerûp, fergiftiget de omjouwing en feroarsaket in soad lijen fan dieren.
- Probleembevers bestean net. Der meie gjin ûntheffings komme om dizze beskerme dieren te deadzjen.

### Dieren en har facht binne gjin moade-akessoire

Bûnt, dûns en angorawol binne foarbylden fan oerstallige produkten dy't ûnakseptabel binne en in soad lijen foar dieren feroarsakje. It brûken fan 'e facht fan dieren foar moade of akessoires is moreel dan ek te fersmiten. De wize wêrop't dieren lykas nertsen holden wurde foar de bûntproduksje is net allinne wreed, mar foarmet ek in grut risiko foar de folkssûnens troch de fersprieding fan ynfeksjesyktes lykas koroana. It hâlden fan nertsen foar bûnt is mei troch jierren fan ynset fan 'e Partij foar de Dieren yn 2011 yn Nederlân ferbean. Dat is goed nijs, want dêrmei wurde der yn Nederlând gjin dieren mear holden foar de produksje fan bûnt.

Net allinne oan bûnt, mar ek oan de produksje fan dûns en ferskillende soarten fan wol, wêrûnder angora- en merinowol, kleeft slim lijen fan dieren. Sa wurdt de facht fan angorakninen mei geweld fan it libbene dier ôfrop, skeard of knipt. Guozzen en einen wurde libbene plôke foar it sammeljen fan dûns. De Partij foar de Dieren wol dat der in ein komt oan alle foarmen fan it lijen fan dieren foar de produksje fan moade: Nederlân wurdt dûns- en bûntfrij!

- Nederlân makket him sterk foar in Europeeske fokferbod foar dieren dy't brûkt wurde foar de produksje fan bûnt en dûns.
- De ymport en ferkeap fan bûnt en angorawol wurdt ferbean.
- De ymport en ferkeap fan dûns en libbene plôke guozzen en einen dy't ûnder twang te iten krigen hawwe wurdt ferbean.
- Salang't bûntprodukten noch ferkocht wurde meie, is dúdlike etikettearing hjirfan ferplichte, mei ynformaasje oer de komôf, it tal dieren dat foar it produkt deamakke is en de wize wêrop't se deamakke binne.
- Ek op learen produkten moat de komôf fan it lear ferplicht fermeld wurde. Ymport en ferkeap fan lear fan dieren dy't spesjaal foar de learyndustry fokt wurde, lykas krokkedillen, slangen, kangoeroes en hagedissen, wurdt ferbean.

### Dieren binne der net om minsken te fermeitsjen

Dieretunen, sirkussen, rôffûgelsjo's en it Dolfinarium hawwe mei-inoar mienskiplik dat (wylde) dieren dy't finzen sitte ûtrûpele wurde om minsken te fermeitsjen en foar kommersjeel gewin. Fokprogramma's yn dieretunen drage mar kwealik by oan it yn stân hâlden fan bedrige diersoarten mar hawwe foaral oare motiven: nijberne dieren dogge it goed by it grutte publyk. Wat in soad minsken net witte is dat der ek dieren achter de skermen yn dieretunen in min libben hawwe. Saneamde surplusdieren wurde as 'oerstallich' sjoen troch dieretunen en

bernebuorkerijen en kwine wei yn lytse koaien, ferburgen foar it publyk.

Gelokkich wurde echte dieren yn útstallings, sjo's en films hieltyd faker ferfongen troch keunstige farianten of kompjûteranimaasjes. Sa kin it publyk genietsje sûnder dat dieren hjirfoar hoege te lijen. De Partij foar de Dieren wol dat der in komt oan it lijen fan dieren troch entertainment.

- Surplusdieren moatte fuortendaliks de romte krije dy't se nedich hawwe. Fokke mei dieren foar de foarried fan dieretunen, sjo's en bernebuorkerijen moat drekt ophâlde. Jonge dieren en dieren dy't krekt berne binne wurde net mear as publykslokker brûkt.
- It fêstsetten fan wylde dieren, lykas oaljefanten en rôffûgels, wurdt fuortendaliks ferbean. Dieren krije de romte dy't se nedich hawwe yn in sa natuerlik mooglike omjouwing, wannear't útpleatsing yn harren natuerlike leefgebiet net mooglik is.
- Dieretunen wurde omfoarme ta spesjalisearre opfanglokaasjes. Yn plak fan finansjele belangen, of dy fan besikers, sintraal te setten, komt it dierewolwêzen op it foarste plak te stean.
- It Dolfinarium en akwaria wurde sletten. Sommige lokaasjes soenen tsjinje kinne as (tydlike) opfanglokaasje foar see(sûch)dieren dy't strâne of illegaal ferhannelle binne.
- Der komme strangere wetlike easken foar it wolwêzen fan dieren yn bernebuorkerijen, mei it natuerlik hâlden en dragen as noarm. Dieren binne gjin boartersguodknuffels en krije de frijheid om op in rêstich plak te libben sûnder dat se hieltyd troch minsken optild of oanhelle wurde.
- It ferbod op it brûken fan wylde dieren om publyk te fermeitsjen, lykas yn sirkussen en wyldparken, wurdt útwreide mei (see) sûchdieren, reptilen, amfibyen en fûgels. Gjinninkeld dier heart yn in sirkus thús.
- Tradysjes en feesten dêr't dieren by brûkt of deamakke wurde, lykas libbene kryststâlen, zwientje tikke en kalle mooie mei libbene hoannen, wurde ôfskaft.

- Der komt in Hynstebeslút wêryn't de basisregels foar it wolwêzen fan hynders wetlik fêstlein wurde. Hynders krije de romte foar natuerlik en sosjaal hâlden en dragen yn kuddes en de deistige mooglikheid om bûten frij te bewegen. Trainingsmiddels en -metoaden dy't skealik binne wurde ferbean en der komt in minimumleeftijd wêrop't pony's en hynders belêste wurde meie.
- Der komt in gedrachskoade foar it brûken fan dieren yn keunst en media.
- Sport en wedstriden dêr't dieren by brûkt of deamakke wurde, lykas kameleraces, dowsport, fiskje en aaisykje, wurde ferbean.
- Der komt in ein oan de ferhier fan dieren.

### Gjin inkeld dier is in proefkny, stopje dierproeven

Eksperiminten op dieren moatte sa gau as mooglik stoppe wurde. De proeven en de wize dêr't de dieren hjirfoar hûsfeste wurde, feroarsaakje fierstente folle pine, stress en stjerte by dieren. It grutste part (85%) fan de brûkte dierproeven liedt boppedat net ta brûkbere resultaten, omdat dieren en minsken biologysk te folle fan inoar ferskille. Dêrom is it net allinne fanwegen dierewolwêzen, mar fanwegen de driuwende behoefte oan bettere modellen, belangryk om gjin dierproeven mear te dwaan. Metoaden sûnder proefdieren leverje yn in soad gefallen mear betroubere en bettere resultaten op. Wêr't proefdierfrije metoaden noch net bestean, moatte se ûntwikkele wurde. Sa kin Nederlân oanjager wurde op it mêd fan ûndersyk sûnder proefdieren. De Partij foar de Dieren wol dan ek dat de ynvestearing yn alternativen foar proefdierûndersyk de heechste prioriteit kriget.

- Nederlân set him yn foar in fersnelling fan 'e ynternasjonale erkenning en tapassing fan proefdierfrije ûndersyks- en testmetoaden.
- Undersyk mei primaten wurdt sa gau as mooglik ferbean. Der komt in plan (mei tiidspaad) om it ape-ûndersykssintrum BPRC sa gau as mooglik te sluten.

- Der komt in ein oan it fokken en deadzjen fan proefdieren dy't yn foarried holden wurde.
- Biotechnology by dieren – wêrûnder genetyske manipulaasje en kloane – wurdt ferbean.
- It wurdt mooglik dat in rjochter de neilibbing fan 'e Wet op 'e dierproeven toetse kin. Boargers en maatskiplike organisaasjes krije mooglikheden om beswier te meitsjen tsjin dierproeven dy't op kommende wei binne.
- It budzjet dat de oerheid alle jierren oan dierproeven besteget wurdt yn stappen oerhevele nei ûndersyk sûnder proefdieren.

### Húsdieren

De helte fan alle húshâldens yn Nederlân hat ien of mear húsdieren. Neist hûnen en katten, wurde der ek eksoatyske dieren as húsdier holden, wylst dizze dieren hjir beslist net geskikt foar binne. Harren behoeften en ynstinkten binne ommers gelyk oan dy fan harren soartgenoaten yn it wylde. Yn in húslike omjouwing kin dêr net oan foldien wurde. De Partij foar de Dieren wol dat der in koarte posityflist komt fan dieren dy't, at je op harren natuerlike hâlden en dragen en behoeften lette, noch as húsdier holden wurde kinne. Oare dieren meie net holden of ferhannelle wurde.

Fia fokkers wurde in soad dieren as húsdier ferhannelle. It fokken fan rasdieren rjochtet him foaral op it uterlik fan 'e dieren, net op harren sûnens of wolwêzen. Hûnen en katten mei in koarte snút en lytse skul wurde spesjaal op dy skaaimerken fokt. Dit liedt ta problemen mei it azemjen, groanyske pineholle en epileptyske oanfallen. Dêrneist wurde yn Nederlân en dêrbûten yn grutte skuorren yn totaal tsientûzenen hûnen fokt troch malafide fokkers en breafokkers. Hjir moat hurd tsjin optreden wurde.

- Fokke op ekstreme uterlike skaaimerken fan húsdieren, is net tastien, krekt likemin as it tapassen fan ynteelt by de fok. Hannel yn en ymport fan dy dieren is ferbean.
- De ynfier fan bûtenlânske puppy's út fokskuorren wurdt ferbean. Hjir wurdt, yn

gearwurking mei de lannen om ús hinne, strang op kontrolearre.

- De minimumleeftyd foar it skieden fan lytse katsjes fan harren mem giet omheech nei 12 wiken.
- De chipplicht foar hûnen wurdt útwreide nei katten.
- Dierewinkels wurde oanmoedige om te stopjen mei de ferkeap fan dieren. Sy kinne harren klanten yn plak dêrfan better trochferwize nei in opfangsintrum of asyl.
- Om ympulsoankeapen foar te kommen, wurdt ferkeap fan dieren fia ynternet, túnsintra, merken en oare lokaasjes ferbean. Diereasyls heare hjir net by.
- Der komme minimumnoarmen foar diernedichheden lykas hokken en koaien. It yn ôfsûndering hâlden fan sosjale dieren, lykas kninen, wurdt ferbean, lykas de ferkeap fan fiskkommen en te lytse hokken of koaien. Nije eigners krije aktyf ynformaasje oanbean oer wolwêzensnoarmen en -regels.
- Der komt in koarte 'posityflist' fan dieren dy't, sjoen harren natuerlike hâlden en dragen en behoeften, geskikt binne om as húsdier holden te wurden.
- Merken dêr't dieren ferkocht of útstald wurde, lykas hynder- of fûgelmerken, wurde ferbean, krekt as online dieremerken of websites.

### Soarch foar húsdieren, opfang en needhelp

Alle jierren bedarje tsien- en tsientûzenen húsdieren, dy't earder faak yn in opwâling kocht binne, yn it asyl. Ek nijberne dieren wurde gauris nei it asyl brocht of dumpt, omdat se net winske binne. De opfang fan dieren dy't fûn of ôfstien binne, is in wetlike taak fan gemeenten, maar dy jouwe faak net thús. Sadwaande binne it faak frijwilligers dy't hurd wurkje dy't de diere-asilen en opfangsintra draaiende hâlde mei donasjes fan partikulieren. It finansierjen troch oerheden foar de opfang fan dieren is faak tige min of ûntbrekt folslein. De Partij foar de Dieren wol dat de oerheid har ferantwurdlikheid nimt en diere-asilen en ambulânses finansjeel stipet.

- Der komme lanlike rjochtlinen foar it finansierjen fan diere-opfangsintra en wyldopfangsintra. De Ryksoerheid, provinsjes en gemeenten soargje foar genôch jild.
- De húsdieresektor sil meibeljelje oan de opfang en fersoarging fan dieren dy't ôfstien en fûn binne. Per dier dat ferkocht is, wurdt in bydrage stoart yn in opfangfûns.
- It netwurk fan opfangsintra en diere-ambulânses wurdt lanlik dutsen.
- Diere-ambulânses krije lykas oare helptsjinsten it foech om fluch te plak wêze te kinnen foar needhelp oan dieren, lykas in fergunning om oer bus- of trambaan te riden en it rjocht om frij parkeare te kinnen.
- It rêden fan dieren kriget in fêst plak yn draaiboeken fan helptsjinsten en rampeplannen.
- As minsken thús soarch nedich hawwe, wurdt ek foarsjoen yn help by de soarch foar de oanwêzige dieren. It wurdt foar minsken mooglik om harren húsdier mei te nimmen nei in soarchynstelling.
- Yn opfanghuzen foar slachtoffers fan húsluk geweld is ek plak foar harren húsdieren, as dat nedich is. Mocht dat nedich wêze, dan wurde húsdieren opfongen yn gastfamyljes.
- Soarch foar dieren is gjin lúksequod, mar needsaak: lykas medyske help foar minsken wurdt ek de diergenêskundige soarch frijsteld fan btw.

### Pak dieremishanneling hurder oan

De Partij foar de Dieren wol dat dieremishanneling- en ferwaarleazing hurd oanpakt wurde. Wa't dieren mishannelet, mei gjin dieren mear hâlde. Undersyk hat oantoand dat der in dúdlik ferbân bestiet tusken húsluk geweld en dieremishanneling. Geweld tsjin minsken wurdt faak foarôfgean troch mishanneling fan dieren. De Partij foar de Dieren wol dat plysje en justysje mear prioriteit jouwe oan it opspoaren en bestraffen fan dieremishanneling en -ferwaarleazing en dat der in Offisjier fan Justysje foar diere-oangelegenheden komt.

- Der komme mear diereplysjeaginten mei foldwaande foech foar de opspoaring en oanhâlding fan minsken dy't in dier mishannele hawwe. Dierewolwêzen moat wer in standert ûnderdiel wurde fan 'e plysjeoplieding. De diereplysje kriget ek it foech om it wolwêzen fan dieren yn 'e feehâlderij te kontrolearjen.
- De wet wurdt oanpast sadat ferwaarleaze en mishannele dieren flugger yn beslach nommen wurde kinne en deskundige soarch en opfang krije.
- It trochferkeapjen fan yn beslach nommen dieren oan 'e hannel of foar de slacht wurdt ferbean.
- Der komt in hâldferbod foar dierebeulen. Sa kinne minsken dy't dieren mishannelje, neist in boete, foar in bepaalde tiid in ferbod krije om dieren te hâlden.
- Wa't feroardield is foar dieremishanneling of -ferwaarleazing, kriget neist in strangere straf en hegere boete, ek in libbenslang hâldferbod oplein. Immen dy't yn it bûtenlân in beropsferbod krigen hat of ferskillende kearen feroardield is foar dieremishanneling of -ferwaarleazing, mei ek yn Nederlân gjin dieren mear hâlde.
- Helpferlieners by húsluk geweld wurde traïnd yn it weromkennen fan dieremishanneling en -ferwaarleazing.

### Beskerming fan dieren yn it wyld oeral op 'e wrâld

Alle jierren wurde miljoenen bedrige dieren yllegaal de wrâld oer transportearre. Sy einige yn dubieuze 'medisinen', eksoatyske mielen of as dekoerstik oan de muorre. De hannel yn bedrige diersoarten is nei drugshannel de meast lukrative foarm fan misdied en makket in soad slachtoffers. De yllegale wildlife-hannel kin ek liede ta besmetlike syktes dy't fan wylde dieren oerspronge op minsken. It nije koroanafirus hat dúdlik makke hoe gefaarlik dy 'bedriuwstak' is foar de sûnens fan 'e minsk. Dochs is de pakkâns fan dy foarm fan kriminaliteit leech.

Hanhavening lit te winskjen oer en de straffen binne leech.

Nederlân wurdt sjoen as it klopjende hert fan 'e yllegale dierehandel en as wichtige trochfierhaven. Nei skatting komme der alle jierren hûnderttûzenen eksoatyske dieren de Nederlânske grins oer. De Partij foar de Dieren wol in Europeesk ymportferbod op wylde dieren om de hannel in halt ta te roppen en om dieren en bedrige diersoarten te beskermjen. Doelfêste opspoaring, krêftige hanthavening en hege straffen foar yllegale hannelers moat dy ûnbarmhertige foarm fan kriminaliteit weromkringe.

- De ymport en hannel yn eksoatyske dieren wurdt ferbean en der komt in wetterticht fergunningsysteem. Nederlân set him hjir aktyf ynternasjonaal foar yn by CITES.
- Opspoaring en hanthavening fan 'e yllegale hannel yn bedrige diersoarten wurde yntinsivearre. Der komt in spesjalisearre taskforce fan foldwaande omfang en mei genôch mandaat. Yllegale hannelers wurde stranger straft en jachttoerisme en de ymport fan jachttrofeeën wurde folslein oan bannen lein.
- Nederlân ferset him aktyf tsjin walfiskjacht en seehûnejacht en fiert it ynternasjonaal protest tsjin dizze slachttings oan. Nederlân pleitet by de Internationale Walvisvaart Commissie (IWC) foar in jachtferbod op lytse walfiskachtigen, sadat ek net mear op dolfinen jage wurde mei. Nederlân ferset him aktyf tsjin de slachttings fan dolfinen op de Faeröereilannen en yn Japan.
- Nederlân is as hannelslân in belangryk trochfierlân foar walfiskfleis en oare dierlike produkten dy't net winske binne. Nederlân ferbiedt it trochfierjen fan dy produkten.
- Nederlân makket him sterk foar in totaalferbod op 'e fangst fan (blaufin)tonyn en it ûntfinnen fan haaien.

## Allinne duorsume lânbou leveret sûn iten foar elkenien

Sûn en duorsum iten is in basisbehoefte foar ús bestean. Hoewol't it yn 'e folle supermerken oars liket, tsjinnet it hjoeddeistige lânbousysteem dizze basisbehoefte net. De lânbou is op in dearinnend spoar bedarre. De stikstofkrisis en de enoarme groei fan it tal minsken dat kiest foar in mear plantaardich itenspatroan meitsje dúdlik dat it kearpunt berikt is. De wize wêrop't wy oer iten tinke en oer de wearden dy't wy dêrby foarop sette wolle, sil radikaal feroarje. De Partij foar de Dieren is sûnt har oprjochting de oanjager west fan dy positive feroaring. Dy rol bliuwe wy ferfoljen. Der lizze ommers geweldige kânsen om it tij te'n goede te kearen. Wy stean oan it begjin fan in wiere itensrevolúsje.





Dy feroaring komt net in tel te betiid. It hjoeddeistige lânboumodel is net langer fol te hâlden, mar is mei in soad wurk (en belestingjild) fierstente lang yn 'e loft holden. Wy plôkje no allegear de soere fruchten fan dat belied. Nederlân is útgroeid ta it lân mei it measte fee per hektare yn 'e wrâld: nergens sitte safolle dieren byinoar as yn ús lân. De dieren betelje dêr de heechste priis foar. Mar ek boeren en boargers krije in hege rekken presintearre dy't net ferantwurde is. Yn in lân dat alle jierren mear as 640 miljoen dieren fokt en deamakket, is it risiko op it ûntstean fan soönoazen – lykas Q-koarts, fûgelgryp en bargegryp – libbensgrut. De ympakt fan koroana lit sjen hoe wichtich it is om ús hjir tsjin te wearren. Natuer en klimaat, de boaiem, ús drinkwetter en ús sûnens suchtsje ûnder de lêst fan ôfgryslke hoemannichten dong. In krimp fan it tal dieren yn 'e feehâlderij soe in foar de hân lizzende oplossing west wêze, mar fermindering fan it tal dieren wie desennialang taboe. It iennichste dat kromp, wie it tal feeboeren: hast de helte moast de ôfrûne 20 jier stopje mei it bedriuw. Lytsskalige bedriuwen ferdwûnen, en de bedriuwen dy't oerbleaunen waarden hieltyd grutter mei hieltyd mear dieren.

De boeren florearje sels dus ek net yn it saneamde súksesmodel fan 'e Nederlânske lânbou. Troch it ûntbrekken fan politike moed om de problemen by de kearn oan te pakken, is it lânboubelied folslein ûntspoard. Yn plak fan it tal dieren werom te bringen, hawwe kabinetten allinne mar ynset op symptoombestriding en it betinken fan mear dreech te hanthavenjen wetten en regels. Alles om foar te kommen dat it lânbousysteem omgoaid wurde soe. Boeren binne sa yn in fisieuze sirkel twongen fan oanhâldende oanpassings mei nije lieningen en skaalfergrutting. En yntusken kampt de agraryske sektor sels ek mei de gefolgen fan drûchte, it útrûpeljen fan 'e boaiem en ferlies fan bioferskaat. Boeren binne sa hieltyd fierder fêst komme te sitten yn in systeem dat him tsjin harren keard hat.

De problemen mei de lânbou binne dus grut, mar dat is gjin reden om it op te jaan. Krekt oarsom!

Op gjin inkeld oar terrein kinne wy sâfolle winst behelje foar dieren, natuer, milieu, boeren en ús sûnens as yn 'e karren dy't wy meitsje kinne oer ús iten. Wannear't wy dit kearpunt brûke om it juste paad yn te slaan, dan kinne wy elkenien tagong jaan ta sûn en duorsum iten, wylst der tagelyk lânbougrûnen frijkomme. Dy grûnen kinne wy weromjaan oan 'e natuer en brûke om de wenten te bouwen dy't wy sa hurd nedich ha yn Nederlân. Wy kinne it tij fan 'e bioferskaatkrisis en de klimaatkrisis keare, én soargje dat boerefakmanskip, kwaliteit en de minsklike maat wer de noarm wurde yn 'e lânbou. Dit is de systeemferoaring dy't it hert foarmet fan 'e misje fan 'e Partij foar de Dieren. De tiid is ryp en de tiid is no. Op nei in sûn itenssysteem foar boargers en boeren!

### Krúsjaale karren: stopje mei de fee-yndustry Stopje mei it produsearjen foar de wrâldmerk

In fûnemintele omslach freget de moed om te stopjen mei wat net mear kin. It lânboumodel dat fêstrûn is, is basearre op twa grutte misferstannen. It earste misferstân is dat it brûken fan dieren soargje soe foar mear iten. Dat kloppet net. De feehâlderij is gjin produsint fan iten, mar just in fergriemer fan iten. Wa't dieren fokt foar iten, sil der ommers foar soargje moatte dat dy dieren fretten krije. Dat kostet folle mear iten as dat it opsmyt yn 'e foarm fan fleis en suvel. En wy krije in dongoerskot op 'e keap ta. Wannear't wy de lânbougrûn dy't nedich is om dieren fretten te jaan, brûke om iten te telen foar minsken, kinne wy elkenien iten jaan én hâlde wy grûn oer om oan de natuer werom te jaan. Sa losse wy alle (milieu)problemen dy't by de feehâlderij hearre, mar net by de teelt fan plantaardige aaiwiten – lykas de stikstofkrisis – yn ien kear op. De earste krúsjaale kar foar in hâldbber itenssysteem is dus: wy befrije de dieren út 'e itensketen en nimme ôfskied fan 'e fee-yndustry.

It twadde misferstân is dat in lyts, tichtbefolke lân as Nederlân de twadde itenseksporteur fan 'e

wrâld wêze kinne soe. Talleaze stúdzjes fertelle ús dat in lân as Nederlân te hege grûnprizen en oare kosten hat om mei bulkprodukten tsjin de leegste priis konkurearje te kinnen. De twadde krúsjaale kar dy't makke wurde moat, is dat wy primêr foar de lokale merk produsearje sille.

- Wy slaan it paad yn nei in duorsume, plantaardige takomst. Om te begjinnen krimpt it tal dieren yn 'e feehâlderij mei 75%. Wy brûke ûnder mear de Europeeske lânbousubsydzje om boeren te helpen om om te skeakeljen nei duorsume plantaardige itensproduksje.
- Nederlânske boeren sille primêr foar de eigen merk wurkje: wy stopje mei de produksje foar de eksport.
- Wy besparje de belestingbeteller in soad jild en de boeren in soad regeldruk troch te stopjen mei de symptoombestriding. Der wurde gjin subsydzjes mear bestege oan technologyske lapmiddels om de miljeuskea fan de feehâlderij te beheinen. Dat belied hat oantoanber faald en ek foar de takomst hoege wy dêr neat fan te ferwachtsjen. Wy meitsje dizze subsydzjes frij foar in folle bettere oplossing: boeren helpe om oer te stappen nei werklik duorsume lânbou.
- Sûn plantaardich iten wurdt goedkeaper: de btw op griente en fruit giet nei it nultaryf. De maatskiplike kosten fan dierlike produkten wurde trochberekkene yn 'e priis.
- It oanbod fan iten wurdt ynrjochte op 'e duorsume kar. Plantaardich iten wurdt de noarm, dierlike produkten de útsûndering. It súksesfolle konsept 'Karnifoar? Jou it troch!' wurdt folop oanmoedige en yn alle gefallen trochfierd by alle oerheidsynstellings.
- De miljoenensubsydzjes foar de promoasje fan dierlike produkten kinne folle better brûkt wurde. Wy sette se om nei kampanjes dy't rjochte binne op 'e befoardering fan in plantaardich itenspatroan.
- Skoalmolkeregelings wurde stopset.
- Plantaardige alternativen foar fleis, fisk, suvel en aaien hawwe de ôfrûne jierren in enoarme flecht nommen. Dit sukses bouwe wy út troch

de ûntwikkeling fan dy ynnovaasjes och sa te stimulearjen en te stypjen. Under betingst dat it searum fan kealtsjes, of oare produkten dy't mei diereliken te krijen hawwe, net brûkt wurdt, kinne ek kweekalternativen stimulearre wurde.

### Fan hannelsbelied nei itensbelied

In soad positive feroaring begjint mei it ûnmanteljen fan tinkflaters. Iten wurdt te'n ûnrjochte sjoen as hannelswaar, as in middel om it Bruto Binnenlânsk Produkt mei op te skroeven. De Partij foar de Dieren ferset har dêr fel tsjin: iten is in minskerjocht. Net de fraach hoe't wy oan iten fertsjinje kinne moat sintraal stean, mar de fraach hoe't wy soargje kinne dat elkenien tagong kriget ta sûn en duorsum iten.

- Der komt in itensbelied, wêryn't it rjocht op iten en de posysje fan duorsume boeren sintraal stean.
- It ministearje fan LNV wurdt ôfskaft. Der komt in minister fan Iten en Lânbou.
- Skoallen wreidzje harren programma's út foar sûne mielen en skoalfruit en keapje biologysk, plantaardich en duorsum yn. Lesprogramma's besteegje in soad omtinken oan sûn en duorsum iten.
- Der komt in effektive, yntegrale oanpak om itensfergriemerij te stopjen. Regels oer hâldbberheidsdata en uterlike skaaimerken dy't trochslein binne, soargje der noch altyd foar dat iten dat fierder goed is dochs fuortsmitten wurdt. Dy regels moatte yn alle gefallen fan tafel.

### Ferbining tusken boer(inne) en boarger: in sûne itensmerk

It slepen mei iten de hiele wrâld oer, is miskien wol ien fan de meast sichtbere eksessen fan 'e hannelspolityk dy't ek it itensdomein folslein oernommen hat. En dat wylst dêr faak gjin inkelde needsaak foar is. Sa eksportearret Nederlân sipels nei Brazilië wylst hjir sipels

út Nij-Seelân yn 'e winkel lizze. Sawol de ferbining tusken boeren en boargers as dy tusken de boargers en harren iten binne bot fersteurd. It is heech tiid om dy ferbining wer te meitsjen, want just de ferbining jout ús de kâns om de omskeakeling yn 'e lânbou tegearre mooglik te meitsjen. It begjin fan 'e feroaring is der al: troch it hiele lân ûntstean ynysjativen foar lokale itensproduksje, mei boeren en boargers tegearre. En ûnder oanfiering fan 'e Partij foar de Dieren is it begjin fan it ein fan frijhannelsferdraggen ynset. Sa is mei tank oan ús partij de frijhannelsdeal mei de Mercosur-lannen, dy't liede soe ta massale ymport fan goedkeape lânbouprodukten, fan tafel reage. Dit waaksjende ferset sille wy útbouwe, sadat wy duorsume boeren beskermje kinne.

- Foar al it iten dêr't dat by kin, sille wy de produksje regionaal organisearje.
- Boeren wurde beskerme tsjin ûnearlike konkurrinsje fan bûtenôf. Wy blokkearje alle Europeeske frijhannelsbedraggen dy't liede ta ymport fan goedkeape produkten dy't ûnder ús eigen standerts produsearre binne.
- Der komme heffings oan de Europeeske bûtengrinzen foar iten dat wy sels ek produsearje (kinne), mar dan duorsumer. Sa wurdt de negative spiraal fan bulkproduksje tsjin sa leech mooglike kosten trochbrutsen en komt der romte foar kwaliteit, boerefakmanskip en de minsklike maat.
- Nederlân stoppet mei it opbouwen fasilitearjen fan fee-yndustry op oare plakken, lykas yn Oekraïne bard is. De eksport fan fokdieren of stâlsystemen nei oare lannen wurdt net mear tastien.
- Boeren en túnkens krije de mooglikheid om harren mei-inoar sterk te meitsjen foar in earlike ynkeapspriis foar harren produkt. Ek komt der in earlike-priis-bewiis: tuskenhannelers, supermerken en oare retailers moatte oantoane dat sy in earlike ynkeapspriis betelje oan de boer. Kontrakten mei in leveringsplicht foar in priis dy't de kosten net dekt wurde ferbean. De priis dy't de konsumint yn 'e winkel betellet moat in 'true price' wêze.

- Ynisjativen foar regionale itensproduksje en de ferbining tusken boer en boarger wurde folop stimulearre. Rom baan foar stedslânbou, itensbosken en pleatsen dêr't boargers mei-inoar it eignerskip foarmjouwe en oparbeidzje mei de boer!
- It Europees Gemeenschappelijk Landbouwebeleid, dat produksjeferheging noch altyd offisjeel as iennichste doel hat, moat folslein oars. De hûnderten miljarden (!) euro's lânbou- en fiskerijsubsydzjes út 'e kommende mearjierrerbegrutting fan 'e EU (2021-2028) wurde brûkt om boeren en fiskers te helpen om om te skeakeljen nei ekologyske, plantaardige itensproduksje. Dêrnei wurde de subsydzjes ôfskaft.
- Plante- en diererasen mei gjin eigendom fan bedriuwen wêze. Oktroaien op foarmen fan libben wurde ferbean. Wy fersette ús tsjin it besykjen om genen fan planten en dieren te patintearjen en de itensmerk sa te behearskjen troch bedriuwen as Bayer-Monsanto en BASF.
- Nederlân set him ynternasjonaal yn foar in sterk kwekersrjocht foar boeren en gewaaksferedelers.

### Sûne teelt op in sûne boaiem

De natuer leveret alles wat minsken nedich hawwe foar de produksje fan ús iten: in sûne boaiem om ús gewaaks op te telen, skjin wetter foar in goede groei en bioferskaat dat helpt by de bestowing en it foarkommen fan pleagen. Ien fan 'e djoerste flaters dy't de minsk meitsje kin, is it ferneatigjen fan 'e natuer en de boaiem dy't hy nedich hat foar de produksje fan syn iten. Yntinsive lânbou hat de boaiem sa bot útput dat it gewaaks dat derop groeit folle minder itenswearde hat as 50 jier lyn. Tiid foar radikale feroaring: wy stopje de kealslach. Tenei sille wy de basis dy't de natuer ús biedt goed beskermje. In moadeterm as 'kringlooplandbouw' hat gjin doel: biologyske boeren en túnkens litte al desennialang sjen hoe't je in omrin slute kinne en sûn iten produsearje kinne yn oparbeidzjen mei

de natuer. De Partij foar de Dieren seit: meitsje fan dit boerefakmanskip de paadwizer foar de lânbou yn Nederlân.

- It ferskaat fan natuerynklyskive lân- en túnbou wurdt de noarm, lykas biologysk, permakultuer, agroforestry en regenerative en agro-ekologyske systemen. Gongbere boeren en túnkens wurde holpen mei de omskeakeling nei dizze duorsume foarmen fan itensproduksje.
- Wy sille skerpe karren meitsje oer it brûken fan ús lânbougrûn. Wy nimme ôfskied fan teelt dy't gjin duorsum doel tsjinnet mar wol in soad skea feroarsaket bygelyks troch it brûken fan in soad gif en útputting fan 'e boaiem. Wy stopje fuort mei de lelyteelt en bouwe de hiele gongbere bolleteelt ôf. De boaiem kriget de kâns op te wouterjen en de telers wurde holpen by de omskeakeling nei duorsume teelten.
- It brûken fan 'e boaiem wurdt basearre op 'e grûnsoart en it natuerlike wetterpeil (funksje folget boaiem en peil), yn plak fan oarsom. Sa sil yn feangreidegebieten, by in natuerlik grûnwetterpeil dat folle heger leit, oerskeakele wurde moatte nei wiete teelten, of wurde greiden weromjûn oan natuer. Dat is essinsjeel tsjin boaiemdelgong.
- Duorsum teelde plantaardige aaiwytgewaaksen foar minsklike konsumpsje hawwe de takomst: de boaiem knapt der sichtber fan op en foar boeren biede se in duorsum perspektyf. De omskeakeling nei dy teelten wurdt goed stimulearre, fasilitearre en stipe.
- Troch de kar foar in plantaardige takomst komt der in soad lânbougrûn frij dy't wy better benutte kinne: foar mear natuer, foar it oplossen fan it tekoart oan wenten én foar de duorsume teelt fan oaljehâldende gewaaksen (lykas koalsied) en gewaaksen foar duorsume tapassings, lykas hennep en flaaks. Dy teelten wurde stimulearre.
- Gewaaksen dy't de boaiem útputte, lykas ierappels, kinne net langer om de twa of trije jier teeld wurde op itselde stik lân: in rommere

gewaaksrotaasje (maksimaal ien kear per seis jier) wurdt ferplichte.

- Monokultueren moatte plak meitsje foar stroteelt of oare foarmen fan natuerynklyskive, regenerative lânbou.
- Wy stopje it stikken jarjen fan ús boaiems. Oan 'e strukturele oerdonging yn Nederlân komt in ein. Wy freegje gjin útsûndering (derogaasje) mear oan op 'e dongregels dy't foar oare Europeeske boeren ek jilde. It ynjektarjen fan dong wurdt ferbean, lykas it brûken fan keunstdong. It hjoeddeistige dongjen sil foar it grutste part ferfongen wurde troch plantaardige dong en grienbemesters.
- De boaiem kriget wer lucht. Mei minimale of net-kearjende grûnbewurking sille wy it fertichtsjen fan 'e boaiem foarkomme en krije boaiemlibben en in sûne woartelgroei mear kâns. Wetter wurdt hjirmei better fêsthouden en mear CO<sub>2</sub> sil ôfbrutsen en opslein wurde. Yntinsive grûnbewurking, lykas ploegje, wurdt net mear tastien. Swiere lânboumasines sille plak meitsje foar lytse, lichte masines, dy't boppedat elektrysk ride.
- De boaiem kriget wer wetter. Wetter wurdt net langer ferhastige ôffierd, mar just opfongen foar drûge perioades. It grûnwetterpeil wurdt net langer keunstmjittich ferlege, mar der wurdt in natuerlik peil oanhouden.
- De lân- en túnbou wurkje sûnder gif. It brûken fan lânbougif wurdt fluch en ferplichte ôfboud.
- Lokale produksje fan kompost wurdt stimulearre (ûnder mear it fermintearjen fan bermmeansel). Troch it brûken fan (biologysk) kompost wurdt it gehalte oan organyske stof yn 'e boaiem wer better makke.
- Agroboskbou (de kombinaasje fan lânbou en boskbou op itselde perseel) wurdt sterk stimulearre.
- Biologyske (tradisjonele) gewaaksferedeling wurdt stimulearre, foar de ûntwikkeling fan sûne en warbere rassen.

## Gentechfrij

Sûne lânbou is gentechfrij. Genetyske manipulaasje fan planten komt út 'e yndustriële wurkwize fan ús itensysteem. Gentech giet folslein foarby oan de wittenskip dat wy alle minsken op 'e wrâld – no en yn de takomst – sûn en duorsum te iten jaan kinne wannear't wy kostbere aaiwiten net fergrieme oan feehâlderij, mar drekt beskikber meitsje foar minsken. De Partij foar de Dieren is út it foarsoarchsbegjinsel wei bot tsjinstanner fan 'e genetyske manipulaasje fan gewaaksen. Wannear't de ynhâld fan in gengewaaks letter mear skea tabringt dan earst tocht wie, wylst it him fermingd hat mei oare organismen yn it ekosysteem, dan kinne je ommers net mear werom. De duorsume tasizzingen binne net ynlost: troch gentechsoaja en -mais is it brûken fan giftige bestridingsmiddels earder tanommen yn plak fan ôfnommen. Genetyske manipulaasje is boppedat in bedriging foar de gongbere en biologyske teelt omdat de manipulearre gewaaksen har minge kinne mei gewaaksen dy't net genetysk manipulearre binne. Wy meitsje ús sterk foar in gentechfrij Nederlân en Europa.

- Nederlân ferklearret himsels gentechfrij: de teelt en ymport fan genetysk manipulearre gewaaksen wurdt ferbean. Salang't in Europeesk ymport- en teeltferbod noch net realisearre is wolle wy dat lidsteaten en regio's sels de mooglikheid krije om de teelt fan genetysk manipulearre gewaaksen te ferbieden.
- It genetysk manipulearre en kloanen fan dieren is etysk sjoen ûnacceptabel en bringt slim lijen fan dieren mei har mei. Nederlân makket him sterk foar in ymportferbod op kloande en genetysk manipulearre dieren, harren neiteam en de produkten dy't fan dizze dieren makke wurde. Nederlân set him aktyf yn foar in trasearsysteem om oer de hiele wrâld de hannel yn kloande dieren kontrolearje te kinnen.

## De fisk wurdt (te) djoer betelle

Oer ús iten út 'e see binne in soad misferstannen. De fetsoeren út it lichem fan fisken binne sûn, mar dat wy dêrom fisk ite moatte soenen is net wier. Fisken meitsje dy fetsoeren net sels, mar krije see binnen troch algen te iten – en dat kinne wy sels ek. Troch te kiezen foar streekrjocht plantaardich iten út 'e see (seealge-oalje, seewier) kome wy boppedat sûnensskea foar troch de swiere metalen en plestik resten dy't fia fisk op ús panne telâne komt. De sûnens fan minsken, it wolwêzen fan fisken en it bioferskaat yn seeën en oseanen freegje om in radikale koerswizing: wy moatte minder fisk fange en ite. Boppedat wurde de measte fisksoarten swier oerbefiske, der wurdt sáfolle fisk fongen dat guon fisksoarten driigje te ferdwinen. De Nederlânske fiskerij is mei-ferantwurklik foar de strukturele oerbefisking yn it Europeeske wetter en ferwoasting fan it boaiemlibben. Mei Europeeske subsidzjes wurde ek seeën bûten Europa plundere, lykas foar de kust fan Afrika. De grutste *trawlers* op 'e wrâld binne yn Nederlânske hannen. Fiskwekerijen binne in nije fee-yndustry. Se losse it probleem fan 'e oerbefisking net op: in soad kweekte fisken wurde fuorre mei fiskmoal dat makke wurdt fan út it wyld fongen fisk. Fiskwekerijen binne net duorsum en beslist net dierfreonlik. De alternativen binne foarhannen: plantaardich iten út 'e see makket ús sûner, foarkomt in soad lijen fan dieren en jout de ûnderwetternatuer de kâns om wer by de tiid te kommen.

- Wy sette yn op feroaring: fisken ite is net nedich foar de sûnens. Sûne fetsoeren kinne wy út alge-oalje en seewier helje. Der komt in effektive kampanje om minsken bewust te meitsjen fan 'e nije ynsjoggen. De plantaardige opsje wurdt goedkeaper troch de btw ôf te skaffen.
- De fiskerij en fiskwekerijen wurde ôfboud. Fiskerijsubsidzjes wurde fuortendaliks ôfskaft.
- Ekosystemen en fisksoarten dy't der min oan

ta binne, krije de kâns by de tiid te kommen troch in totaalferbod op 'e fiskerij yn it gebiet. Foar de kwetsbere soarten lykas iel, kabbeljau en tonyn wurdt fuortendaliks in fangstferbod ynsteld.

- Boaten mei destruktive fiskerijtechniken komme de see net mear op. Meunstertrawlers, djipseefiskerij, skippen dy't mei sleepnetten de seeboaiem ferwoaste (beamkorren) of dieren ûnder stroom sette (pulsfiskerij), wurde ûnder Nederlânske flagge ferbean.

## Duorsume, regionale lânbou foar in rjochtfeardige wrâld

In itensysteem dat safolle mooglik regionaal organisearre is, is op alle plakken fan 'e wrâld it bêste idee: yn it rike westen, mar just ek yn kwetsbere gebieten. De hjoeddeistige lânbou- en itenspolityk yn Nederlân en Europa bringt net allinne grutte skea oan klimaat en bioferskaat op eigen kontinint, mar makket de útgongsposysje fan minsken dy't dochs al ûnder folle dregere omstannichheden as ús libje ek in stik minder. Mei ús rôftocht nei biobrânstoffen en goedkeape grûnstoffen foar ús feefoer- en libbensmiddelen-yndustry meitsje wy ús gauris skuldich oan lânrôf en it skeinen fan minskerjochten. Wy putte boaiems út en ferneatigje eko- en klimaatsystemen dêr't minsken yn kwetsbere gebieten fan ôfhinklik binne om in eigen duorsume takomst op bouwe te kinnen. De Partij foar de Dieren wol in lânboubelied dat gjin skea docht, mar just kânsen jout oan minsken yn kwetsbere gebieten.

- Grutte ynternasjonale hannelsketens wurkje ferwoasting fan ekosystemen yn 'e hân, kreëarre kwetsbere monokultueren en pakke desastreus út foar de posysje fan famkes en froulju yn 'e lannen dêr't de produksje plak fynt. Duorsume, lytsskalige lânbou-ekonomyen fersterkje de posysje fan famkes en froulju just. Wy brekke de grutte hannelsketens ôf en helpe de minsken yn

ûntwikkelingslannen mei it opbouwen fan in duorsume, regionale lânbou-ekonomy.

- Fiskerij-akkoarten tusken de Europeeske Uny en oare lannen binne rôfakkoarten en wurde fan tafel reage of wurde opsein.
- Nederlân stoppet mei it stimulearre en eksportearjen fan systemen en produkten foar yndustriële lânbou lykas slachterijen, megastâlen, keunstdong, lânbougif en genetysk manipulearre gewaaksen. Yn plak dêrfan wurdt ynvestearre yn regionale, agro-ekologyske itensfoarsjenning en yn regionale ynfrastruktuer.
- Wy stoppe it dumpen fan goedkeape, subsidiearre lânbouprodukten op 'e merken fan lannen yn it mondiale suden. Alle budzjetten foar eksportpromoasje ferdwine en de Europeeske lânbou- en fiskerijsubsidzjes wurde ôfskaft.
- Grutte bûtenlânske bedriuwen meitsje faak misbrûk fan korrupte regearings-funksjonarissen yn ûntwikkelingslannen om lânbougrûnen te hieren of te keapjen. Dy grûnen binne faak lykwols fan lokale boerefamyljes. De Partij foar de Dieren wol dat Nederlân him yn ynternasjonaal ferbân sterk makket tsjin dizze lânrôf. Ynvestearings yn lân en grûn hearre te foldwaan oan de kritearia fan de VN-minskerjochtenrapporteur foar it Rjocht op iten.
- Wy stoppe mei de ymport fan produkten dy't te'n koste gean fan 'e leefomjouwing op oare plakken of dy't de minskerjochten en it dierewolwêzen skeine.

## Tuskenstappen yn de transysje: sûnens fan minske en dier foarop

De oergong nei in duorsum itensysteem is net fan 'e iene op de oare dei realisearre. Utsein radikale karren dy't nedich binne om de koers te ferlizzen, hawwe transysjes in oergongsfaze dy't om tuskenstappen freget. Salang't dieren noch net folslein befrijd binne út 'e itensketen, sil de feehâlderij risiko's foarmje foar de folkssûnens en lizze soënoazen op 'e loer. Salang't it brûken

fan gif yn 'e lânbou noch net útband is, rint de sûnens fan omwenners fan ikkers dy't faak bespuite wurde gefaar. Salang't der fiskerij plak fynt, binne der maatregels nedich om de skea oan ekosystemen yn see te beheinen. Koartsein: wy slaan it paad yn nei in werklik duorsume, plantaardige takomst én sette tuskenstappen om de sûnens fan minsk, dier en natuer sa goed mooglik te beskermjen ûnder de transysje.

#### Tuskenstappen foar de lânbou

- Hoe minder dieren op in bultsjie, hoe lytser de risiko's binne op sykte-útbraken en it oerslaan fan syktes op de minske (soönoazen). Der komt in maksimum tal dieren op ien bedriuw en per regio.
- It tiidrak fan 'e megastâlen is oer. Der komme gjin nije fergunnings foar de bou fan megastâlen of foar it útwreidzjen fan besteande feehâlderijen.
- Hoe minder der mei dieren omsleept wurdt, hoe lytser de kâns dat der diersyktes en soönoazen binnenhelle of ferspraat wurde. De ymport fan libbene dieren, lykas kealtsjes, om fet te mesten yn Nederlânske stâlen wurdt ferbean.
- Der komme strange regels foar it brûken fan antibiotika yn 'e feehâlderij. It previntyf tastsjinjen fan antibiotika stoppet definityf. Der komme ekstra kontrôles foar de sektoaren dêr't in soad antibiotika yn brûkt wurdt.
- De bot ynkrompen feehâlderij wurdt folslein grûnbûn. Wy stopje mei de ymport fan grûnstoffen foar feefoer, lykas soaja en palmoalje. Eksport fan dong is net langer tastien en de dongfraude wurdt hurder oanpakt.
- Dongfabriken ferdwine út Nederlân. De (miljarden!) subsydzjes foar dongfergisters kinne wy folle better besteegje oan echt duorsume enerzjy. Der komme gjin fergunnings mear foar de bou fan nije dongfergisters, en de besteande wurde ûntmantele.
- De sûnens fan omwenners fan ikker- en tûnboubedriuwen komt foar de ekonomyske

belangen fan 'e telers. Yn 'e buert fan wenhuzen, skoalpleinen en oare plakken dêr't minsken wenje en wurkje en bern boartsje mei net mear mei pestisiden spuite wurde. Dizze spuitfrije sônes sille ek jilde om iepenbiere diken, fyts- en kuierpaden hinne en om plakken dêr't dieren ferbliuwe hinne, lykas greides.

- Der komt in ferbod op it stunten mei fleis en suvel. Kiloknallers, plofhinnen en plofmolke ferdwine út 'e skappen.
- It produsearjen fan oerskotten oan fleis, aaien en suvel kin net talitten wurde. Wy fersette ús dêrom tsjin Europeeske opkeapregelingen en it subsidiearjen fan it opslaan fan oerskotten.
- Der komt ferplichte etikettearing foar fleis, suvel en aaien ôfkomstich fan dieren dy't fuorre binne mei genetysk-manipulearre gewaaksen. Wannear't gentech-yngrediïnten yn in produkt ferwurke binne, wurdt dit dúdlik fermeld op 'e foarkant fan it produkt of de ferpakking.
- Yn pachtkontrakten komme strange betingsten foar in duorsum boaiembehear.
- Lân dat greide bliuwt wurdt net langer 'ferskuord' (ploegd en dêrnei op 'e nij ynsiedde).
- Mei it ynsiedzjen fan ynheemske krûdemingsels bringe wy greides wer ta libben.

#### Tuskenstappen foar de fiskerij

- It foarsoarchsbegjinsel wurdt liedend yn it fiskerijbelied. Dit hâldt yn dat wy net mear fiskje dan ûnôfhinklike biologen ferantwurde fine. En as wittenskiplike gegevens net foldwaande beskikber binne, dan wurdt der net fiske, of der wurde flinke feilichheidsmarzjes ynboud mei fangstkwota op in tige leech nivo.
- Nederlân bout de oerkapasiteit fan 'e fiskersfloat yn heech tempo ôf. De fangstkapasiteit fan de Europeeske fiskersfloat mei net grutter wêze dan de ekosystemen yn it Europeeske wetter ferneare kinne.

- Besteande ôfspraken sille strang neilibbe wurde om skealike fiskerijpraktiken tsjin te gean. It ferbod op it dumpen fan fongen fisk op see wurdt strang hanthavene, ûnder oaren fia kamera's of tafersjoch oan board. Fiskersboaten fan reders dy't harren net oan 'e regels hâlde gean oan it keatling.
- Byfangsten wurde bot fermindere troch in ferbod op net-selektive fiskerijmetoaden.

# 4 Systeemferoaring

## **Ekonomyske groei is net de oplossing, mar it probleem**

De iennichste ekonomy dy't hâldbber is, is in ekonomy dy't bliuwt binnen de draachkrêft fan 'e lerde en dy't sosjaal rjochtfearnich is. It hjoeddeistige ekonomyske systeem is net rjochtfearnich, net stabyl, net duorsum en makket minsken net gelokkich. It soarget op papier foar mear wolfeart, mar yn realiteit giet it te'n koste fan ús wolwêzen – en dat fan minsken op oare plakken en takomstige generaasjes. De ferslaving oan ekonomyske groei is in grut probleem op in planeet dy't net meigroeit. Groei moat net it doel wêze, mar it wolwêzen fan minske, dier en planeet. Dat kin as wy kieze foar in wolwêzensekonomy, dy't yn tsjinst stiet fan in lykwaardige maatskippij, dêr't wy yn harmony mei inoar en de natuer libje. De wolfeart fan 'e ien giet dan net mear te'n koste fan it wolwêzen fan 'e oar. Kwetsbere wearden wurde beskerme, en de belangen fan grutte, fersmoargjende bedriuwen komme dêrby op it twadde plak.



In soad minsken hawwe it dreech om rûn te kommen, wylst oaren hieltyd riker wurde. Yn Nederlân libje rom in miljoen minsken ûnder de earmoedegrins, wylst ien prosint fan 'e Nederlanners hast in kwart fan al it fermogen yn 'e hannen hat. It is de taak fan 'e oerheid om foar alle ynwenners in sosjaal minimum te garandearjen en der tagelyk foar te soargjen dat wy net oer de grinzen fan 'e draachkrêft fan ús planeet hinne gean.

De ekologyske en sosjale krisis binne nau mei-inoar ferbûn. It foaropsetten fan koarte-termynbelangen en in hillich leauwen yn ekonomyske groei binne te'n koste gongen fan ús planeet en fan minsken dy't op 'e arbeidsmerk minder sterk stean. De konstante race nei de boaiem hat laat ta it útrûpeljen en útputten fan minske, dier en planeet. Dy race is foar gjinien fol te hâlden. It lêste wat wy dwaan moatte is werom nei dat âlde (ab)normaal. Om dat foar te kommen is in radikale feroaring fan 'e belesting- en beleanningsstruktueren yn ús ekonomy beslist nedich.

### In ekosintrale ekonomy

Wy libje yn in tiid wêryn't wy mei hieltyd minder minskkrêft alles produsearje en organisearje kinne wat wy nedich hawwe. Dat jout yn potinsje in geweldige kâns om mear tiid yn oare dingen te stekken, lykas soarch foar inoar en foar de natuer, persoanlike ûntwikkeling, ynnovaasje, sport, keunst ensafuorthinne. Mar de wize wêrop't wy de ekonomy no organisearre hawwe, stean dy kânsen yn it paad: minsken moatte hieltyd hurder en langer wurkje, yn plak fan minder. Produksje en konsumpsje bliuwe mar groeien, los fan 'e fraach oft minsken dêr ferlet fan hawwe. Wurk bliuwt djoer troch hege belestingen. Grûnstoffen dêrfoaroer binne spotgoedkeap wylst se krap, skealik en einich binne.

Alles mar produsearje kinne wat wy nedich tinke te hawwen, hat ek grutte skaadkanten.

De maatskippij is dêrtroch út lykwicht rekke. Wy hawwe mear guod dan oait, mar like maklik smite wy dy spullen ek wer fuort. Om 'e safolle tiid nije klean of in nije tillefoan keapje is hiel gewoan wurden. Boppedat hat dy produksjedrift deroan bydroegen dat wy de grinzen fan wat de planeet oankin, oer gongen binne.

De koroanakrisis is in kearpunt. De pandemy lit sjen dat oerheden, wannear't it der echt om te dwaan is, radikaal yn 'e ekonomy yngripe kinne. De krisis hat by in soad minsken ek dúdlik makke dat ymmateriele wearden as freonskip, leafde, soarch foar neisten, in goede sûnens en tiid foar elkoar folle mear wurdich binne as it hawwen fan hieltyd mear guod.

De Partij foar de Dieren hat in mienskip foar eagen dy't it kalmer oan docht en mei minder guod ta kin. Dêrby moat de wearde fan it wurk dat dien wurdt ek ta útdrukking komme yn echte bestanswissens.

Dêrom moat it belesting- en beleanningsstelsel radikaal oars en it minimumlean mei fjirtich prosint omheech. De Partij foar de Dieren wol belêste wat krap of skealik is, en ûntsjen wat fan wearde is. Dat betsjut dat wy de belesting op fersmoargjende aktiviteiten en it brûken fan einige grûnstoffen aardich mear belêste sille, mar de belesting op arbeid just flink ferleegje. Sa ferminderje wy miljeudruk en kreëarje wy mei griene banen in enoarm soad duorsume wurkgelegenheid.

- Fersmoarging en krappe grûnstoffen wurde folle swierder belêste. Dat betsjut ûnder mear in flinke CO<sub>2</sub>-belesting, in progressive fleanbelesting en in belesting op dierlike aaiwiten. De subsydzjes foar de fossile yndustry wurde ôfskaft.
- Wurkjen wurdt dêrfoaroer in hiel stik minder belêste. It leechste taryf foar de ynkombestelesting wurdt ferlege. It minimumlean giet flink omheech en de posysje fan 'e wurknimmers op 'e arbeidsmerk wurdt fersterke. Troch in ferleging fan 'e

wurkjouwerslêsten foar lytse bedriuwen, wurdt it oantrekliker makke om minsken yn tsjinst te nimmen.

- Produksje wurdt primêr rjochte op in regionale merk. De btw op produksje en tsjinsten fan wearde wurdt ôfskaft. Lokaal ûndernimmerskip wurdt stimulearre. Om ûnearlike konkurrinsje tsjin te gean, komt der in belesting foar grutte ynternetwinkelbedriuwen.
- Us pensjoenjild wurdt net mear ynvestearre yn 'e fossile en bio-yndustry. Banken wurde opsplitst yn nuts- en sakebanken.
- In basisynkommen kin ûnder de juste rânebetingsten ynkommenswissens jaan en de posysje fan wurknimmers rjochting wurkjouwers fersterkje. Der komt in grutte pilot nei it basisynkommen.
- It bruto binnenlânsk produkt (bbp) is gjin geskikte yndikator foar ús wolfeart en ús wolwêzen, en is gjin doel op himsels. Wy sille wolfeart en wolwêzen oars mjitte.
- Tagong ta kontant jild wurdt boarge. Der wurdt soarge dat it tempo fan it ferdwinen fan kontant jild út de omrin fertrage wurdt en it persintaazje fan konstant jild dat yn omrin is mei net ûnder in bepaald minimum komme.

### Radikale fiskale fergriening

Lêsten en lusten moatte earlik ferdield wurde. Grutte fersmoargers dy't in belangryk oandiel hawwe yn 'e klimaatkrisis, en dy't it meast profitearre hawwe fan ekonomyske groei, moatte ek de kosten drage fan 'e klimaattransysje.

De tsientallen miljarden oan koroana-stipejild binne in kâns om dingen te feroarjen yn it foardiel fan it klimaat en it bioferskaat. It is ûnbesteanber dat dy enoarme hoemannichte jild brûkt wurdt om werom te gean nei it âlde normaal. Flink ynvestearje yn 'e klimaattransysje sil by eintsjebeslút mear opsmite dan kostje. As de temperatuer mei twa graden omheech giet, kostet dat oer de hiele wrâld mear as 25.000 miljard dollar oan ekstra klimaatskea.

- Der komt in flinke CO<sub>2</sub>-belesting.
- Der komt in progressive fleanbelesting. Hoe faker je fleane, hoe heger de belesting per kaartsje. Op kerosine komt belesting.
- Der komt in aparte belesting op dierlike aaiwiten.
- It taryf fan 'e heechste skiif fan 'e winstbelesting wurdt yn stappen ferhege fan 25 prosint nei 35 prosint, it nivo fan it begjin fan dizze iuw.
- De subsydzjes foar de fossile yndustry, dy't op syn minst 4,5 miljard per jier bedrage, wurde ôfskaft.
- Salang't der noch gjin sprake is fan it brûken fan plestik dat net op 'e nij brûkt wurdt, komt dêr belesting op.
- De degressive enerzjybelesting ûntsjocht grutterbrûkers en wurdt ôfskaft. Yn plak dêrfan wurdt de enerzjybelesting just progressyf. In progressive enerzjybelesting betsjut dat hoe mear enerzjy je brûke, hoe heger de belesting gemiddeld wurdt.
- Der komt in flinke belesting op lânbougif dat (noch) net ferbean is.
- Der komt in 'databelesting' foar (ynternasjonale) bedriuwen en ynternetplatoarms. De hichte fan 'e heffing is keppele oan de mannichte data dy't benut wurdt troch dy organisaasje.

### Wurk is fan wearde, wurk moat leane

Elkenien yn Nederlân soe in ynkommen hawwe moatte dat heech genôch is om fan rûn te kommen. Mar by in soad minsken is de beurs al foar it ein fan 'e moanne leech. Hier, gas, wetter, elektrisiteit, soarchpreemje, berneopfang, abonneminten, belestingen en ferfier meitsje it libben djoer. Unferwachte rekkens, lykas in reparasje, binne dan krekt te folle. De taslaggen fan 'e Belestingsjinst leverje soms just stress op, omdat dy yn 'e takomst miskien wer werombetelle wurde moatte.

De ôfrûne jierren binne de ûnearlikheden yn 'e Nederlânske maatskippij allinne mar grutter

wurden. Sinfol wurk wurdt faak min betelle, en wurk wêrby't je der net wis fan binne wat de tafoege wearde is, wurdt faak goed betelle. De Partij foar de Dieren wol de besteanswissens ferheegje en beroppen dy't no leech betelle wurde mear wurdearje, net allinne yn jild, mar ek hoe't wy as mienskip nei harren wurk sjogge.

- It leechste taryf fan 'e ynkomstebelesting wurdt ferlege. It heechste taryf wurdt ferhege nei 60%. Minsken mei in heech ynkommen profitearje relatyf in soad fan 'e basisfoarsjennings (lykas goed ûnderwiis en ynfrastuktuer). It is net mear as ridlik om harren om in earlike bydrage te freegjen.
- It minimumlean giet omheech nei 14 euro per oere. De AOW, de Wajong en de bystânsútkearing stige mei.
- De hieren wurde de kommende jierren net ferhege.
- De leanen yn 'e publike sektor sille goed omheech gean.
- Yn in mienskip dêr't elkenien yn meidwaan kin, binne taslaggen fan 'e oerheid net nedich. Foar it taslagge-stelsel moat op termyn in alternatyf komme; it útgongspunt is dat elkenien genôch ynkommen hat om goed fan te libjen.
- Hypoteekrinte-ôftrek bliuwt mooglik ta in bedrach fan 350.000 euro. De hypoteekrinte-ôftrek foar bedraggen dêrboppe wurdt yn stappen ôfskaft. Tagelyk wolle wy der op ta dat it wenjen wer betelber is.
- De fermogensbelesting wurdt ferhege fan 1,5% nei 3% foar de heechste skiif fan 'e besteande fermogensbelesting. Dat betsjut dat foar fermogens fan mear as in miljoen euro mear belesting betelle wurde moat. Dêrnei rint de fermogensbelesting progressyf op.
- Minsken yn itselde húshâlden hawwe rjocht op in bystânsútkearing. Dat betsjut dat de kostendielensoarm ferfalle sil.
- Der sil ûndersocht wurde hoe't de foardielen fan 'e 'eigen wente' ek berikber makke wurde kinne foar hierders, sadat hierders net alle jierren mei kosten te krijen hawwe dy't heger

wurde, wylst foar húseigners de lêsten gelyk bliuwe of sels leger wurde.

### In earlike arbeidsmerk – in ein oan útrûpelbanen

De Partij foar de Dieren wol in maatskippij dêr't minsken safolle mooglik sels ynfolling jaan kinne oan hoe't se harren libben ynriochtsje en harren ynkommen fertsjinje. Wy wolle ôf fan de prestaasjedruk dy't trochslein is en dy't soarget foar kontinue stress en it gefoel opjage te wurden. Itselde wurk betsjut foar ús ek gelikense beleanning. Sekse, gender en etnisiteit mei net liede ta ynkommensferskillen.

De Partij foar de Dieren makket in ein oan útrûpelbanen en trochdraaide flekskontrakten. Troch in koartere wurkwike en in bettere ferdieling fan it beskikbere wurk is der mear tiid foar inoar. De machtsposysje fan wurkjouwers is yn guon sektoaren fierstente sterk. Ien fan dy sektoaren is de fleissektor. Koroana lei de mistannen op 'e wurkflier bleat, slachterijen bliken slim gefaarlike besmettingshurden fan it firus te wêzen. Slachthuzen hearre by de grutste útrûpelders fan kwetsbere arbeidsmigranten fan Nederlân. Mar ek yn oare sektoaren moat de posysje fan 'e yndividuele wurknimmer fersterke wurde.

- Der komt in breed om- en weropliedingsprogramma foar beroppen dêr't yn 'e takomst (folle) minder ferlet fan is, bygelyks yn 'e loftfeart-, fossile yndustry en fleissektor.
- Der komt in fergunningsplicht foar útstjoerburo's om de wyldgroei oan útstjoerburo's in halt ta te roppen.
- Der komt in ein oan de wyldgroei fan ferskillende arbeidskontrakten. Allinne it fêste en it tydlike kontrakt foar it gewoane wurk, it útstjoerkontrakt om sykte of grutte drokte op te fangen, en it selsstannigenkontrakt foar zzp'ers, sille oerbliuwe as arbeidskontrakten. Utstjoerkrêften krije rjocht op deselde

arbeidsbetingsten as oare wurknimmers. Skynselsstannigens wurdt tsjingongen en meiwurkers wurde net twongen om zzp'ers te wurden.

- De koroanakrisis hat sjen litten dat mei de arbeidsomstannichheden yn slachthuzen in ferskriklik soad mis is. De slachthuzen krije prioriteit fan 'e arbeidsynspeksje.
- Der komme strange easken oan ûnderkommens fan arbeidsmigranten. Arbeidsmigranten krije yn alle gefallen rjocht op in sliepkeamer dy't se net hoege te dielen. Se wurde yn steat steld om harren oan de koroana-regels te hâlden. Wurkjouwers binne ferantwurdlik as de arbeidsmigranten hjir net by holpen wurde. Kommersjele bedriuwen kinne net tagelyk én wurkjouwer én húsbaas fan arbeidsmigranten wêze.
- De arbeidsynspeksje kriget in breder mandaat om sels ûndersyk te dwaan en sil ek hanthavenje op it neilibjen fan cao-leanen, diskriminaasje en sosjale feiligens. De arbeidsynspeksje giet dêrby ek echt yn petear mei meiwurkers.
- De ferlofregeling foar âlden wurdt ferromme: de besteande ferlofregeling fan njoggen wiken, foar in part betelle, wurdt omset nei trije moannen folslein betelle. Alderskipsferlof wurdt mooglik foar alle âlden.
- Wurksikers kinne makliker frijwilligerswurk en staažes dwaan, ek as dat net drekt op it weromkommen nei de arbeidsmerk rjochte is. Dizze aktiviteiten telle tenei mei as sinfolle tarieding op it weromkommen nei de arbeidsmerk.
- Der sil ûndersocht wurde hoe't minsken troch it dwaan fan maatskiplike aktiviteiten dy't sin hawwe in 'sosjaal kapitaal' opbouwe kinne, dat ynset wurde kin foar it bekostigjen fan basisbehoefte lykas iten en wenromte.
- Yn grutte bedriuwen krije wurknimmers mear sizzenkip oer belangrike beslissings, lykas fúzjes, it opkeapjen fan eigen oandielen, oernames, reorganisaasjes en de ferdieling fan 'e winst. De posysje fan wurknimmers yn 'e ûndernimmingsried wurdt fersterke.
- It wurdt foar zzp'ers ienfâldiger om

frijwillich te sparjen foar pensjoen of harren te fersekerjen. Zzp'ers krije tagong ta in (kollektive) arbeidsûngeskiktheids- en pensjoenfersekering.

- De fersobering fan it fangnet foar jongerein mei in beheining (de Wajong) wurdt weromdraaid. Sy krije kânsen op in sinfolle en nuttige deibesteging mei trochgroeimooglikheden nei in betelle baan dy't past.
- Salang't der noch gjin alternatyf foar taslagen is, wurdt de bernetaslach ôfhinklik makke fan it ynkommen fan 'e âlden.
- Berne-opfang wurdt fergees foar fjouwer dagen yn 'e wike.
- Der komt in nij type sosjale wurkfoarsjenning. Dêrmei kinne alle minsken mei in arbeidsbeheining ticht by hûs nuttich wurk dwaan, mei foldwaande begelieding en foar in fatsoenlik lean.
- Der komt in lanlik fûns foar de flekswurkers fan platfoarmbedriuwen. Ut dit fûns wurde de preemjes fan arbeidsûngeskiktheidsfersekerings en pensjoenen fan flekswurkers betelle. It fûns wurdt foar it grutste part troch platfoarmbedriuwen fold en oanfold troch it Ryk. (Ynter)nasjonale platfoarmbedriuwen dy't dy betingsten net akseptearje, wurdt de tagong ta de Nederlânske merk wegere. Relevante wet- en regeljouwing wurdt oanpast of, as dat nedich is, makke.

### Regionalisearring fan 'e ekonomy – skein net wat fan wearde is

Produkten en tsjinsten dy't fan wearde binne, moatte betelber wêze en net ekstra belêste wurde. Sûne produkten, iepenbier ferfier, kultuer en repararaasje wurde dêrom frijsteld fan btw. Dêrfoar sille online oankeapen ekstra belêste wurde. Dat is earliker foar ûndernimmers yn it midden- en lytsbedriuw oer en set in rem op 'e ferdoazing fan it Nederlânske lânskip en de mondialisearring fan produksje en konsumpsje.

De koroanakrisis hat dúdlik makke dat ús ekonomy te ôfhinklik wurden is fan lange en komplekse produksjeketens. De Partij foar de Dieren wol fan regionalisearring it útgongspunt meitsje. De radikale fergriening én regionalisearring fan it belestingstelsel sil romte biede oan bedriuwichheid dy't yn tsjinst stiet fan planeet en minske. Dat wol sizze lytsere, ynnovativere bedriuwen dy't sinfol wurk biede, bygelyks yn 'e enerzjytransysje, reparasje, soarch, lytsskalige natuer-yklusive lânbou en op in regionale merk rjochte produksje. Lokale ûndernimmers soargje foar libben yn binnenstêden en buerten en drage by oan in noflikke (wen)omjouwing. Dy ûndernimmers hawwe hieltyd mear te krijen mei ûnearlike konkurrinsje fan ynternetwinkels. Om dy ûnearlikens (foar in part) wei te nimmen, komt der in aparte belesting foar grutte ynternetwinkels.

- De btw op griente en fruit, it iepenbier ferfier en alle kulturele aktiviteiten wurdt ôfskaft.
- Foar it reparoarjen fan fytsen, apparaten, klean en soksoarte fan guod, hoecht ek gjin btw mear betelle te wurden.
- Om it spylfjild tusken lytse ûndernimmers en grutte ynternetbedriuwen earliker te meitsjen, komt der in aparte belesting foar grutte bedriuwen (mear as tolve miljoen euro omset per jier) dy't it grutste part fan harren omset út online ferkeap helje. Omdat (sûn) iten in earste libbensbehoefte is, wurdt iten hjir net by rekkene. Ek twaddehânsk guod wurdt útsûndere.
- Der komt in fiskaal foardiel foar lytse bedriuwen sadat de wurkjouwerslêsten foar dy bedriuwen leger wurde. Sa wurdt it ek oantrekliker om mear minsken yn tsjinst te nimmen.
- De oerheid jout it goede foarbyld. De ynkeap fan alle produkten en oanbestegings wurdt hûndert prosint duorsum. Dit jildt ek foar útfieringsorganisaasjes, netbehearers, drinkwetterbedriuwen, havenbedriuwen, lofthavens, selsstannige bestjoersorganisaasjes en wetterskippen.

### In moaie âlde dei

In moaie âlde dei is in kostber rjocht. Mar troch it Pensjoenakkoart dat yn 2019 ôfsletten is, wurde pensjoenen hieltyd mear ôfhinklik fan beurskoersen. Beurskoersen binne ûnwis en boppedat basearre op it achterhelle en skealike idee fan ekonomyske groei sûnder ein.

De Partij foar de Dieren wol net gokke mei ús pensjoenen. Ek de âlderein fan 'e takomst (de jongerein fan no) moatte noch in pensjoen oerhâlde. De Partij foar de Dieren wol boppedat de wissichheid foar alle pensjonearden fergrutsje, sûnder dat dat te'n koste giet fan jongerein. De AOW-útkearing moat dêrom omheech.

It Pensjoenakkoart makket gjin ein oan ynvestearings yn 'e fossile en bio-yndustry. De Partij foar de Dieren wol de pensjoenpot ynvestearje yn in leefbere planeet en in hâldbere takomst foar ús jongerein. De 1.500 miljard euro ynvestearingsromte fan 'e pensjoenfûnsen biedt dêr alle kânsen foar.

- Pensjoenfûnsen lûke har sa gau as mooglik folslein werom út 'e bio-yndustry en fossile yndustry. Mei dat doel meitsje se in desynvestearingsplan om harren ynvestearings yn dizze sektoaren uterlik yn 2030 folslein fan 'e hân dien te hawwen.
- Wa't 40 jier wurke hat, kriget fan 65 jier ôf AOW. Wa't in útkearing op 65-jierrige leeftyd hat, kriget fan dan ôf AOW. It wurdt mooglik om te kiezen foar in legere AOW yn ruil foar in evenredich oanpaste AOW-útkearing.
- De AOW-útkearing giet omheech. Dit pakt relatyf geunstich út foar pensjonearden mei in leech of gjin oanfoljend pensjoen, sûnder dat dit te'n koste giet fan 'e jongerein.
- Wurknimmers krije mear frijheid en fleksibiliteit om karren te meitsjen yn harren pensjoenopbou. Sa kinne se bygelyks harren pensjoen ûnderbringe by in grien ynvestearingsfûns as dat by harren hjoeddeistige pensjoenfûns net mooglik

is. Sy kinne ek kieze foar in fleksibele pensjoenleeftyd of in dieltydpensjoen.

- De pensjoenfûnsen wurde demokratisearre, sadat wurknimmers folle mear sizzenkip oer it beleannings- en provyzjebelied krije en oer wat pensjoenfûnsen mei harren jild dogge.
- De sollisitaasjeplicht foar 60-plussers wurdt ôfskaft en dêrfoar yn it plak kin frijwilligerswurk, berne-opfang of mantelsoarch dien wurde.

### Banken oan bannen

Banken regelje it betellingsferkear, beheare it sparjild fan minsken en jouwe krediten oan bedriuwen. Dat binne nutsfunksjes dy't foar de hiele maatskippij belangryk binne. Dy nutsfunksjes moatte skieden wurde fan 'e risikofolle taken fan banken. Banken moatte stimulearre wurde om te ynvestearjen yn wat wearde hat en harren jild net brûke om te ynvestearjen yn skealike aktiviteiten.

De Partij foar de Dieren wol dat banken mei nutsfunksjes yn krisistiden oerein bliuwe, mar dat banken dy't gjin nutsfunksje hawwe, net troch de oerheid rêden wurde as sy harsels yn 'e problemen brocht hawwe. Jild dat ynvestearre wurdt yn jierrenlange ynvestearings yn in bettere wrâld wurde minder belêste. Jild dat brûkt wurdt om op koarte termyn flechtich rendemint op te leverjen wurdt just swierder belêste.

- Banken wurde opdield yn nutsbanken foar betellingsferkear, sparjild en lokale kredytfiering, en sakebanken. Yn it gefal fan in krisis binne de publike funksjes dan ienfâldiger oerein te hâlden, sûnder dat sakebanken rêden hoege te wurden mei belestingjild.
- De oerheden en útfieringsorganisaasjes sille by in duorsume bank bankiere.
- De kapitaalbuffers fan Nederlânske banken wurde folle heger as dat se no binne. Dêrtroch kinne banken better tsjin skokken en crises.

- Bonussen hearre net mear thús yn 'e finansjele sektor. Dat past ommers net by de maatskiplike funksje. Der sil op tasjoen wurde dat bonussen net fia omwegen dochs noch jûn wurde.
- Der wurde konkrete plannen makke foar in nij demokratysk en transparant systeem fan jildkreaasje. Banken hawwe ommers in monopoolje op jildkreaasje en fertsjinje dêr goed oan. Dêrfoar sil ûnder oaren sjoen wurde nei it rapport *Geld en schuld* fan de Wittenskiplike Ried foar it Regearingsbelied.
- Fan har platfoarmfunksje út befoarderet de EU dat de bankebelestingen en belestingen op finansjele transaksjes yn 'e lidsteaten op in koördinearre wize ta stân komme.
- Nederlân stoppet it fasilitearjen fan grutskalige belestingûntwiking troch multinasjonals, en makket alle deals (*tax rulings*) dy't mei bedriuwen sletten binne, iepenbier. Tagelyk sil se der op Europeesk nivo op oantrune dat oare lidsteaten itselde dogge. Der sil ûndersocht wurde hoe't in belesting op finansjele transaksjes bydrage kin oan mear duorsume ynvestearings en hoe't it saneamde *patient capital* (jild dat ynvestearre wurdt yn sektoaren dy't net fuortendaliks rendemint opsmite) fiskaal oantrekliker makke wurde kin.

### Basisynkommen foar elkenien

De koroanakrisis hat sjen litten dat grutte groepen fan minsken yn in koarte tiid harren ynkommen kwytretsje kinne. Dat jout in soad ûnwissichheid. Yntusken jildt foar in soad minsken dat se in swakke ûnderhannelingsposysje hawwe foar wurkjouwers oer. De Partij foar de Dieren wol ôf fan de 'foar dy tsien oaren'-mentaliteit fan guon wurkjouwers, ûnder mear troch de posysje fan 'e wurknimmer foar de wurkjouwer oer struktureel better te meitsjen.

De Partij foar de Dieren wol de wissichheid en autonomy fan minsken en de ûnderhannelingsmacht fan wurknimmers



fergrutsje troch te sjen oft in basisynkommen sûnder betingsten ynfierd wurde kin. Dat kin op ferskillende manieren. Sa is in negative ynkomstebelesting bygelyks in foarm fan in basisynkommen. Betingst is dat elkenien foldwaande ynkommenswissichheid hat.

- Der wurdt ûndersocht yn hokker foarm in basisynkommen foldwaande ynkommenswissichheid foar elkenien biedt en yn hokker foarm it de posysje fan wurknimmers foar wurkjouwers oer fersterket. Foarmen fan in basisynkommen binne alle moannen foar elkenien, of in negative ynkomstebelesting wêrby't allinne minsken mei in leech ynkommen yndied in basisynkommen krije.
- Der wurdt avensearre mei in grutte pilot om it basisynkommen te testen yn 'e praktyk.

## Wolfeart oars mjitte

De oerheid stjoert op it stuit te folle oan op it ferheegjen fan ynkomsten yn Nederlân: it bruto binnenlânsk produkt (bbp). Mar in groeiend bbp betsjut net per definysje dat it goed giet mei de maatskippij of dat boargers gelokkich binne. Frijwilligerswurk en mantelsoarch telle by de berekking fan it bbp net mei as in positive bydrage oan ús wolfeart. Aktiviteiten dy't it miljeu, de folkssûnens of it dierewolwêzen skeine, lykas de fee-yndustry, koalesintrales en gaswinning, frjemd genôch wol.

- Foar it bepalen en stjoeren fan belied sil de oerheid de Monitor Brede Welvaart brûke, dy't al ûntwikkele is. Dêrby kinne ek oare ynstruminten ynset wurde dy't in byld jouwe fan it wolwêzen fan minske en dier, fan in skjinne leefomjouwing, bioferskaat, ynnovaasje krêft, mienskipssin, oanwêzigens fan soarch, ensafuorthinne. Sa wurde de positive en negative effekten fan oerheidsmaatregels en ekonomyske aktiviteiten op 'e mienskip dúdlik yn kaart brocht en kinne wy de juste koers bepale

rjochting in duorsume en solidêre ekonomy.

- In oanfolging op 'e Monitor Brede Welvaart komt der mei in generaasjetoets, dy't dúdlik ynsjoch jout yn wat de hjoeddeistige grutte beslissings betsjutte foar takomstige generaasjes. Ek wurdt yn kaart brocht hoe't ús wolfeart te'n koste giet fan wolwêzen op oare plakken.
- Fierders binne wy fan miening dat Nederlân lid wurde moat fan de Wellbeing Economy Governments (WEGo), dy't bestiet út 'e foaroprinnende lannen Nij Seelân, Skotlân, Wales en Yslân.



# 5 Miljeu, enerzjy en mobiliteit 51

## **Alles fan wearde beskermje, alles wat krap is earlik ferdiele**

Skjinne lucht, skjin wetter en in sûne boaiem binne tige krúsjaal. De basis fan in soad libbensfoarmen stean op it spul troch in miljeubelied dêr't finansjele koarte-termyn-belangen jierren foarrang krigen hawwe op beskerming fan ús leefomjouwing. It resultaat is in hege útstjit fan skealike stoffen, mear kabaal, gif en ôffal yn it miljeu en it útrûpeljen fan natuerlike helpboarnen. It is heech tiid foar in draai nei in polityk dy't in sûne en feilige leefomjouwing foar minske en dier sintraal set; dy't útgiet fan 'e draachkrêft fan 'e Ierde, net fan ekonomyske groei sûnder ein op in planeet dy't net meigroeit.

De Partij foar de Dieren is dêrmei de oanjager fan in radikaal oar miljeubelied.

As alle wrâldboargers konsumearje soenen as de gemiddelde Nederlanner, dan soenen der no trije ierdes nedich wêze. Us groei-ekonomy promoatet in sa koart mooglik brûken fan produkten, wat wer liedt ta in tekoart oan grûnstoffen en in oerskot oan ôffal. De plestik sop heapet him op yn seeën en oseeën, dêr't it dieren siik makket en yn 'e itensketen telâne komt. Yn 'e drekte wenomjouwing om ús hinne binne oeral risiko's foar ús sûnens. Alle jierren stjerre der yn Nederlân 12.000 minsken troch lucht dy't net sûn is, benammen troch de útstjit fan ferkear. Yndustryen wurde wetlik sa beskerme dat se sûnder dat se straft wurde giftige stoffen yn loft, boaiem en wetter loaze kinne, mei as gefolch sûnens- en miljeuskea en minskerjochten dy't skeind wurde.

De koroanakrisis hat sjen litten dat de kar foar in skjinne leefomjouwing in politike kar is. Dat wy kieze kinne foar frisse lucht en in rêstige buert as wy it fleanferkear net langer leaver hawwe as duorsum ferfier. Dat wy mear dieren sjogge as it stiller is. Dat it noflikker is op in dyk mei minder ferkear. Dat wy ús troch mear grien yn ús omjouwing better fiele. Wy kinne net werom nei it âlde (ab)normaal wêryn't de fersmoarging noch mear oanjage wurdt. Wy pakke it oars oan en gean ta op in leefomjouwing dy't ús net langer siik, mar sûn makket. De Partij foar de Dieren doart dy radikale karren te meitsjen. Dêrmei kreëarje wy in sûne, earlike en feilige maatskippij. Dy't net langer yn striid is mei de natuer, mar yn harmony mei ús natuerlike omjouwing libbet.

### In wrâld sûnder ôffal

De Partij foar de Dieren nimt de natuer as foarbyld, wêryn't prosessen fan ûntwikkeling hielendal sûnder fergriemerij plak hawwe. Us fuortsmytmaatskippij liedt ta útputting fan natuerlike helpboarnen en fersmoarging fan seeën en oseeën. De Partij foar de Dieren set dêrom yn op in sirkulêre ekonomy, dêr't wy sa sunich mooglik yn omspringe mei grûnstoffen

en se opnij brûke en weromwinne út besteande produkten.

Wy meitsje in ein oan fuortsmytplestiks en giftige loazings yn ús rivieren. Wy foarkomme dat mikroplestiks yn it miljeu en de itensketen telâne komme. Sa wurkje wy gau ta nei in wrâld sûnder ôffal.

- Yn 2030 is it brûken fan grûnstoffen mei de helte ôfnommen en wurde alle grûnstoffen opnij brûkt. Der komt in Grûnstoffewet mei binende ferplichtings.
- Troch in priisdifferinsjaasje by grûnstoffen wurde grûnstoffen dy't opnij brûkt binne goedkeaper as grûnstoffen dy't foar't earst wûn binne.
- Der komt in ferbod op fuortsmytplestik. By it ferbod op plestik reidsjes wurdt tocht om minsken dy't hjir om medyske redenen ôfhinklik fan binne. Der wurdt in goed alternatyf oar dy minsken socht. Wy kringe it brûken fan ferpakkingsmateriaal drastysk werom. Dêr't noch wol plestik brûkt wurdt, moat dat recycled wêze. Der komt fuortendaliks in ferbod op it brûken fan mikroplestiks yn kosmetikaprodukten. Wy stelle regels foar klean- en waskmasinefabrikanten om it frijkommen fan syntetyske rizels yn it wetter tsjin te gean.
- Der komme strangere easken foar it ûntwerp fan nije produkten, sadat dy produkten lang meigean, te reparearjen binne en materialen ienfâldich opnij brûkt wurde kinne.
- Staasjejild sil bliuwe en wurdt útwreide ta lytse (plestik) fleskes, blikjes en fuortsmytbepers.
- Suvere grûnstofstreamen binne essinsjeel yn it stribjen nei in sirkulêre ekonomy. Nederlân pleitet dêrom foar in útwreiding fan 'e regeljouwing foar etikettering fan konsuminteguod en iten. Neist de easken dy't al jilde moatte ek de brûkte grûnstoffen fan 'e ferpakking fermeld wurde. Sa wurde ûnsichtbere materialen lykas plestik coatings op papieren wikkels sichtber en wurdt it makliker om de ferpakking op 'e juste manier by it ôffal te skieden. Produzenten

wurden ferplichte om ferpakkings út mikste materialen werom te kringen.

- De yndustry en de bou sille ferplichte materialepaspoarten brûken. Sa wurdt it opnij brûken oan it ein fan 'e libbensdoer fan gebouwen en produkten makliker.
- Yn 'e Ryksbegutting komt neist de útjefteplafonds ek in grûnstoffeplafond. De oerheid mei allinne belied en plannen útfiere as dat binnen it grûnstoffeplafond past.
- Ballonnen komme del yn it wetter en yn natuergebieten en kinne deadlik wêze foar dieren. Dêrom komt der in ferbod op it oplitten fan ballonnen dy't mei gas fold binne. Ballonnen dy't biologysk ôfbrekber binne, binne gjin oplossing: dy kinne allinne ûnder de juste omstannichheden ôfbrekke yn de natuer, wat faak jierren duorret. Der komt ek in ferbod op 'e ferkeap en it oplitten fan winksballonnen.
- De ja-ja stikker wurdt lanlik ynfierd. De regel wurdt: do krigest gjin reklamefolder, of it moast wêze datsto dêr mei in stikker op dyn brievebus om fregest.
- Der komt in ferbod op 'e ferkeap fan plestik sigarettfilters.

### Gevaarlike yndustry oan bannen

Net ien soe him drok hoege te meitsjen oer mooglike sûnensrisiko's fan bedriuwen yn 'e buert. Dochs hawwe wy yn it tichtbefolke en drokke Nederlân te krijen mei gefaren út ferskillende hoeken: de gemyske yndustryen, gaswinning, lânbougif, en fynstof en syktes út 'e bio-yndustry. De Partij foar de Dieren wol dat elkenien feilich wenje kin. It wolwêzen fan boargers is belangriker as de finansjele belangen fan bedriuwen.

- It Ryk nimt de rezjy oer it tafersjoch en de hanthavening fan miljeuwetjouwing. Der komt mear kapasiteit en ekspertize by de tafersjochhâlders. De boetes gean flink omheech en sille passe by de omset fan de bedriuwen dy't in boete krije.

- It stoarten fan yndustryresten yn wetter, lykas granulyt, wurdt ferbean.
- It fleanferkear is net allinne ien fan 'e grutte feroarsakers fan klimaatferoarging, maar soarget ek foar luchtfersmoarging en lûdsoerlêst. Hjirtroch wurdt de sûnens fan omwenners fan fleanfjilden bedrige. Boppedat feroarsakje in soad flechten oer tichtbefolke gebieten feilichheidsrisiko's foar omwenners. De loftfeart krimpt dêrom bot.
- Der wurde gjin nije dongfergisters boud en besteande dongfergisters wurde ôfbrutsen om stankoerlêst en sûnensrisiko's foar omwenners wei te nimmen.
- Gemyske yndustry kin in grut risiko foarmje foar minsken, dieren, natuer en miljeu. De opslach, ferwurking en útstjit fan stoffen troch de gemyske yndustry wurdt yntinsiver kontrolearre. Boppedat binne de kontrôles tenei net oankundige en betelje de bedriuwen sels de kosten fan kontrôles. Der wurdt strang hanthavene.
- De oerheid hâldt har oan de ôfspraak dat de gaskraan yn Grins yn 2022 tichtgiet. It ynspjektearjen fan wenten mei ierdbevingskskea kriget prioriteit en skea wurdt fluch ôfhannele. Sa kin der nei jierren in ein makke wurde oan de ûnwissichheid fan in soad Grinzers.
- De skea dy't mynbou-aktiviteiten yn 'e stien- en brúnkoalminen fan Limburch feroarsakje wurdt troch it Ryk fergoede.
- It loazen fan giftige stoffen troch skippen wurdt ferbean. Dat betsjut dat der sa gau as mooglik in ein komt oan it ûntgassen wylst fearn wurdt, it seeswaaien en it brûken fan open-loop scrubbers.
- By it stoken fan hout komme ferskillende skealike, faak kankerferwekjende, stoffen frij dy't min binne foar it miljeu, de folkssûnens en it klimaat. De hege útstjit fan fynstof kin slimme sûnensklachten by bern, âlderein en longpasjinten feroarsakje. Dêrom sil der in útfasearring fan it stoken fan hout komme. By waarsomstannichheden dy't net geunstich binne, bygelyks as it mistich of wynstil is, wurdt it stoken fan hout net tastien.

### In noflik en feilich âld en nij

Alle jierwiksels rinne hûnderten minsken letsel op, meastal troch legaal fjoerwurk. Sawat de helte fan 'e slachtoffers binne tafallige foarbygongers. Fjoerwurk befettet swiere metalen en oare giftige stoffen, dy't grûn, lucht en wetter slim fersmoargje. Nei alle jierwiksels moat sa'n trije miljoen kilo ekstra ôffal opromme wurde. Boppedat feroarsaket fjoerwurk eangst en stress by dieren. Tradysjes binne fan wearde, mar it is te bot as minsken of dieren dêr fan te lijen hawwe. De Partij foar de Dieren wol dat âld en nij wer in feest foar elkenien wurdt.

- Der komt in ferbod op konsumintefjoerwurk en karbidsjitten. Profesjonele fjoerwurksjo's of spektakelsjo's wurde organisearre op lokaasjes dêr't minsken, dieren, natuer en miljeu dêr gjin (sûnens)skrea fan ûnderfine.

### In flugge en rjochtfeardige enerzjytransysje

Wy hawwe in kâns om de Ierde leefber te hâlden en gefaarlike klimaatferoaring foar te kommen. De enerzjytransysje dy't dêr nedich foar is, smyt nije banen op, in earliker ferdieling fan wolfeart, in skjinnere leefomjouwing en in maatskippij dy't net langer tsjin de natuer yn giet, mar yn lykwicht is mei de natuer. Fêstige belangen fan ûnder oaren de fossile yndustry hâlde de transysje tsjin. Hoe flugger wy dy barriêre trochbrekke en folop ynsette op it weromkringen fan it brûken fan ús enerzjy en it ferduorsumjen fan ús enerzjyfoarsjenning, hoe minder skrea en kosten wy op lange termyn hawwe sille. As wy no net ferduorsumje, dan sille de kosten op termyn in stik heger wêze.

### Flugger enerzjy besparje

Enerzjy dy't wy net brûke, hoege wy ek net op te wekjen. Sa wurdt de totale opjefte foar de transysje nei 100% duorsume boarnen lytser. De enerzjybesparring foarkomt ek it brûken fan

romte foar enerzjy-installaasjes dy't net nedich binne. Boppedat makket it ús minder ôfhinklik fan oalje- en gasprodusearjende lannen. De Partij foar de Dieren wol it brûken fan enerzjy yn Nederlân bot ferminderje, yn 'e beboude omjouwing, de yndustry, it ferfier en de lânbou. Krekt sa as yn it Klimaatakkoart fan Parys realisearje wy neffens 2015 op syn minst 50% enerzjybesparring.

- Uterlik 2030 brûke húshâldens en kantoaren 65% minder enerzjy. Wenten wurde goed isolearre, en sa sil de fraach nei waarmte mei de helte ôfnimme. Wenningkoörporaasjes wurde alle jierren ferplichte om in part fan harren wenningbestân te isolearjen. Foar húseigners komme sa gau as mooglik goede finansieringsynstrumint, lykas finansiering dy't oan it gebou bûn is. De hegere opbringsten fan 'e enerzjybelesting foar produsinten en grutferbrûkers wurde brûkt foar subsydzjeferliening om de wenten fan minsken mei legere ynkommens te isolearjen en duorsum te meitsjen.
- Alle oerheidsgebouwen wurde duorsum makke oant enerzjylabel A.
- Enerzjyrenovaasjes, lykas de oanlis fan in waarmtepomp of isolaasje fan in wente, wurde stimulearre troch tapassing fan it lege btw-taryf.
- De ûnreplikesaakbelesting (ozb) wurdt differinsjearre nei it brûken fan enerzjy.
- De plicht om enerzjy te besparjen, de ferplichting foar bedriuwen en ynstellings om enerzjybesparjende maatregels te nimmen mei in weromfertsjintiid fan 5 jier of minder, wurdt stranger hanthavene.
- It ûnnedich brûken fan enerzjy wurdt tsjin gongen. Oerstallige ferljochting, lykas yn kantoaren, yn etalazjes fan winkels dy't ticht binne, of reklames dy't ljocht jouwe, wurdt oan bannen lein. Ishallen slute yn 'e simmer. Fan it foarjier fan 2021 ôf komt der in ferbod op terrasferwaarmers.
- Krimp fan it tal dieren yn 'e feehâlderij mei 75% en de ôfbou fan 'e fiskerij sille it brûken fan enerzjy bot reducearje. Effisjintere en

mear plantaardige en klimaatfreonlike foarmen fan produksje fan iten wurde troch de oerheid aktyf stimulearre.

- De produksje fan keunstdong is wakker enerzjy-yntinsyf. Wy einigje dêrom de produksje fan keunstdong. Yn plak dêrfan sette wy yn op it sluten fan in lokale omrin, it weromwinnen fan fosfaat út rioelslib en ynset fan plantaardige dong en grienbemesters.
- Troch in effektive, yntegrale oanpak om fergriemerij fan iten te stopjen, ferleechje wy it brûken fan enerzjy foar ús itenskonsumpsje.
- De yndustry besparret 40% enerzjy troch in kombinaasje fan in legere fraach nei nije produkten yn bepaalde sektoaren, elektrifikaasje fan prosessen, it minder en effisjinter brûken fan grûnstoffen, ynset fan griene wetterstof, it mear opnij brûken, mear recycling en in effisjinsjeslach fan gemiddeld 2% per jier.
- In datasintrum brûkt likefolle enerzjy as hûndertûzenen húshâldens. Griene stroom kin dêrom net mear brûkt wurde om húshâldens fan skjinne enerzjy te foarsjen en oare yndustryen duorsum te meitsjen. Sadwaande komt der in rem op 'e bou fan datasintra.
- Nederlân kiest foar strange noarmen foar it brûken fan enerzjy fan apparaten en ferfiersmiddels en set him yn foar in Europeesk enerzjylabel dat net allinne rekken hâldt mei it ferbrûk, mar ek mei de hiele libbenssyklus, fan produksje oant recycling.
- Griene dakken en gevels soargje yn 'e simmer foar kuolte, en dat ferminderet it brûken fan airconditioning yn ús huzen en kantoaren. Winterdeis wurket it grien as isolaasje, en dat kin liede ta in besparring fan wol 20% oan waarmteferlies. Griene dakken komme op 'e list fan enerzjybesparjende maatregels dy't foar eigners fan grutte gebouwen ferplichte binne.
- Airconditioners liede ta in ekstreme taname fan it brûken fan stroom. Troch klimaatferoaring skaffe hieltyd mear minsken in airconditioner oan, en dat leit bot beslach op it stroomnetwurk. In grutte beam wurket by hjitte like koel meitsjend as 10

enerzjysloarpjende airco's. Dêrom plantsje wy in hiel soad beammen yn en om stêden hinne.

- Nederlân sil him mear rjochtsje op in wersteleconomy; mear produkten reparearje of in nije bestimming jaan. Bedriuwen dy't dingen reparearje falle ûnder it nulprosjintstaryf foar de btw.

### Duorsum opwekke

Wy sille duorsume enerzjy tichtby ús opwekje. Yn 2030 brûke wy de sinne, de wyn, it tij, waarmtewikseling en ierdwaarmte wêr't dat nedich is. Wy wurkje oan ferskillende oplossings tagelyk om it tempo dat nedich is yndied te heljen. De lêsten fan 'e transysje moatte boppedat earlik ferdiel wurde; de grutste fersmoargers betelje de swierste lêsten.

- Alle wenten, kantoaren en oare gebouwen binne yn 2030 enerzjyneutraal. Alle nijbou wurdt yn prinsipe enerzjyposityf, en wekt dus mear enerzjy op dan sy brûkt. Sa kompinsearje wy foar âlde wenten dy't net (foar 2030) enerzjyneutraal makke wurde kinne.
- De oerheid jout it goede foarbyld troch it Ryksfêstgoed enerzjyneutraal te meitsjen en te ynvestearjen yn it duorsum meitsjen fan skoallen, sportakkomodaasjes, soarchynstellings en kulturele ynstânsjes.
- Wyn- en sinne-enerzjy wurde op grutte skaal mooglik makke op lokaasjes dêr't minsken, dieren en natuer der gjin of mar kwealik hinder fan ûnderfine.
- Sinnepanielen op gebouwen wurde de noarm. Alle nijbouwenten wurde foarsjoen fan sinnepanielen. Der komme gjin sinneparken yn 'e natuer en yn prinsipe ek net op lânbougrûn. In sinneljedder, dy't de folchoarder fan 'e oanlis bepaalt, is ûnderdiel fan it ôfwagingsramt.
- Wynparken op see moatte oantoanber gjin neidielige effekten op it seelibben hawwe. Sa wurdt by de bou fan wynmûneparken net heid. De bêst mooglike technology wurdt

ferplichte om slachtoffers troch wynturbines foar te kommen.

- Enerzjybedriuwen wurde ferplichte om minimaal in bepaald persintaazje oan duorsum yn Nederlân opwekke stroom te leverjen. Dit persintaazje wurdt alle jierren ferhege. Wy stelle in maksimum oan de útstjit fan broeikasgassen troch nije én besteande enerzjysintrales. Dat maksimum wurdt periodyk omleech bysteld.
- De PostCodeRoosregeling, de regeling dy't 15 jier frijstelling jout fan enerzjybelesting oer de sinne-wynenerzjy dy't de dielnimmers yn in projekt mei-inoar opwekje, wurdt útwreide. Sa kinne mear minsken duorsume elektrisiteit brûke.
- Duorsume enerzjy kriget foarrang op it enerzjynetwurk, mei 'slimme enerzjynetten' (smart grids), dy't fuorre wurde troch lytsskalige en desintraal opwekte griene enerzjy. De privacy fan brûkers en leveransiers mei dêrby net stykje.
- Der komme (fiskaal) goede regelingen foar it opwekken en opslaan fan enerzjy op wyk-nivo. Hjirtroch kinne hiele wiken mei-inoar enerzjy opwekje en diele. Sels opwekke elektrisiteit en waarmte moat werom levere wurde oan it net, belestingfrij. Koöperatyf eigendom fan brûkers fan boarnen en waarmtenetten wurdt stimulearre.
- Wy brûke duorsume lege-temperatuer boarnen om wenten en oare gebouwen te ferwaarmjen. Der wurdt net ynvestearre yn waarmtenetten út de fossile yndustry wei, bygelyks út raffinaderijen en ôffalferbrâningsynstallaasjes. Wy brûke gjin biomassa foar ferwaarming en stopje mei de subsydzje dêrop.
- Wy sette yn op in sirkulêre ekonomy sadat it tal ôffalferbrâningsintrales ôfnimme sil. Wy foarkomme ôfhinklikens fan ôffalferbrânning foar ús waarmtefoarsjening.
- Wy stimulearje ûndersyk en ûntwikkeling fan griene wetterstof fan wyn- en sinne-enerzjy foar opslach.
- It brûken fan gas wurdt foar grutterbrûkers yn de kommende jierren djoerder, sadat it

besparjen op gas leane sil en gas flugger ôfboud wurdt. Yn 2030 brûkt Nederlân gjin gas mear. De ynlânske fraach nei gas daalt trochdat huzen en oare gebouwen better isolearre binne en troch alternative manieren fan ferwaarming.

- De Partij foar de Dieren set yn op in exitstrategie foar enerzjy fan oalje, koalen en gas. Koalesintrales wurde sa gau as mooglik sletten.
- Nederlân bout gjin nije kearnsintrales en besteande sintrales wurde sa gau as mooglik sletten. It is moreel net te ferantwurdzjen om takomstige generaasjes noch mear kearnôffal ta te skowen dat tûzenen jierren gefaarlik bliuwt. Boppedat duorret de bou fan in kearnsintrale desennia en de kosten binne tsientallen miljarden. De gefolgen by in ramp binne net te oersjen.
- Biomassa fan hout is gjin duorsume enerzjyboarne. Ek it saneamde 'resthout' hat in krúsjale funksje yn ekosystemen en is gjin brânhout. Der komt in ferbod op it ferbrânen fan biomassa foar it opwekken fan waarmte en elektrisiteit. Subsydzjes wurde fuortendaliks ôfskaft. Ek dong is gjin duorsume enerzjyboarne, omdat dongfergisters in konstante stroom fan dierlike dong nedich hawwe om te draaien. Sa wurdt it yn stân hâlden fan it fierstente grutte tal dieren yn 'e feehâlderij een doel op himsels. It brûken fan dongfergisters wurdt ôfboud.
- Skaly- en stienkoalgas bliuwe yn 'e grûn, de winning wurdt ferbean. Dizze stoffen fersmoargje och sa en komme Europa net mear yn. Nederlân makket him dêr sterk foar.
- Disel- en benzinemotoaren, dy't yn 'e bou brûkt wurde, moatte ferfongen wurde troch skjinnere alternativen dy't minder kabaal meitsje.

### Tûk ferfier en transport

In goede berikberens, feilich ferkear en sûne lucht binne de basisbetingsten foar it wolwêzen fan elkenien. Dochs seagen wy foar de koroanakrisis dat wy hjir noch fier fan ferwidere

binne. Wy hienen te krijen mei in loftrom dat fierstente fol wie, in eksploazje oan files en iepenbier ferfier dat djoer en net tagonklik wie en út 'e foegen barstte.

Hoewol't de pandemy yn frijwol alle opsichten in ramp is, hawwe wy ek de foardielen ûnderfûn fan minder ferkear. De loft wie foar in koarte perioade helder en de lucht wie skjin. It wie stiller en rêstiger op strjitte. Minsken binne harren mear bewust fan it klimaat wurden en wolle minder fleane en it brûken fan de auto beheine. Dochs nimt de luchtfersmoarging wer ta en driget it ferkear op 'e dyk wer de oerhân te nimmen. It hjoeddeistige regear stjoert oan op 'e iepening fan 'e nije lofthaven Lelystêd Airport foar noch mear goedkeape fakânsjeflechten.

Werom nei business-as-usual is in dearinnend paad. De Partij foar de Dieren set dêrom yn op in radikale ferskowing yn 'e wize wêrop't wy ús ferfiere (in modal-shift): minder ferkear op 'e dyk, minder fleane, flugger en komfortabel iepenbier ferfier en foarrang foar fuotgongers en fytzers. Troch tûk ferfier en transport sparje wy it klimaat en wurdt de loft wer sûn. Der komt mear romte foar grien yn ús strjitten en it wurdt foar bern feiliger om bûten te boartsjen.

### Rom baan foar fuotgonger en fytser

It ferkear op 'e dyk feroarsaket 20% fan 'e CO<sub>2</sub>-útstjit. Auto's, buskes en frachtweinen soargje dêrneist foar in hiel soad fynstof en oare giftige stoffen yn ús lucht. Boppedat nimt alle ferkear in soad iepenbiere romte yn en feroarsaket it alle jierren hûnderten deaden. As yn ús stêden en doarpen fytzers en fuotgongers foarrang krije soenen, makket dat in soad ferskil. Mei minder motorisearre ferkear drage wy flink by oan 'e klimaatdoelen en kinne wy genietsje fan skjinne lucht en mear romte.

- Binnenstêden wurde safolle as mooglik autofrij. Parkeare kin bûten de stêd mei goede P+R foarsjennings. Binnen de beboude kom

is de maksimumsnelheid 30 km per oere. Der komme mear wenhiemen dêr't de fuotgonger altyd foarrang hat en de automobilist stadich rydt. Sa wurdt it boartsjen op strjitte en it tegearre-wêzen mei buorlju feiliger.

- Alle ferfier rydt yn 2030 op 100% duorsume enerzjy, foaral op elektrisiteit en foar in lyts part op griene wetterstof, in alternatyf foar swier (ynternasjonaal) ferkear op 'e dyk en de skipfeart.
- Wy ynvestearje yn feilige, flugge en griene fytspaden. Besteande fytspaden wurde better ûnderhouden. Ferkearsljochten wurde sa ôfsteld dat fytzers en fuotgongers earder grien ljocht krije.
- Wen-wurkferkear mei de auto wurdt weromkronen, it fleks- en thús wurkjen wurdt stimulearre. Fiskale stimulearring fan fytse bliuwt behâlden, de wen-wurkôftrek foar auto's wurdt ôfboud, wêrby't rekken holden wurdt mei bewenners yn tinbefolke gebieten.
- Om de luchtkwaliteit te ferbetterjen wurkje wy aktyf gear mei gemeenten en provinsjes om miljeusônes yn te stellen en út te wreidzjen. De easken oan rydark dat tastien is binnen in miljeusône wurde oanskerpe.
- Mear asfalt lost files net op, mar soarget foar in taname fan it brûken fan 'e auto en dêrmei foar in fierdere stiging fan 'e útstjit fan broeikasgassen en fynstof. Dêrom gjin nije diken en gjin ferbreiding fan besteande diken, útsein om de ferkearsfeiligens te ferbetterjen. Dat betsjut dat ûnder oaren de A4, A6, A58 en de A27 by Amelisweerd, en de Noardlike Rânwei Utert net breder makke wurde.
- Automobilisten dy't net in soad kilometers meitsje, sille minder belesting betelje as minsken dy't in soad kilometers ride. Minsken dy't yn tinbefolke gebieten wenje, binne fan dizze kilometerbeprizing frijsteld. Der wurdt flink ynvestearre yn better iepenbier ferfier, sadat minsken minder ôfhinklik fan 'e auto wurde. By de nije beprizing wurdt de privacy strang boarge.
- Yn 'e buert fan natuergebieten jilde nachtlke snelheidsbeheinings yn it belang fan 'e feiligens fan minske en dier.

- De maksimumsnelheid op autodiken wurdt oerdei en nachts 100 km per oere en op ringwegen maksimaal 70 km per oere.
- Der komt in liniger belied oangeande de pleatsing fan flitspeallen. It OM wachtet by gefaarlike ferkears situaasjes net langer oant der ûngemakken barre foar't se flitspeallen delsette.
- It brûken fan elektryske dielauto's wurdt fasilitearre en fiskaal oantreklik makke.

### Minder fleane, mear treinen

Nederlân set yn op in stevige krimp fan 'e loftfeart op alle Nederlânske fleanfjilden. Dat is nedich om de loftfeart binnen de grinzen fan klimaat, leefomjouwing en feiligens foar minske en dier te krijen. Koarte flechten wurde ferfongen troch flugge, komfortabele en betelbere treinferbinings.

- De trein wurdt de meast oantreklike manier fan ynternasjonale reizgjen ûnder de 1200 kilometer. Nederlân set yn op betelbere, duorsume en flugge treinferbinings binnen Europa, mei drekte ferbinings tusken belangrike stêden. Der komme mear ynternasjonale nachttreinen. De autotrein wurdt opnij yntrodusearre. Der komme mear fytsstânplakken yn 'e trein.
- De loftfeart kriget in omfang dy't binnen de grinzen fan klimaat, leefomjouwing en feiligens past. Nederlân kiest foar de needsaaklike krimp fan 'e loftfeart. Dat betsjut dat it tal fleanbewegings omleech giet nei maksimaal 300.000 per jier yn 2030.
- Der komt in flinke CO<sub>2</sub>-belesting dy't foar alle fersmoargjende sektoaren jilde sil. De loft- en skipfeart ferlieze harren útsûnderingsposysje.
- Belestingfoardielen foar it fleanferkear, lykas frijstellings fan btw en aksyns, wurde ôfskaft. Wy fiere in fleantaks yn dy't heger wurdt as je mear fleane. Der komt in ekstra fleanbelesting op priveejets. De maatregels leverje op syn minst 2,3 miljard euro op, dy't wy te'n goede komme litte oan duorsum ferfier.
- Stipemaatregels foar de loftfeart komme

te'n goede oan de transysje nei duorsume ferfierssektoaren, ûnder oaren it omlearen fan personeel.

### Betelber, noflik en duorsum iepenbier ferfier

Wy ynvestearje yn betelber, noflik en tagonklik iepenbier ferfier. Dat is nedich foar it klimaat en it leefber hâlden fan ús stêden. As de krimpregio's better berikber binne, nimt de druk op de stêden ôf.

- Ut alle wenkearnen wei binne de ûnderwiis- en soarchynstellings en de oerheidstsjinsten mei it iepenbier ferfier goed berikber, ek foar minsken mei in lichaaamlke beheining. It iepenbier ferfier wurdt betrouber, betelber en tagonklik, ek op it plattelân.
- De btw op it iepenbier ferfier wurdt ôfskaft. Yn 2030 is it iepenbier ferfier 50% goedkeaper.
- Yn 'e treinen wurdt it klasesysteem ôfskaft; elk moat foar in ridlike priis in goed sitplak hawwe. Klasediskriminaasje heart net thús yn it OV.
- Reizgje mei de trein moat komfortabel wêze en oanslute by de behoeften fan 'e reizger. It tal treinen wurdt útwreide en de treinen wurde langer. Op alle knooppuntstasjons komme gearkomste- en wurkfasiliteiten. Yn alle treinstellen binne wc's, stopkontakten en ynternet. Treinstasjons wurde better tagonklik makke foar âlderein, minsken mei in beheining en fytsers. Der komme foldwaande feilige, bewekke fytsinstallings dy't fergees binne. Der komme oerstapmooglikheden op dielauto's. It OV-fytssysteem wurdt op alle treinstasjons en alle belangrike OV-knooppunten fierder ferfine.
- De treinreistiid tusken de Rânestêd en Noard- en East-Nederlân wurdt op syn minst 30 minuten koarter. De Lelyline komt der sa gau as mooglik. Troch dizze tige flugge treinferbining tusken Lelystêd en Grins kin de reistiid tusken it Noarden en de Rânestêd mei in oere werombrocht wurde. Ek soargje wy foar in nije flugge treinferbining tusken Utert en Breda.

- Troch de útwreiding fan lightrailferbinings, lykas de Rânestêd rail, meitsje wy lytsere wenkearnen better berikber en ferminderje wy wen-wurkferkear mei de auto.
- Der sille mear bussen ynset wurde om it iepenbier ferfiersnetwurk út te wreidzjen ta in sekuer netwurk. Alle bussen dy't nij oanskaft wurde, binne 100% duorsum oandreaun, en fan 2030 ôf binne alle bussen 100% duorsum oandreaun. Op mearbaansdiken wurde rydbanen feroare yn busbanen, sadat it iepenbier ferfier foaral yn 'e spits flugger en mear betrouber wurdt as de auto.

### Duorsum frachtferfier

Frachtferfier wurdt stiller, skjinner en klimaatneutraal. Oft it no giet om ferfier per trein, oer de dyk, oer it wetter of per lieding. Sa gean wy ferantwurde mei de iepenbiere romte om.

- Yn 2030 binne frijwol alle nije bestel- en frachtauto's yn Nederlân elektrysk. In lyts part rydt op griene wetterstof út wyn- en sinne-enerzjy.
- Foar de skipfeart komt der in ein oan de belestingfoardielen op fossile brânstof. De opbringsten wurde brûkt foar it duorsum meitsjen fan 'e feart. Duorsum persoanen- en frachtferfier oer wetter, ynklusyf fearferbinings, wurde hjirmei stimulearre. It brûken fan wâlstream wurdt ferplichte foar skippen dy't foar de wâl lizze.
- Der komt in ferbod op skealike 'wegmengpraktijken'. Bedriuwen wurde net langer tastien om gemysk ôffal wei te mingen yn stookoalje foar de skipfeart of autobrânstof.
- Kommersjele cruiseskippen hearre by de grutste fersmoargers fan dizze planeet. Der komt dêrom in ekstra belesting foar cruiseskippen en it tal oanlisfergunnings wurdt beheind.



# 6 In sûne maatskippij

## In oerheid dy't it wolwêzen foaropset

De koroana-útbraak hat de wrâld yn ien klap wekker skodde en op 'e kop set. De Partij foar de Dieren warskôget al jierren dat ús omgong mei dieren liede kin ta it útbrekken fan firussen by minsken, en spitigernôch is dit werklikheid wurden. It wurdt tiid om ús omgong mei dieren op 'e nij te besjen. Mar mear dan oait liet de pandemy ek sjen dat in goede sûnens fan libbensbelang is. Wy beseffe hoe belangryk sosjaal kontakt is, en hoe kwetsber ús hjoeddeistige soarchstelsel is. De Partij foar de Dieren wol ta nei in sûne maatskippij dêr't elkenien sûn ite kin, bewege en libje yn in sûne omjouwing mei genôch grien en skjinne lucht. Dêr't wy de kâns op in pandemy weromkringe, dêr't de sûnens fan minsken belangriker is as kommersjele belangen, en dêr't in robúst soarchstelsel genôch tiid en romte hat foar elkenien dy't soarch nedich hat.

Wy libje no yn in omjouwing dy't net sûn is, dy't derfoar soarget dat hieltyd mear minsken te meitsjen krije mei leefstylrelatearre klachten as obesitas, diabetes type 2, longsyktes en hert- en faatsyktes. Dizze minsken binne kwetsberder foar earnstige klachten troch COVID-19 as oare pasjinten. Us basissûnens is minder wurden troch falend belied. De oerheid liet de yndustry en mobiliteit de lucht jierren slim fersmoargje en stie ús itensyndustry net yn it paad. Iten dat net sûn is, is sá tagonklik en goedkeap makke dat ús folkssûnens der fan te lijen hat.

De koroanakrisis lei de kwetsberheden yn 'e soarch ek bleat. It groanysk tekoart oan soarchpersoneel late ta drege karren doe't de sikehuzen folstreamden mei koroanapasjinten. Oare soarch moast ôfboud of ôfsein wurde, der wie in tekoart oan helpmiddels en foaral soarchpersoneel, dat it net allinne dreech hat troch de hege wurkdruk mar ek troch de administrative lêsten. De ôfrûne jierren hawwe farmaceutyske reuzen hieltyd mear macht nei harren talutsen en binne regionale soarchfersekerders mei-inoar fusearre, wylst regionale sikehuzen útklaaid waarden of sels omfoelen. De merkwerking en privatisearring binne trochslein en dat is de kwaliteit en kapasiteit yn 'e soarch net te'n goede kommen – yn tsjindiel!

Wy pakke de tûkelteammen oan, én leare fan 'e lessen dy't de koroanakrisis ús leard hat. De Partij foar de Dieren wol dat ús soarch wer lytsskalich organisearre wurdt, mei de pasjint foarop yn plak fan winstmaksimalisaasje, en mei de soarchmeiwurkers oan 'e knoppen. Troch as oerheid de rezjy werom te pakken fan 'e itensyndustry, sûker-, alkohol- en tabakslobby, kreëarje wy in omjouwing dy't posityf bydraget oan ús sûnens. Én oan de betelberens fan 'e soarch, want mar leafst in tredde fan 'e soarchkosten dy't hieltyd heger wurde, is werom te lieden nei syktes dy't mei leefstyl te krijen hawwe. Troch de stiging yn it tal groanyske syktes dy't mei leefstyl te krijen hawwe in halt ta te roppen, kinne wy de hege soarchkosten ek omdel triuwe.

Mei in sûne leefomjouwing en in goed organisearre soarch hawwe wy in sterke basis, mar foarkomme is better as genêze. Boppe alles sille wy de kâns dat der oait wer in pandemy útbrekke sil ferlytsje.

### Foarkom pandemyen: meitsje de kâns op soönoaze-útbraken lytser

COVID-19 is in soönoaze: in ynfeksjesykte dy't fan dier op minske oerspringt. Wittenskippers warskôgje hjir al langer foar: 75% fan 'e nije ynfeksjesyktes dy't de sûnens fan 'e minske bedriigje, is in soönoaze. De wize wêrop't wy mei dieren omgean foarmet dus in grut risiko. Nederlân komt de twifelachtige eare ta it lân op 'e wrâld te wêzen mei de measte kij op in hektare. De grutte stâlen mei tûzenen dieren ticht opinoar binne in hegedrukpanne foar firusmutaasjes. Wat de ympakt fan sa'n firus wêze kin, liet de koroana-útbraak sjen, dy't him út Sina wei fan minske ta minske oer de hiele wrâld ferspraat hat. De twa grutte Europeeske útbraken fan soönoazen fûnen beide yn Nederlân plak: de fûgelgryp yn 2003, en de Q-koarts tusken 2007 en 2010 wêrby't omwenners fan geitestâlen ferstoaren of slim groanysk siik waarden. Nederlân wie der doe net klear foar, en de oerheid slagge der net yn om de folkssûnens te beskermjen. De belangen fan 'e geiteboeren wienen te grut, en dêrtroch koe de Q-koarts him ferspriede, en dat hie grutte gefolgen. De folkssûnens hie hjir foarrang hawwe moatten.

Troch in foarstel fan de Partij van de Dieren dat oannommen wie kriget de minister fan Folkssûnens, en net dy fan Lânbou tenei de rezjy oer de previnsje en bestriding fan diersyktes. Mar salang't wy it tal dieren dat holden wurdt net omleech bringe, bliuwt de Nederlânske feehâlderij in tikjende tiidbom foar in soönoazepandemy. Neffens firolloch Ron Fouchier fan it Erasmus MC binne wy mar in pear stappen ôf fan in mutaasje fan it fûgelgrypfirus dy't by minske-ta-minske besmetting tsientallen kearen deadliker wêze sil

as COVID-19. De Partij foar de Dieren warskôget hjir al foar sûnt 2006.

Hoe kinne wy sa'n nije, mooglik noch ernstiger, epidemy foarkomme? De kâns op in soönoaze-útbraak wurdt lytser wannear't wy de natuer gewurde litte, en wannear't wy stopje mei dieren ticht opinoar te triuwen yn stâlen dêr't firussen alle romte hawwe om te mutearjen. Yn in griene, sûne maatskippij mei romte foar natuer, mar sûnder bio-yndustry, is de kâns op pandemyen folle lytser.

- It tal dieren yn 'e fee-yndustry giet mei op syn minst 75% omleech. Diertransporten meie maksimaal twa oeren duorje om it risiko op it ûntstean en fersprieden fan soönoazen sa lyts mooglik te meitsjen.
- Dieren dy't djip yn 'e bosken libje komme troch massale ûntbosking ynienen yn oanrekking mei minsken, wêrby't ûnbekende syktes oerdroegen wurde kinne. Nederlând stoppet mei it ymportearjen fan produkten dêr't op grutte skaal beammen foar kapt wurde moatte.
- De feroaring fan it klimaat en de bioferskaatkrisis bringe de wrâld út lykwicht. Soönoazen en flugge fersprieding dêrfan is mar ien fan 'e bergen symptomen. Troch it feroarjende klimaat ferspriede eksoatyske syktes harren ek flugger oer de wrâld, bygelyks fia ynsekten. Yn it belang fan ús eigen sûnens sette wy alles op alles om de opwaarming fan 'e Ierde te beheinen ta heechút 1,5 grad Celsius, en stopje wy de ferwoasting fan 'e natuer.
- Ek dieren út it wyld kinne ûnbekende syktes by harren drage. Nederlân is in spil yn 'e hannel yn eksoatyske dieren. De oanpak fan dy malafide hannel op bygelyks Skiphol en yn 'e Rotterdamske haven kriget prioriteit.
- Nederlând dielt ynternasjonaal aktyf kennis om de previnsje- en soarchynfrastruktuer oer de hiele wrâld te ferbetterjen.
- Der komt foldwaande kapasiteit en ekspertize by de ministearjes fan Folkssûnes en Lânbou op it dossier soönoazen.

### In goede basissûnens

Elkenien wol sûn wêze en sûn bliuwe. Dêrom binne goede previnsjemaatregels fan grut belang. Mar de Nederlânske leefomjouwing makket ús siik. It itensoanbod is foar in grut part net sûn. Wy azemje fersmoarge lucht yn en pakke de auto yn plak fan 'e fyts, omdat ús hiele leefomjouwing yn tsjinst stiet fan fersmoargjend, motorisearre ferkear.

Dizze net sûne omjouwing is gjin tafal. Jierren hawwe machtige multinasionals alle romte hân om harren net sûne produkten te ferkeapjen en dêr in soad jild mei te fertsjinjen. De Nederlânske oerheid hat de marketingskampanjes foar net sûne produkten allinne mar holpen. Boargers moasten it dwaan mei publykskampanjes út de oerheid wei, dy't ús foar in fraksje fan 'e marketingbudzjetten fan multinasionals ynformearje moasten oer sûnere yt- en leefgewoantes. It tekoart oan fierder belied late just ta in oerdied oan goedkeap en net sûn iten op alle strjithoeken en lucht dy't net sûn is. Dan wurdt it wol hiel dreech om sûn te libjen. It docht dan ek gjin nij dat wy massaal te lijen hawwe fan obesitas, hert- en faatsyktes, longsyktes, diabetes type 2 – sa'n 1,1 miljoen Nederlanners – en oare, faak groanyske oandwanings. Yntusken rize de soarchkosten de panne út, en nimme dy alle jierren ta: boargers sjogge dat ek werom yn 'e soarchpreemjes dy't oprinne. No al is wol in tredde fan 'e soarchkosten werom te lieden nei syktes dy't relatearre binne oan de leefstyl, en de ferwachting is dat dit noch mei miljarden oprinne sil as wy net yngripe. De oerheid moat de rezjy pakke en de macht fan 'e itensyndustry en tabakslobby beheine. Dan gean de soarchkosten omleech, en wurdt Nederlân in lân mei sûnere ynweners.

### Itensomjouwing

Foar in flugge, fette hap hoege je yn Nederlân net fier te sykjen. Fastfoodsaken en snackbars binne op hast alle strjithoeken en treinstasjons te finen.



Foar biologysk iten en iten dat net bewurke is, binne je langer ûnderweis en moatte je boppedat folle mear foar betelje dan foar dy snacks fol sûker, sâlt en fet. It regear lit supermerken sûnder beheinings stunte mei produkten dy't net sûn binne en op skoallen kinne bern harren toarst en lekkere honger fuortwurkje by de frisdrank- en snobberijautomaten dy't sponsore binne. Tiid foar feroaring. Oan de macht fan itensyndustry meitsje wy in ein. Us sûnens wurdt net langer ûndergeskikt makke oan de winst fan multinasjonals, mar komt foarop. Wy sille ús itensomjouwing wer sûn meitsje.

- De fabryksproduksje fan iten wurdt oanpakt: wetlike noarmen soargje derfoar dat wy minder sâlt, sûker en fet ite. Oant dy tiid komt der in ferbod op promoasje fan dy produkten.
- Bernemarketing foar produkten mei tefolle sûker, sâlt of fet wurde ferbean: gjin reklame foar (en óp) snobberij en fastfood dy't bedoeld is foar bern ûnder 12 jier. Hjirby hawwe wy ek omtinken foar nije foarmen fan marketing, lykas fia influencers en flogs.
- Wy beheine it tal nije fêstigings fan fastfoodketens en snackbars. Yn alle gefallen yn 'e buert fan skoallen wurde dy net mear iepene.
- Iten dat net sûn is wurdt heger belêste by de fabrikant, bygelyks troch in sûkertaks. Yn oare lannen soarge dit der al foar dat fabrikanten minder sûker yn harren frisdranken tafoegen.
- It hjoeddeistige previnsjeakkoart is in konvenant dêr't de itensyndustry oan meiskreaun hat, sadwaande is der te min feroare. Wy ûntwerpe in previnsjeakkoart dat de sûnens fan minsken foarop set, net de belangen fan 'e itensyndustry.
- As wy gjin btw mear op (biologyske) griente en fruit heffe, meitsje wy sûn iten wer betelber en oantrekliker.
- Itenskeurmerken dy't misliede wurde ôfskaft.
- Bern dy't thús om hokfoar reden dan ek gjin moarnsmiel krije, kinne op skoalle, de foarskoalske opfang of it bernedeiferbliuw sûn moarnsite. Dêr wurde ek allinne mar sûne tuskentochjes jûn, lykas griente en fruit, en

gjinn sükerrike dranken skonken.

- Biologysk, lokaal teeld skoalfruit en farske (waarme) lunches nimme it plak yn fan frisdrankmasines en snobberijautomaten.
- Der wurdt plak makke foar buertgrientetunen. Sa bringe wy minsken wer streekrjocht yn kontakt mei iten, buertgenoaten en de natuer.
- Net de multinasjonal dy't it bêst betelle wurdt, mar sûne produkten krije in prominint plak yn de skappen fan 'e supermerk.

### De plantaardige takomst begjint no

Der binne alle wiken stunts mei kiloknallers, wylst wy al fierstente folle fleis ite. De hege gemiddelde fleiskonsumpsje – 39 kilo per persoan per jier – draacht by oan hert- en faatsyktes, diabetes type 2 en wurdt linkt oan ferskillende soarten kanker. De Nederlânske Sûnensried advisearret minsken al jierren om minder fleis te iten en faker foar in fegetarysk of plantaardich alternatyf te kiezen. Dat helpt de natuer, it klimaat en fansels de dieren ek. Heech tiid dus dat wy fan plantaardich iten de regel meitsje, yn plak fan 'e útsûndering!

- It itensoanbod wurdt ynrjochte op 'e duorsume kar. Plantaardich iten wurdt de noarm, dierlike produkten de útsûndering. It suksesfolle konsept 'Karnifoor? Jou it troch!' wurdt bot oanmoedige en yn alle gefallen by alle oerheidsynstellings trochfierd.
- Bern leare op skoalle al om fariearre plantaardich te iten.
- Wy starte in grutskalige en langrinnende publykskampanje oer de foardielen fan plantaardich en biologysk iten. It Voedingscentrum wurdt hjirby belutsen.
- Sikehuzen en oare soarchynstellings servearje sûn, plantaardich en biologysk iten. Oant dy tiid wurdt minimaal ien folweardige plantaardige opsje op it menu oanbean. Pasjinten en bewenners kinne altyd farsk fruit krije.
- De hjoeddeistige Nederlânske lunchkultuer jout romte oan mear griente- en

fruitkonsumpsje. Wy sille bedriuwskantines oantrune sûne mielen oan te bieden troch bygelyks in fiskale frijstelling.

- Mobile teams sille út 'e oerheid wei smaaklike plantaardige gerjochten ûntwikkelje en op lokaasje workshops jaan oan grutte cateraars en kantines.
- Der komt in ein oan it struien mei antibioatika yn 'e feehâlderij, want dit liedt ta resistinsje: de baktearjes binne net gevoelich foar antibioatika en ynfeksjes wurden dreger te behanneljen. Salang't dit noch bart, moat de konsumint fia etiketten op fleis warskôge wurde foar it gefaar fan multiresistinte baktearjes en salmonella.

### In sûne leefomjouwing

De iepenbiere romte is te bot ynrjochte op auto's en ferkear. Bûten boartsje en bûten sporte is sûn, mar dreech as der hieltyd auto's del raze. Ynwenners fan ús grutste stêden libje gemiddeld in jier koarter fanwegen de minne luchtkwaliteit, mar dochs komme der gjin strange maatregels. Wy wolle dat minsken wer bûten sporte kinne, sûnder harren soargen meitsje te moatten om lucht dy't net sûn is, oft dy no ôfkomstich is fan auto's, houtstook of feehâlderij. Fytsers en fuotgongers krije de romte. En bern moatte bûten boartsje kinne yn in feilige en útdaagjende omjouwing. Fuotbalfjildsjes en jongereinsintra nûgje jongerein út ta beweging en sosjale aktiviteiten.

- De hjoeddeistige EU-noarmen foar luchtkwaliteit binne net foldwaande om ús sûnens te beskermjen. Dêrom wurde de folle strangere WHO-luchtkwaliteitsnoarmen wetlik fereaske.
- Troch stedssintra allinne tagonklik te meitsjen foar bestimmingsferkear meitsje wy de lucht skjinner. Gebieten dêr't sels de EU-noarmen foar luchtkwaliteit net helle wurde, krije prioriteit.
- By it stoken fan hout komme ferskillende skealike, faak kankerferwekjende stoffen

frij dy't min foar it miljeu, de folkssûnens en it klimaat binne. De hege útstjit fan fynstof kin earnstige klachten oangeande de sûnens by bern, âlderein en longpasjinten feroarsaakje. Der komt dêrom in útfasearring fan houtstook. Oant dy tiid komt der in lanlike noarm foar de easken oan houtstook dêr't ek op hanthavene wurdt. By ûngeunstige waarsomstannichheden, bygelyks as it mistich of wynstil is, wurdt houtstook net tastien.

- Wy lichtsje jongerein op jonge leeftyd mear en better foar oer de skealike effekten fan alkohol en bliuwe de leeftydsgrins fan 18 jier strang hanthavenjen. Reklames foar alkohol wurde ferbean.
- Wy wolle ta op in smookfrije generaasje. De ferkeap fan (e-)sigaretten en oare tabaksprodukten wurdt fergunningsplichtich en kin allinne noch yn tabakssaken. De prizen wurde substansjeel ferhege.
- Feilige natuerboartersplakken wurde berikber foar alle bern dy't yn in wenwyk wenje.
- Yn alle wiken wurdt romte makke foar sportfoarsjennings foar jongerein, lykas iepenbiere fuotbal- en basketbalfjildsjes en skateparken. Op jongereinsintra wurdt net langer besunige.
- Sport nimt yn ús maatskippij in belangryk plak yn. It befoarderet net allinne ús fysike en geastlike sûnens, it draacht ek by oan selsredsumens, lykas by swimmen. Sport hat in maatskiplike funksje en sportferienings spylje dêr in belangrike rol by. Yn ferieningsferbân sporte moat foar elkenien mooglik wêze. Sportkantines wurde stimulearre om benammen sûn iten en drinken oan te bieden.
- De oerheid hat de taak om goede foarljochting oer de sûnensrisiko's fan it brûken fan softdrugs te jaan. De komme gjin nije coffeeshops yn 'e buert fan skoallen.

### In libben mei minder stress

Nederlanners ûnderfine hieltyd mear wurkdruk. Wy stean hieltyd mear 'oan'. Wurk en privee

binne mar kwealik fan inoar te skieden (foaral no't wy sa'n soad thús oan it wurk binne), wy binne altyd berikber fia ús smartphone, en sosjale media sloarpje ús enerzjy op. Ek de jongerein hat it dreech. Mei de ekonomy giet it min en in soad jongerein sit yn noeden oer harren takomst, se misse sosjale aktiviteiten en fysike lessen op skoalle of universiteit. Depressive klachten en burn-outs lizze op 'e loer. It is fan belang dat wy ús omjouwing sa ynrjochtsje dat wy echt ta rêst komme en wy ús psychyske súnens sterker meitsje. De ratrace en it altyd alert wêzen, meitsje plak foar rêst en soarch foar inoar.

- Grien docht goede. In leefomjouwing mei natuer soarget foar minder stress. In besite oan de natuer ferminderet de pine en negative emoasjes en moat dus foar elkenien tagonklik wêze. Natuer jout enerzjy en trunet oan ta beweegjen. Wy sille wenwiken en stêden in stik griener meitsje.
- In goede mentale súnens begjint op skoalle. Under de lessen wurdt omtinken jûn oan de druk dy't sosjale media kreëarje kinne om der sa en sa út te sjen, dy en dy klean te dragen of nei de juste feestjes te gean. Yn 'e lessen wurdt ek omtinken jûn oan it ferskil tusken in byld dat op sosjale media sketst wurdt fersus de werklikheid. Der is folop omtinken foar it pesten en hjir wurdt aktyf wat oan dien op bygelyks skoallen, bernedeiferbliuwen en op sportklubs.
- Der komt in breed plan fan oanpak foar psychyske súnens wêrby't neist soarchprofesjonals ek it ûnderwiis, en wurkjouwers- en wurknimmersorganisaasjes belutsen wurde.
- In yntegrale oanpak foar sûsideprevinsje (yn ûnderwiis, soarch en op sosjaal-ekonomysk terrein) is nedich om it tal minsken dat harsels tekoart docht werom te kringen.
- Minsken dy't geastlike súnenssoarch nedich hawwe, stean soms jierren op wachtlisten en krije sadwaande net op 'e tiid goede help. Wachtlisten en wachttiden yn 'e GGZ kringe wy werom troch te ynvestearjen yn genôch (fergoede) (by-)opliedingsmooglikheden, it ferminderjen fan administrative lêsten, en it

ferminderjen fan kosten troch professionals te stimulearjen om yn leantsjinst te gean. Oant it safier is soargje wy foar foldwaande oerbêringssoarch en mear (tydlike) opnameplakken.

- De GGZ wurdt ûnderdiel fan 'e soarch yn alle buerten.

### Problemen op 'e tiid sinjlearje komt slimmere problemen foar

Minsken mei psychyske of lichaaamlke klachten moatte gau by in dokter of terapeut telâne kinne. Troch der op 'e tiid by te wêzen, kinne je foarkomme dat it noch slimmer wurdt en dat spesjalistsyke soarch nedich is. Dat freget om leechdrompelige soarch en genôch omtinken foar elkenien. De earstelynssoarch fan bygelyks húsdokters is krúsjaal om syktes op 'e tiid te sinjlearjen sadat swiere medisinen of operaasjes net nedich binne. De druk op 'e basissoarch is yn 'e rin fan 'e jierren hieltyd heger wurden. Dy druk moat omleech. Dat is better foar de pasjint én de behanneler.

- De troch leefstylintervinsjes, dêr't pasjinten by advisearre wurde oer bygelyks iten en beweging, kinne tusken de 30% en 40% fan 'e diabetes type 2 pasjinten nei ferwachting medisynfrij wurde en kinne ek oare syktes foarkommen wurde. Wy sille leefstylintervinsje goed toetse op effektiviteit en der mear omtinken oan jaan yn 'e oplieding fan dokters en oare soarchferlieners.
- De troch soarchfersekerders beheinde budzjetten soargje derfoar dat húsdokters beheind wurde yn leefstylintervinsjes. Húsdokters moatte leefstyladvys folslein deklarearje kinne. Omdat minsken bang binne foar hege rekkens geane sy net nei de toskedokter, wylst dat op 'en doer wol liedt ta behannelings dy't folle mear kostje. Mûlesoarch komt wer werom yn it basispakket.
- Húsdokterpraktiken bliuwe foar elkenien goed beskikber. Wy gripe yn wannear't absurde hierprizen der ta liede dat húsdokters út

stedssintra en populêre wiken ferdwine.

- Minder pasjinten per húsdokter jout de húsdokter romte om langere konsulten yn te plannen sadat der echt nei pasjinten lústere wurde kin. Wy soargje dat de noarmpratyk (it tal pasjinten) per húsdokter ferlege wurdt.
- Fergoeding foar antikonsepsjemiddels komt foar alle leeftiden werom yn it basispakket.
- It hiv-previnsjemiddel PrEP wurdt tagonklik en fergoede foar minsken mei in heech risiko op hiv-besmetting.
- Sosjaal wurk wurdt foldwaande stipe troch de oerheid en mear yntegrearre yn it oare soarchoanbod: dêr't sosjaalwurkers psychososjale klachten op 'e tiid sjogge, kinne slimmere problemen foarkommen wurde.
- De oerheid komt mei in kampanje om it jaan fan boarstfieding te stimulearjen. De te ferwachtsjen groeikurves foar poppen passe wy hjir op oan, want dy binne no basearre op keunstfieding. Wurkjouwers soargje foar kolfromtes en hjir komt foldwaande tafersjoch op. Mear ûndersyk fynt plak nei keunstfieding sûnder kowemolke. Goede begelieding en help fan laktaasjedeskundigen binne dêr wichtich by en hearre yn it basispakket.
- Der komt gjin faksinaasjeplicht, ek gjin yndirekte. Der komt wol wiidweidige oerheidskommunikaasje oer faksinaasje.
- Jongereinsoarch wurdt útwreide oant 21 jier. Fan 18 jier ôf wurdt dy stadichoan ôfboud.

### Soarch foar elkenien

De koroanakrisis hat oantoand hoe belangryk de soarch is en hoe ôfhinklik wy wurden binne fan multinasjonals foar medisinen en soarchmiddels. Wylst soarchmanagers harsels absurd hege beleannings joegen, makken ûnderbetelle ferplegers lange dagen mei in skrale ienmalige bonus as stank foar tank. It is dúdlik: de soarch is gjin merk. Ien op 'e seis minsken dy't wurket, wurket yn 'e soarch. Dat moat in noflik wurkomjouwing wêze. De útstream yn 'e soarch is lykwols ek heech. In grut part fan 'e soarchmeiwurkers heakket nei in pear jier yn 'e

soarch ôf en komt net wer werom. De burokrasy, dy't trochslein is, hat makke dat profesjonals op 'e wurkflier hieltyd minder ynspraak hawwe en alle hannelings ferantwurdzje moatte. De tiid dy't bestege wurdt oan it ynfolgen fan papieren en protokollen kin net oan de pasjint jûn wurde. Dat draaie wy werom. De managementlagen wurde ynkrompen en wy roppe de burokrasy in halt ta. Wy wolle mear hannen oan it bêd en de soarchferlieners oan it roer, mei leansferheging dy't dêr by past en minder wurkdruk. Sa wurdt soarch ek foar pasjintnen in noflik omjouwing. Mear omtinken en karfrijheid foar pasjinten liedt ta kwalitatyf bettere soarch. Dêrom sette wy ek yn op lytsskalige basissoarch en hâlde wy fúzjes ta megasikehuzen tsjin. Soarch op maat bliuwt sa foar elkenien berikber.

### Mear soarch, minder merk

De besunigings, privatisearrings en merkwurking hawwe derfoar soarge dat de soarch foaral draait om winstmaksimalisaasje. Farmaseuten en managementlagen yn 'e sikehuzen dy't hieltyd grutter wurde, binne faak mear dwaande om winst te meitsjen dan mei pasjinten. Dat sille wy feroarje. Wy wolle hannen oan it bêd, en net achter in kompjûter om ferslaggen yn te folgen.

- Absurde beleannings, winstútkearings en bonussen oan de top fan 'e soarch skaffe wy fuortendalik ôf. Managementlagen wurde ynkrompen dêr't dat kin, en it budzjet dat frijkomt wurdt ynvestearre yn minsken dy't soarch ferliene.
- Wy ynvestearje flink yn soarchferlieners: romte foar (by-)oplieding en goede arbeidsbetingsten binne fanselsprekkend. De salarissen gean omheech. Soarchmeiwurkers krije mear te sizzen oer de ynhâld fan harren wurk en wurkroasters. Sa wurdt it ek foar jongerein oantrekliker om in baan yn 'e soarch te kiezen én der ek te bliuwen. Medysk spesjalisten komme yn leantsjinst.
- Merkwurking hat laat ta jildfergriemen, wylst it finansierjen fan 'e soarch ûnder druk stiet. Der komt in taskforce om fergriemerij yn 'e soarch op alle fronten tsjin te gean en

ferdoarne prikels ôf te skaffen.

- Der komt mear kapasiteit yn 'e soarch. Mear IC-bêden, apparatuer, en foaral mear persoanen soargje foar in oer alle boegen bettere soarch en kinne in eventuele sykte-útbraak better opfange. Wy lizze in foarried krúsjale medisinen en helpmiddels oan. Essinsjele (help)middels wurde tenei yn Europa produsearre.
- Regionale sikehuzen bliuwe oerein en wurde net mear opslokt troch fúzjes. Sa is goede soarch foar elkenien berikber. Alle streeksikehuzen hawwe in ferloskeamer, sadat alle heiten en memmen dy't in berntsje krije op 'e tiid by in sikehûs komme kinne. Allinne komplekse soarch wurdt ûnderbrocht by spesjalisearre sikehuzen.
- Om fierstente hege medisynprizen foar te kommen, wurdt de opbou fan medisynprizen iepenbier en dêr't dat mooglik is wurde goedkeapere, merklease medisinen brûkt. In monopoolje op in medisyn mei gjin beheining wêze foar de tagonklikheid.
- Soarch fan de Wet Maatskiplike Stipe (Wmo) út en soarch foar minsken mei in beheining wurdt leafst lytskalich oanbean en is yn alle gemeenten lykwaardich: hokfoar soarch jin ûntfange mei net ôfhingje fan 'e gemeente dêr't je wenje. Wmo-soarchferlieners wurde better stipe en betelle.
- Ferskillen tusken gemeenten yn oanbod en kwaliteit fan help foar jongerein is ûnakseptabel. De desintralisaasje hat besunigings meibrocht dy't net ferantwurde binne. Wy soargje dat alle gemeenten foldwaande middels hawwe foar in goed organisearre jongereinsoarch.
- Wachtlisten yn 'e jongereinsoarch wurde aktyf oanpakt.
- Mantelsoargers wurde (finansjeel) stipe en der komt ekstra omtinken foar it tsjingeane fan oerbelesting fan mantelsoargers. By de tagong en evaluaasje fan 'e soarch wurdt mear rekken holden mei mantelsoargers.

### In soarchfersekering dy't past

Soarchfersekerders hawwe tefolle macht krigen. Sy bepale wêr't wy soarch krije kinne, ferheegje de premy kear op kear wylst der hege winsten makke wurde en komme mei djoere reklamekampanjes. Wylst de soarch mear kostet, sjogge wy der hieltyd minder fan werom. Wy meitsje de soarchfersekering wer earlik en solidêr.

- It eigen risiko wurdt ôfskaft.
- It sikefûns komt werom mei in útwreide dekking, ek foar mûlesoarch en fysioterapy en (definitive) antikonsepsje. De preemje wurdt ynkommensôfhinklik. Minsken dy't in partikuliere fersekering betelje kinne moatte har partikulier fersekerje, mar ek dêr stelle wy in boppegrins oan de preemjes. De soarchtaslach wurdt sa oerstallich.
- It soarchstelsel en de fergoedings fan fersekerders dy't dêr by hearre, binne tefolle rjochte op operaasje, behanneling en medikaasje. Fergoedings foar previnsje – lykas de diëtist, ferslavingssoarch en help by it stopjen mei smookjen – bliuwe yn it basispakket en wurde folslein fergoede. Soarchfersekerders sille mear previnsjemaatregels fergoedzje: wy rjochtsje it soarchstelsel better yn op help en begelieding om de eigen sûnens te fersterkjen.
- Wy beheine de winst dy't soarchfersekerders meitsje meie.

### Omtinken foar alle behoeften

In pasjint is in persoan, en gjin nûmer. Sa wolle wy minsken tenei ek behannelje. Elkenien dy't klachten hat, fynt tenei in goed plak yn it Nederlânske soarchstelsel. De oerheid garandearret in ferskaat yn it oanbod. De soarch bliuwt regionaal tagonklik en lokale sikehuzen bliuwe oerein. De rezjy by regionale oerheden dellizze kin hjirby helpe, al wie dat foarhinne in ferkapte besunigingsoperaasje. Dat wurdt werom draaid: Gemeenten krije genôch middels

om goede soarch oan te bieden dy't ek allinne dêrfoar brûkt wurde. De kosten, útfiering en kwaliteit binne yn alle gemeenten gelyk.

- Meargeneraasjewenten wurde fiskaal stimulearre en der komt romte om oare foarmen te ûntwikkeljen dêr't minsken by tegearre libje en foar inoar.
- Soarchsintra dy't bûn binne oan identiteit wurde stipe. Wy tinke oan âldereinsoarchhuzen dy't rekken hâlde mei LHBTIQA+ persoanen en minsken mei ferskillende kulturele achtergrûnen.
- Der komt mear omtinken foar diversiteit binnen soarchopliedings, soarchbehandelings en by medisynûntwikkeling. Hjirby falt te tinken oan sûnensrelatearre ferskillen tusken sosjaal-ekonomyske status, sekse, gender, kultuer en etnisiteit. In tagonklike, ynklusive sûnenssoarch op maat wurdt it útgongspunt.
- It moat foar slachtoffers fan húsluk geweld folle makliker wurde om melding te meitsjen en nei in krisisopfang te flechtsjen. Dêrfoar moatte der mear needopfangplakken realisearre wurde. Ek húsdieren binne dêr wolkom, of kinne fergees en leechdromplich ergens oars opfongen wurden fia it netwurk fan 'e krisisopfang. By de plysje, jongereinsoarch, skoallen en sosjale wykferpleging wurdt ekstra omtinken jûn oan it werkennen fan húsluk geweld, sadat dit earder sinjalearre wurdt.
- By plysje en justysje komt mear omtinken foar frouljusmoard (femicide). Der wurde maatregels nommen om femicide werom te krigen.
- Alderein kin kieze tusken kwalitative en foldwaande soarch thús of in plak yn in ferpleechhûs. Der is foldwaande wykferpleging beskikber. Wy kringe de lange wachtlisten foar ferpleechhuzen werom troch mear en lytsskaligere ferpleechhuzen te bouwen, en biede foldwaande fasliteiten foar deibesteging foar âlderein dy't thús wennet.
- De frije kar foar alternative genêswizen moat boarge wêze. Der wurde neiere easken steld oan de soarchferlliener oangeande

ynformaasjeoarsjenning oer syn of har oplieding en behannelwizen.

- Thús befallende bliuwt oeral mooglik, mar moat wol in kar wêze en net troch need twongen omdat der net genôch ferloskeamers yn 'e buert binne. De eigen bydrage foar poliklinyske befallings wurdt skrast, sadat elkenien safolle mooglik in frije kar meitsje kin.
- Trans persoanen krije allegear ynformaasje fan belutsen dokters en mear frijheid om in kar te meitsjen yn it trajekt fan hormoanen en operaasjes.

### In foltôge libben

De Partij foar de Dieren ûnderskriuwt it prinsipe dat minsken oer harren eigen libben beskikke, foaral as it giet om hoe't se stjerre wolle. De maatskippij hat lykwols ek de ferantwurdlikheid om foar te kommen dat minsken harsels as lêst foar oaren beskôgje of harren net mear wolkom fiele yn 'e maatskippij. It fêstlizzen fan in wetlike leeftydsgrins foar help by it stjerren is arbitrêr en soe grutte maatskiplike gefolgen hawwe. Wy sille mear omtinken jaan oan it opnij wurdearjen fan âlderdrom en it foarkommen fan iensumens ûnder âlderein. Gemeenten en soarchkantoaren krije foldwaande middels foar in noflik leefklimaat en foldwaande aktiviteiten foar âlderein.

- De ôfrûne jierren hat der wakker in maatskiplik debat west oer help by selsdeading, lykas by minsken dy't harren libben as foltôge beskôgje. De Partij foar de Dieren hechtet oan selsbeskikking en fynt dat minsken sels bepale meie wannear't se stjerre, op in waardige manier. It trajekt dat hjiroan foarôf giet, moat wol och sa soarchfâldich wêze.

## Passend en betelber wenje yn in griene omjouwing

Troch de koroanakrisis tinke in soad Nederlanners nei oer harren wenwinken en harren mooglikheden ta wenjen. De lockdown en it thúswurkjen hawwe dúdlik makke dat minsken graach oer natuer en in griene leefomjouwing meie – en ek dat de ôfrûne jierren fierstente folle talein is op griene romte. Wa't yn in sûne lucht in eintsje te kuierjen woe, bedarre yn in park mei fierstente folle minsken. Mear grien is fan libbensbelang. Jonge famyljes sizze letterlik en figuerlik dat se wer sykhelje kinne as se mear rêst en romte krije. De trend dy't foar koroana al ynset wie, set troch: mear minsken sykje in wente bûten de stêd. Der is yn Nederlân genôch romte om te soargjen foar goede, betelbere wenten yn in noflike leefomjouwing. Mar dan is it wol nedich dat de polityk de moed opbringt om heldere karren te meitsjen. De Partij foar de Dieren makket dy kar: yn plak fan monokultueren foar de feehâlderij, kreëarje wy natuer en romte om te wenjen.

Sa soargje wy foar in sûne en griene wenomjouwing, wêryn't minsken noflik mei-inoar gearlibje kinne yn betelbere wenten en yn rom opsette griene buerten.



In dak boppe de holle is in basisrjocht foar elkenien. Dochs is it foar in soad minsken dreech om in wenten te finen. De wenningneed is histoarysk grut. Om dat op te lossen, sille der oant 2030 in miljoen wenten by komme moatte. De 'frije wenningmerk' blykt benammen frij foar húskemelkers en spekulanten, gewoane keapers en hierders binne yn it neisjen. Dêr komt by dat it hjoeddeistige huzebestân net ynsteld is op 'e demografyske ûntwikkelings fan 'e takomst. Der is mear ferlet fan wenten foar minsken dy't allinne binne, mar ek fan meargeneraasjewenten, wêrby't bern mei pake en beppe en/of heit en mem gearwenje en foar inoar soargje. Frije wenningmerk? It wurdt wer tiid foar folkshúsfesting!

En dan is der noch de grutte útdaging yn it duorsum meitsjen fan ús wenten en griener meitsjen fan 'e leefomjouwing. Om de klimaatdoelen te heljen én om de gefolgen fan 'e klimaatferoaring op te fangen, lykas hegere temperatueren en in hiel soad rein. Dêr is de lêste jierren te min oan dien: de bûtenromte wurdt fan stien, beammen wurde kapt en sinnepanielen op wenten binne spitigernôch noch altyd de útsûndering yn plak fan de regel.

De Partij foar de Dieren wol it wenningtekoart op in duorsume wize oplosse. Wy wolle dat studinten betelber op keamers kinne yn omboude kantoarpannen en flekswenten, jonge famyljes in hier- of keapwente fine dy't by harren famyljesituasje past, minsken dy't yn 'e stêd berne binne net langer de stêd út dreau wurde en âlderein telâne kin yn senioarewenten dy't lykfiers binne. Dat freget om radikale karren. Mei lytse yngrepen rêde wy it net. Wy kinne passende wenten allinne foar elkenien mooglik meitsje as wy de romte yn Nederlân better ferdiele. Je kinne net útlizze wêrom't wy yn Nederlân de slachter en de molkboer fan de wrâld wêze wolle, dy't tsiis nei Kanada en bargaen nei Sina eksportearret, wylst der te min romte oerbliuwt foar de Nederlânske befolking om te wenjen en te rekreëarjen en it bioferskaat bot ôfnimt. Goed twa-tredde fan

alle grûn yn Nederlân wurdt foar lânbou brûkt. Yn in soad gefallen foar it ferbouwen fan feefoer dat net allinne de beskikbere romte letterlik ynnimt, mar ek soarget foar in enoarme útstjitt fan fynstof, stikstof en broeikasgassen. Al dy grutte griene flaktes mei Ingelsk raagiers en snijmais, dêr't fierder neat groeit, hat gjin oar doel as it fuorjen fan it fierstente grutte tal dieren yn 'e feehâlderij en pakt fan minsken, dieren, beammen en planten de romte foar in natuerlike leefomjouwing ôf. Tagelyk is der bot ferlet fan wenten en natuer. Dêr lizze kânsen: troch minder dieren yn 'e feehâlderij te hâlden, meitsje wy romte frij om de Nederlânske lânbougrûn om te foarmjen. Foar it grutste part ta natuer, ek foar in part nei wenningbou, sadat wy oan de bou-opjefte foldwaan kinne. Tegearre mei it omfoarmjen fan transformaasje nei wenwiken en it tichter meitsjen fan stêden dêr't dat noch kin, sûnder it grien en de leefberens oan te taastjen, leveret dit genôch romte op om de wenten dy't nedich binne op betelbere wize en mei in kwaliteitsympuls foar it lânskip te realisearjen. Wy skeppe romte foar de natuer en foar wenningbou, sûnder dat ien dêr fan te lijen hat en wy ferbetterje tagelyk it leefklimaat, de wenomjouwing en it bioferskaat.

### Romte better ferdiele: mear wenten!

De wenningmerk is folslein fêstrûn. De fraach nei wenten is folle grutter as it oanbod en in soad minsken kinne gjin betelbere wente fine. De wenningmerk moat net langer draaie om safolle mooglik winst foar belizzers, mar om folkshúsfesting: in geskikte wente foar elkenien! Wy stean noed foar genôch betelbere wenten, dy't maklik omfoarme wurde kinne as de winsken fan it wenjen feroarje.

Yn Nederlân stiet grutte druk op it lânskip. Der is driuwend ferlet fan romte foar de natuer. Ek klimaatmaatregels fergje romte. Dêrom is it needsaaklik dat de hjoeddeistige ferdieling fan grûn yn ús lân kritysk besjoen wurdt. En dat it fyzjeleaze grûnbelied plak makket foar in duorsum

plan. De beboude omjouwing moat tûker, duorsumer en earliker benut wurde. Bygelyks troch wenten te splitsen, leechstân oan te pakken, toeristysk ferhier fan warrings te beheinen en troch it stimulearjen dat húshâldings wenromte diele yn plak fan it ûntmoedigjen dat minsken fan ferskillende húshâldings gearlibje sille.

Om stêden leefber te hâlden, sille wy dy net noch fierder fertichtsje op plakken dêr't al net in soad grien is en/of in grutte druk op 'e ynfrastuktuer leit. Dêr't romte is foar fertichtsjen wurdt ynvestearre yn ekstra grien om de stêd leefber te hâlden. Wy sille benammen ynsette op transformaasjegebieten. Troch bedriuweterreinen op 'e nij te strukturearjen mei it (trije)dûbeld brûken fan 'e romte as útgongspunt wurde de terreinen folle kompakter en is útwreiding net nedich. Bedriuweterreinen dy't gjin takomst mear hawwe foarmje wy om ta griene wenbuert. Kantoaren en winkelpannen dy't bliuwend leech stean wurde omboud ta wenromte. Dat betsjut dat wy akseptearje moatte dat net elkenien yn en om de histoaryske stedssintra wenje kin. As der yn 'e stêd boud wurde kin, dan kieze wy foar wenten en net lykas no foar hotels of kantoaren. Dat lost in part fan 'e wenningneed op, mar der is mear nedich!

It is ûnhâldber en net te ferdigenjen dat hast de helte fan 'e Nederlânske grûnoerflakte brûkt wurdt foar de feehâlderij wylst de natuer weikwynt en der in skrinend tekoart oan wenromte bestiet. Troch boeren te helpen oer te skeakeljen nei duorsume lânbou komt der in soad grûn frij dy't wy folle better ferdiele kinne. Fierwei it grutste part dêrfan sette wy om nei natuer sadat it bioferskaat bekomme kin. En sa komt der ek romte foar wenten yn of yn plak fan eardere agraryske bebouwing en oan de râne fan besteande wenkearnen, sûnder dat dit te'n koste giet fan leefberens, lânskips- en kultuerhistoarje en de natuer.

Op dy wize kinne mear minsken wenje yn in griene omjouwing en losse wy it wenningtekoart op. De stêd misse hoecht dan ek hielendal net:

mei goede OV-ferbiningen en snelfytsrûtes sille wy soargje dat stêden foar elkenien fluch te berikken binne. Troch mear thús te wurkjen en online gear te kommen wannear't jin baan dat talit, hoege je dochs al net alle wurkdagen hinne en wer te reizgjen. Eardere krimpgebieten wurde wer oantreklik en krije in nije ympuls. Mear ynweners yn dy gebieten foarmje in libbensier foar de foarsjennings dy't dêr troch in tekoart oan ynweners drigen te ferdwinen, lykas supermerken, basisskoallen, sikehuzen en biblioteken.

- Wy meitsje romte foar wenten. Troch te kiezen foar in flinke krimp fan it tal dieren yn 'e feehâlderij komt in soad lânbougrûn en agraryske bebouwing frij (én wurdt de stjonkoerlêst einlik oplost). Neist it bekommen fan 'e natuer kreëarret dat romte foar wenten. Goede OV- en (snel)fytsferbinings sille soargje foar goede, duorsume berikberens.
- Om it kreëarjen fan wenromte yn goede banen te lieden, wurdt in wenljedder ûntwikkele. Alderearst wurdt besteande bebouwing tûker benut, lykas it transformearjen fan kantoarpannen, it oanpakken fan leechstân en it stimulearjen fan trochstreaming. Dêrnei wurdt fierder binnenstêdlik fertichte dêr wêr't dat kin sûnder de leefberens oan te taasten.
- Bedriuweterreinen dy't gjin takomst mear hawwe of tefolle hinder feroarsaakje foar omlizzende wengebieten foarmje wy om ta wenwiken en grien, lykas parken, of ta terreinen mei skjinne sirkulêre bedriuwen, mingd mei wenjen. Hjirby wurdt rekken holden mei de leefberens en de druk op 'e ynfrastuktuer fan 'e stêd. De griene omjouwing om 'e stêden hinne bliuwt grien.
- It tekoart oan studintewenten wurdt oplost troch gau duorsume wenten te realisearjen, by foarkar leechsteande (kantoar)gebouwen. Wêr't in slim tekoart is, kinne flekswenten ynset wurde, teminsten, as dy duorsum en folslein opnij te brûken binne.
- Pannen wurde sa boud dat se maklik om te foarmjen binne nei in oare funksje om te brûken.

- Lege bedriuwspannen wurde opnij ûntwikkele en krije in oare funksje, lykas wenjen. Nijbou fan kantoaren en bedriuweterreinen wurdt dreger makke. Op eardere pleatsen kin eksperimintearre wurde mei wenfoarmen en -mienskippen, wêrby't jong en âld gearlibje en inoar stypje kinne.
- Meargeneraasjewenten wurde oanmoedige en in grut diel fan 'e nijbou wurdt hjirfoar bestimd, lykas oare typen wenten wêrby't wenjen en soarch kombinearre wurde.
- It moat makliker wurde om in hypoteek ôf te sluten mei mear as twa minsken, en dit moat by alle hypoteekbesoargers kinne. Op dy wize wurdt cohousing troch bygelyks freonen in maatregel tsjin wenningneed, en kin in diversiteit oan gesinskonstruksjes fasilitearre wurde.
- Wy sille de ferdoazing fan ús lânskip tsjingeane. Der komt in moratorium op 'e bou fan distribusjesintra en grutte kantoarpannen. Der sille ek gjin nije bedriuwshallen komme salang't der noch leechsteande bedriuwshallen yn 'e regio binne.

### Spekulanten stopje

Huzen binne om yn te wenjen, net om jild út te heljen. De wenningmerk sit op it stuit hielendal fêst wylst in lytse groep minsken bergen jild fertsjinnet oan de wenningneed, guon spekulanten hawwe hûnderten wenten. Húskemelke en spekulante ûntmoedigje wy troch maatregels yn te fieren dêr't (lokaal) mei stjoerd wurde kin op 'e ferdieling fan wenten.

- Benammen yn grutte stêden binne betelbere keapwenten net te finen. Troch in wenplicht yn te fieren en in maksimum te stellen oan it tal pannen dat in yndividu of ûndernimming yn in stêd hawwe mei, brekke wy de keapwenningsektor wer iepen foar minsken dy't werklik yn in hûs wenje wolle.
- Der komme spulregels foar tydlike ferhier fan wenromte foar toeristen. Gemeenten krije de romte om fakânsjeferhier te beheinen en te ferbieden yn gebieten dêr't fakânsjeferhier

foar oerlêst en fertutearzing soarget.

- In heffing op leechstân en braaklizzende grûn by (wenning)bouprojekten ûntmoediget it om pannen leech stean te litten en te spekulere mei bougrûn.
- Ek yn 'e frije sektor wurde de hierprizen beheind.
- De oerdrachtsbelesting bliuwt differinsjearre: belizzers betelje mear, bewenners betelje minder. De oerdrachtsbelesting wurdt (foar in part) weromstoart as keapers binnen in jier harren hûs enerzjyneutraal makke hawwe.
- De oerheid sil stranger optrede tsjin malafide ferhier fan wenromte en húskemelkers.

### Passend wenjen foar elkenien

De trochstream wurdt makliker troch genôch wenten yn alle segminten oan te bieden. Dat minsken no soms 15 jier op in sosjale hierwenning wachtsje moatte, is ûnakseptabel. Troch de hiele trochstream te befoarderjen en mear wenten te bouwen, meitsje wy de wachtlisten folle koarter. Jongerein dy't graach yn harren berteplak wenjen bliuwe wolle, kinne sa yn harren fertroude omjouwing bliuwe en bydrage oan de sosjale kohesje yn 'e stedske buerten.

- Der komt in ministearje foar Folkshúsfesting en Romtlike Oardering.
- Wy bouwe mear sosjale hierwenten. De bouopjefte fan wenningkoörporaasjes wurdt wer op gong holpen troch in finansjele ynjesje fan it Ryk.
- Troch de maksimale ynkommensgrins heger te meitsjen wurde sosjale hierwenten tagonklik foar mear minsken.
- Hieltyd mear minsken komme yn 'e knipe troch harren hege hier. De hieren wurde de kommende fiif jier beferzen.
- Wy beheine de merkwerking yn 'e hiersektor troch in boppegrins oan de prizen te stellen. Hierwennings yn 'e frije sektor sille ek ûnder it wentewurdearringsstelsel falle. De WOZ-wearde fan in wente wurdt net langer meinommen yn it wentewurdearringsstelsel: sa komme wy foar dat wenten yn populêre

gebieten in soad punten krije mei as gefolch dat absurd hege hieren tastien wurde. Hieren gean sa omleech.

- Der wurde gjin sosjale hierwenten mear ferkocht, of it soe wêze moatte dat se op syn minst ien op ien ferfongen wurde yn deselde gemeente. Der wurdt let op in goede sprieding fan it oandiel sosjale hierwenten per buert.
- Gentrifikaasje wurdt tsjingongen troch oan te stjoeren op mingde wiken, dêr't bewenners fan ferskate ynkommensgroepen, achtergrûnen en leefstilen inoar tsjinkomme. It karakter fan wiken en de rjochten fan dyjingen dy't der al wenje wurde beskerme.
- Húsútsetting en úthúspleatsing wurde foarkommen troch foldwaande skuldhelpferliening dy't op 'e tiid komt. Ien drekt út syn hús sette by achterstân yn it beteljen wurdt ferbean.
- Gjiniën hoecht op strjitte te sliepen. Yn alle gemeenten foldwaande fergese sliepplakken, ek foar dak- of thúsleazen dy't harsels wol rêde kinne. By min waar en kjeld mei in húsdier noait in wegeringsgrûn foarmje foar opfang fan 'e dakleaze: ek foar húsdieren wurdt in passend plak socht, bygelyks yn it asyl as dat net yn 'e dakleaze-opfang kin.
- Minsken dy't net in jildige ferbliuwsfergunning hawwe, krije nacht- en dei-opfang en wurde juridisk en maatskiplik begelaat. Gemeenten krije dêr help fan it Ryk foar.

### Griene stêden en doarpen

Mei grien om ús hinne binne wy sûner en gelokkiger. Mar der is net genôch grien yn en om ús stêden, dat waard ek dúdlik doe't yn 'e earste wiken fan 'e koroanakrisis sels stedsparken ôfsletten wurde moasten en it besykjen fan natuergebieten beheind waard. Dêrom sille wy mear tagonklike natuer om stêden hinne oanlizze en doarpen en stêden radikaal griener meitsje. Griene gevels, dakken, stoepen, grienslingers, natuerboartersplakken, buerttunen: allegear meitsje se it libben yn beboud gebiet noflikker

en sosjaler. No't hjitteweagen hieltyd faker foarkomme en langer duorje, is grien yn 'e stêd ekstra belangryk om foar ferkuolling te soargjen. Wannear't it reïnt helpt datselde grien om wetteroerlêst foar te kommen. Boppedat lûkt stedsnatuer dieren oan en it griener meitsjen fan ús wenomjouwing jout in bûtengewoane ympuls oan it Nederlânske bioferskaat.

Mar der moat ek in Deltaplan(t) foar nije natuer komme. Nêderlân hat ûngefear 300 miljoen beammen, 17 per ynwenner. Dy moatte wy behâlde, want it duorret jierren foar't in beam grut en écht fan grutte wearde is. Mar alle kearen binne der wer oare redenen om beammen te kappen. Oft it no fanwegen ypsykte, de ikeprosesjerûp, de lettersetter, of fanwegen in ferbreiding fan 'e dyk of bouprojekten is, beammen binne yn Nederlân net feilich. De Partij foar de Dieren wol dêrom dat der ynset wurdt op flinke groei fan ús boskareaal en de beskerming fan besteande beammen.

- In grutte beam hellet CO<sub>2</sub> út 'e loft, befoarderet bioferskaat, hat in dimpend effekt by wetteroerlêst en drûchte en ferkuollet by hjiite likefolle as 10 enerzjysloarpjende airco's: net kappe, mar plantsje dus! Wy skerpe kritearia foar kapfergunnings flink oan en kieze foar massale oanplant fan beammen: alle jierren op syn minst ien nije beam per ynwenner wêrby't wy neist it oanlizzen fan natuergebieten ek just yn 'e beboude kom oanplantsje sille.
- It kabinet bout de jierlikse bydrage foar grien en rekreaasje ûnterjochte ôf. De opjefte foar foldwaande en tagonklik grien is noch lang net sa fier, dat seagen wy yn 'e koroanatiid mei de grôtfolle parken wol. Wy sille wer soargje foar genôch jild om natuer te behâlden en te realisearjen. Want der is driuwend ferlet fan mear natuer, yn grutte gebieten dy't oan inoar lizze én yn en om de stêd hinne.
- Nijbou wurdt natuerynklysf mei bygelyks griene dakken en gevels, nêstgelegenheid foar dieren, beammen en struken yn 'e

strjitte en natuer om te boartsjen om 'e hoeke. By isolaasje en renovaasje fan besteande gebouwen wurdt ferplichte rekken holden mei de natuer: wannear't bygelyks nêstgelegenheid foar fûgels ferdwynt troch dakisolaasje, moat tichtby in alternatyf oanbean wurde.

- Alle gemeenten moatte foldwaan oan de noarm fan op syn minst 50 m<sup>2</sup> kwalitatyf grien per ynwenner.
- Terreinen dy't braaklizze wurde aktyf ta beskikking steld oan stedslânbou, natuerûntwikkeling, tiny forests, itensbosken en kollektyf behearde parken en natuerboartersplakken. Terreinen dy't noch net brûkt wurde, wurde ynrjochte as bije- en flinterfjildsjes.
- Gemeenten helpe bewenners wannear't sy ideeën hawwe foar griene ynisjativen, en wurkje dy net tsjin.
- Wannear't de kwaliteit fan 'e leefomjouwing yn 'e knipe komt, wurde fergunningoanfragen foar bouplannen ôfwisid. Dit jildt ek foar útbouwe en ûnderkeldering.
- Boargers sille wy stimulearje en foarljochtsje om harren tûn griener te meitsjen. Gemeenten jouwe it goede foarbyld en ferfange tegels troch grien op de plakken mei fierstente folle stien. It oanlizzen fan griene gevels, griene dakken en it ôfkeppeljen fan reinwetterôffier fan it rioel (tink oan wadi's) wurdt fia subsydzjes stimulearre.
- Oerheden ûnderhâlde de iepenbiere romte giffrij en nimme maatregels tsjin swalkôffal en yllegale dump fan grofvuil op strjitte en yn gemeentlike griengebieten.
- De beskerming fan ús folkssûnens, it miljeu en it lânskip moatte foarop stean yn 'e omjouwingwet. Oant dat goed regele is, giet de foarstelde Omjouwingwet net yn.

### Energjyneutrale wenningfoarried yn 2030: it kin!

De boude omjouwing is no ferantwurdlik foar 30% fan 'e lanlike CO<sub>2</sub>-útstjit. Dêr is dus noch hiel

wat te winnen om de klimaatdoelen te beheljen. As wy dat tûk dogge, is de wenningfoarried yn 2030 energjyneutraal. It duorsum meitsjen fan besteande wenten en gebouwen liedt meastal ek ta mear wenkomfort. De opjefte om wenten te ferduorsumjen freget om in flinke ynvestearing út 'e oerheid en wenningeigners wei. Mar alle tonnen CO<sub>2</sub> dy't wy no noch útstjitte, leverje yn 'e takomst hegere kosten op as it no duorsum meitsjen en drage der oan by dat de klimaatferoaring noch slimmer wurdt. Tagelyk fertsjinje duorsume ynvestearringen harsels wer werom. Dêrom kriget dit de heechste prioriteit. It is tiid foar in deltaplan duorsum meitsjen mei doelen dêr't op ôfkekkene wurde kin. De techniken binne der al en binne yntusken helber en betelber. It is dus benammen in saak fan politike wil om dizze ûntjouwing yn gong te setten!

- Alle nijbou wurdt gasfrij, op syn minst energjyneutraal, en as it kin: energjyposityf. Sa kompensearje wy foar âlde wenten dy't net (foar 2030) energjyneutraal makke wurde kinne.
- Energjy dy't wy net brûke, hoecht ek net opwekke te wurden. Dêrom sille wy och sa ynsette op energjybesparring, op syn minst 65% minder energjyferbrûk as yn 2030. Dit dogge wy troch huzen op grutte skaal te isolearjen, bettere foarljochting te jaan oer it bewuster brûken fan energjy en easken te stellen oan it brûken fan energjy fan húshâldlike apparaten en lampen.
- Wenningbou-koörporaasjes meie de ferhierdersheffing sels hâlde as dy bestege wurdt oan de taak fan ferduorsumjen en it oanpakken fan efterstallich ûnderhâld. Dit liedt ta it minder brûken fan energjy en mear wenkomfort. Der komt in helder stappeplan wêrmei't yn 2030 de wenningfoarried fan koörporaasjes energjyneutraal is. De ferhierdersheffing wurdt uterlik dan folslein ôfskaft.
- Wy benutte alle dakken. Sinnepanielen op gebouwen wurdt de noarm. Alle nijbouwenten krije sinnepanielen en/of in grien dak en by

nijbou wurdt in eigen reinwetteropslach ferplichte, lykas yn België al it gefal is.

- Isolaasje en it duorsum meitsjen wurde finansjeel oantrekliker troch it ferheegjen fan subsydzjes en lienings foar it duorsum meitsjen, dy't derfoar soargje dat de lêsten alle moannen gelyk bliuwe. Dêrneist falle energjy-renovaasjes tenei ûnder it lege btw-taryf.
- Der komme (fisikaal) goede regelings foar it opwekken fan energjy op wyk-nivo, en it opslaan hjirfan yn buertbatterijen. Hjirtroch kinne hiele wiken mei-inoar energjy opwekje en diele.
- Oerheidsgebouwen hawwe energjylabel A of wurde sa oanpast dat sy hjiroan foldwaan sille.
- De belesting foar ûnreplik guod (ozb) wurdt differinsjearre nei energjylabel en it energjyferbrûk.
- Wy hâlde fêst oan it hjoeddeistige systeem fan saldearring foar skjinne energjy. Sels opwekke elektrisiteit moatte je weromleverje kinne oan it net, foar de priis dy't je sels foar de stroom betelje. Belestingfrij!

### Duorsum bouwe


Klassike boumaterialen lykas beton en stiel hawwe in grutte CO<sub>2</sub>-fuotprint. Yn 'e bouwêld is de ôfrûne jierren lykwols hurd wurke oan recycling, oan ynnovaasjes en techniken dy't minder energjy brûke en oan materialen dy't maklik opnij te brûken binne. Dy sille wy folop brûke troch yn te setten op bio-based bouwe.

- Wy bouwe sirkulêr: der wurde safolle mooglik natuerlike materialen brûkt dy't recycled binne. Gebouwen wurde foarsjoen fan in materialepaspoart, sadat dy materialen by sloop opnij ynset wurde kinne, ek by ferbou en ysolaasje fan besteande gebouwen.
- Boumaterialen wurde sa miljeu- en klimaatfreonlik mooglik produsearre en by oanbestegings kieze wy de materialen dy't it miljeu it minst belêste.

## Underwiis, wittenskip en kultuer

Goed, tagonklik ûnderwiis foarmet it fûnemint foar in frije, demokratyske maatskippij. It ûnderwiis soe der in stik better foar stean kinne. Der is no in ernstich tekoart oan leararen. Leararen binne oerbelêste en krije te min betelle.

Trochstream fan learlingen nei it heger ûnderwiis stagnearret. Studinten wurde fia it “sosjaal liestelsel” opskipe mei hiele hege skulden, wylst harren wurksume libben noch begjinne moat. It spesjaal ûnderwiis is útklaaid. Der is in soad te reparearjen. De Partij foar de Dieren fynt dat elkenien dy’t dat wol of nedich hat, him/har in libben lang ûntwikkelje kinne moat. Jin ûntwikkelje ta it nivo dat by jin past is it útgongspunt. Dat is weardefol foar elk yndividu, mar ek foar de hiele maatskippij.





Duorsumens, iten, natuer- en miljeu-edukaasje en dierewolwêzen sille de pylders foarmje fan 'e omslach nei in duorsume maatskippij. Dy kennisgebieten wurde dêrom in fêst ûnderdiel fan it lespakket op 'e basisskoalle en yn it fuortset ûnderwiis. Yn 'e oplieding ta learaar sil hjir in soad omtinken oan jûn wurde. We sette ek yn op ferbettering fan rekken- en taalfeardigens; sa komt der mear tiid en romte foar it befoarderjen fan lêswille.

De koroanakrisis hat grutte ynfloed op it ûnderwiis. De lessen dy't opdien binne, lykas it organisearjen fan ûnderwiis op ôfstân, of just op it ynrjochtsjen fan klasselokalen, wurde beholden. It belang fan lytsere klassen wurdt dúdliker. De negative gefolgen, lykas it fuortfallen fan 'e sosjale kontakten, of it achterop reitsjen mei de lesstof fergje in ynhelslach en ekstra ynvestearings. Ek binne adekwate sûnensmaatregels nedich; learlingen en leararen hawwe rjocht op in feilige lear- en wurkumjouwing.

- De lear- en oare achterstannen dy't oprûn binne fergje in ekstra ynvestearring, de koroanakrisis mei de ûngelikensens net fergrutsje.
- De oerheid stipet it ûnderwiis om fysyk ûnderwiis mooglik te meitsjen. Underwiisomjouwing sille koroana-bestendich ynrjochte wurde. De ûnderwiisinstellings dy't dizze enoarme klus klearspylje moatte, krije hjir ekstra budzjet foar en binne ferantwurdlik foar de úfiering. It personiel hat dêr it lêste wurd yn.
- Lêswille wurdt befoardere troch it lêzen mear oanslute te litten by de ynteresses fan 'e learling. It lêzen wurdt ek befoardere troch foldwaande (buert)byblioteken. Yn plak fan it sluten dêrfan moat der yn ynvestearre wurde.
- Skoallen jouwe foarljochting oer sekse-, gender- en seksuele diversiteit (fan no ôf "LHBTIQA+"). Feardigheden om LHBTIQA+-akseptasje te befoarderjen wurde ûnderdiel fan dosinteopliedings. Ynisjativen dy't it ûnderwiis LHBTIQA+freonliker meitsje wurde

- stipe. At skoallen hjir te min omtinken oan jouwe, treedt de ûnderwiisynspeksje op.
- Skoallen besteegje ekstra omtinken oan transatlantyske slavehannel, koloniale skiednis en skiednis fan arbeidsmigrasje nei Nederlân.
  - De frijheid fan ûnderwiis mei net misbrûkt wurde om te diskriminearjen. Yntinsjeferklearrings dy't homoseksualiteit ôfwize binne ûnakseptabel. Artikel 23 fan 'e Grûnwet wurdt oanpast.
  - Kennis- en lespakketten oer duorsumens, iten, natuer- en miljeu-edukaasje en dierewolwêzen komme ta beskikking fan it ûnderwiis.
  - Lesmateriaal ôfkomstich fan 'e fossile yndustry, fan jagers, fan sportfiskerij, de bio-yndustry of oare potinsjeel fersteurende sektoaren wurde út it ûnderwiis keard.
  - Gearstallers fan learmetoaden soargje by alle fakken foar in representatieve wjerspegeling fan 'e mienskip yn harren lesmateriaal. Der wurde hjir ôfspraken oer makke mei útjouwerijen. Diversiteit en ynklusy binne hjir in punt fan omtinken by.
  - Yn it ûnderwiis komme 100% biologyske skoalkantines en oerbliuwmielen. Ek komme der oerbliuwmielen dy't fergees jûn wurde. De noarm wurdt dat fleis en oare dierlike produkten de útsûndering foarmet en net standert op it menu steane. Wolst dochs fleis, dan moatst dat foarôf even trochjaan: 'Karnifoor? Jou it troch!'
  - Basisskoallen en middelbere skoallen biede lessen yn kritysk tinken en mediawiisheid oan dêr't skoalbern yn leare om te gean mei ynternet en oare media. It leare werkennen fan nepnijs is hjir ûnderdiel fan. Ek filosofy wurdt opnommen yn it standert kurrikulum, en der komt mear tiid foar keunst en drama.
  - Aktiviteiten lykas skoalswimmen, sportlessen, kultuerlessen (teater-, dûns-, muzyk-, skilderles ensafh.) en skoaltunen wurde rom fasilitearre en der komt ekstra jild foar.
  - Bûtenlessen wurde stimulearre, omdat bliken dien hat dat sokke lessen in soad goeds bringe en it it beweegjen stimulearret. De kombinaasje fan natuerlik deiljocht en frisse bûtenlucht soarget der ek foar dat bern harren

- dêrnei better konsintrearje kinne yn 'e klasse.
- Fergese berneopfang oant 4 jier foar fjouwer dagen yn 'e wike wurdt ûnderdiel fan it troch de oerheid oanbeane basisûnderwiis.
  - Der wurdt yn it hiele ûnderwiis neist de lichaamlike ûntwikkeling ek romte jûn oan de geestlike ûntwikkeling om bygelyks kompasje te ferheegjen.
  - Underwiissegregaasje wurdt tsjingongen. Labels as 'swarte' of 'wite' skoalle wurde net mear brûkt. Dêrneist wurdt der socht nei manieren om bern mei ferskate achtergrûnen (bygelyks op it mêd fan migrasje en sosjaal-ekonomyske status) yn deselde klasse ûnderwiis te jaan.

### Ynvestearje, ynvestearje, ynvestearje

De oerheid heart te ynvestearjen yn learkrêften en skoallen. De Partij foar de Dieren fynt dat der jild frijmakke wurde moat foar it ferleegjen fan 'e wurkdruk, it kreëarjen fan ekstra ûntwikkelingsmooglikheden en hegere salarissen. Hegerge ynvestearings wiene al nedich foar de koroanakrisis om de wurkdruk te ferleegjen en de grutte fan 'e klassen passend te meitsjen by it type ûnderwiis. Dat betsjut yn 'e praktyk dat in ferlytsing fan 'e klassen mear as winsklik is. De skoalle, mei it achtslaan fan 'e koroana-maatregelen, giet oer de klassegrutte, mar de meisizzenskipried kriget ynstimmingsrjocht.

Echt ynvestearje yn ûnderwiis betsjut ek dat in folsleine baan maksimaal 20 lesroeren hat. Learkrêften krije sa foldwaande tiid om lessen ta te rieden, nei te sjen en harren te ûntwikkeljen. De fraach nei learkrêften nimt hjirtroch wol ta en, sjoen it leararetkoart dat der no al is, is dat des te mear in reden foar flinke ynvestearings. De útstream fan nije learkrêften is no te heech. Dat is spitich, sjoen alle enerzjy dy't yn in oplieding stutsen is, en net nedich at der mear tiid is foar begelieding en coaching. Nije learkrêften wurde dêrom yntinsyf begelaat troch learkrêften mei ûnderfining.

- Om it leararetkoart oan te pakken ferleegje wy de wurkdruk en wurde de learaarsalarissen ferhege.
- De wurkdruk yn it ûnderwiis wurdt net allinne oanpakt troch mear ynvestearings, mar foaral troch learkrêften sels wer de rezjy te jaan oer harren wurk. It tal lesroeren giet nei ûnderen, nei maksimaal 20 oeren per wike, sadat der mear tiid oerbliuwt om it ûnderwiis yn 'e klasse te organisearjen.
- De beleanings yn it primêr ûnderwiis wurde lyklutsen mei dy yn it fuortset ûnderwiis en de leararen NT2 krije in CAO. Dêr ferdwynt de salariskleau mei.
- Der komme mear foarsjennings foar coaching en begelieding fan nije leararen.
- Fúzjes ta skoalfabriken binne net mear oan 'e oarder. It wurdt ienfâldiger foar skoallen om selsstannich te operearjen, bûten it gruttere ferbân fan in skoalmienskip.

### Skoallen wurde net ôfrekkene op sifers

De Partij foar de Dieren wol dat it ûnderwiis rjochte is op it ûntwikkeljen fan kognitive feardigens, mar ek op de ûntjouwing fan alle talinten, ynklusyf sosjale, emosjonele, motoaryske en kreative fermogens; dy falle net yn sifers út te drukken. Skoallen hearre yn it bysûnder net rjochte te wêzen op rendemint, standerdisaasje, kontrôle, konkurrinsje en saaklike managementmodellen, mar op 'e ûntwikkeling fan 'e yndividuele learling. Dat fergiet op koarte termyn ynvestearings en komt op langere termyn elkenien te'n goede. Trochstreame nei in folgjende oplieding wurdt makliker makke yn plak fan dreger.

- Leararen, learlingen en âlden krije folle mear autonomy by it bepalen fan it belied fan 'e skoalle.
- Learlingen krije ynspraak yn it kurrikulum sadat sy bydrage kinne oan harren lesprogramma.
- De oerenoarmen ferfalle, skoallen kinne sels it tal oeren ôfstimme op 'e eksameneasken.
- Basisskoallen krije de frijheid om fan 'e

eintoets ôf te sjen as sy op in oare manier oantoane kinne dat oan de easken foldien is.

### Omtinken foar passend ûnderwiis

De Partij foar de Dieren wol dat klassen lytser wurde om goed passend ûnderwiis jaan te kinnen. Foldwaande omtinken foar learlingen dy't ûnderwiis krije op in plak dy't past by harren mooglikheden en talinten fine wy in plicht. It rendemintstinken yn it ûnderwiis hat der mei ta laat dat klassen en skoallen grutter en grutter waarden. Besunigings liede fierder ta te min omtinken foar spesifike groepen. De mannichte oan regels draacht der oan by dat it passend ûnderwiis net goed funksjonearret. Bern sitte thús en reitsje yn in isolemint, trochdat besunige is op passend ûnderwiis. Dit moat werom draaid wurde en der wurdt ûndersocht wêr't passend ûnderwiis ferbettere wurde moat.

- Der wurdt mear ynvestearre yn passend ûnderwiis. Mear hannen yn 'e klasse, lytsere klassen, mear ekspertize op skoallen, mear omtinken foar yndividuele learlingen.
- Soarchteams op skoallen binne foldwaande grut en beskikke oer de juste ekspertize en middels om it grutte tal ûnderwerpen oan te kinnen dy't by ûnderwiis op maat hearre. Tink oan soarch, basiskennis en betide sinjalearring op it mêd fan learachterstannen en -beheinings en útsûnderlike intelliginsje. Mar ek oan soarch om it sosjaal emosjonele funksjonearjen hinne. Dit wurdt ek part fan learareopliedings.

### Ferleegje de druk op studinten

De Partij foar de Dieren wol dat de stúdzjetiid draait om it nimmen fan 'e tiid foar ûntwikkeling. Mar no steane studinten hieltyd mear ûnder te grutte druk. Sy moatte flugger studearje, mear liene en tidens de stúdzje al nuttige (wurk)ûnderfining op dwaan om harren cv op te bouwen. Koroana makket de druk allinne

mar grutter. Dêrom is previnsje fan psychyske problemen tige wichtich. Der moat aktyf wurke wurde oan in kultuer dêr't taboes om psychyske klachten hinne oangeande falen tidens de stúdzje trochbrutsen wurde.

- Der komt in jierlikse mjitting nei it studintewolwêzen yn it ramt fan previnsje, betide sinjalearring en it trochbrekken fan taboes.
- Elke studint kriget drekte en leechdrompelige tagong ta in stúdzjeadviseur, studintdekaan of fertrouwenspersoan.
- It oanbod fan studintpsychologen wurdt ferromme, sadat studinten op in reedlike termyn help ynroppe kinne.

### Basisbeurs komt werom

De Partij foar de Dieren hat har altyd ferset tsjin it 'sosjaal liestelsel', dat mei troch help fan 'progressive' partijen ynfierd is. Hieltyd mear jongerein krije sa in hiel hege skuld, noch foar harren wurksame libben begjint. Goed ûnderwiis is goed foar de maatskippij as gehiel en net in yndividuele ynvestearringsplicht yn dysels. De Partij foar de Dieren fynt it belangryk om studinten dy't slachtoffer wurden binne fan it liestelsel, foldwaande te kompensearjen. Tink bygelyks oan in koarting op 'e stúdzjeskuld.

- It 'sosjaal liestelsel' wurdt ôfskaft en de basisbeurs komt werom, it kolleezjejild wurdt flink ferlege.
- Der komt in royale kompensaasjeregeling foar de generaasje 'liestelsel-studinten'.
- Kolleezjejild wurdt foar alle studinten itselde, nettsjinsteande it tal earder folge stúdzjes of behelle diploma's. Der komt in kompensaasjeregeling foar studinten dy't tusken wâl en skip rekke binne by de nije koartingsregeling op it kolleezjejild foar earstejiersstudinten.
- Der wurdt ûndersocht op hokfoar manier in ûntwikkelbudzjet foar alle Nederlanners in goede ynfolling fan 'e basisbeurs wêze kin.

Sa'n ûntwikkelbeurs jout alle Nederlanners in budzjet, heech genôch om in akademyske oplieding mei te foltôgjen, en yn te foljen nei eigen behoefte. Universitêre studinten sille it ûntwikkelingsbudzjet oan it ein fan harren stúdzje opmakke ha. Mbo'ers kinne it op in letter momint brûke om in oanfoljende oplieding te folgjen.

- Wy wurkje oan likense kânsen foar elkenien, dat betsjut dat by de ynfiering fan sa'n ûntwikkelbudzjet as earste sjoen wurdt nei in budzjet foar dyjingen dy't oant dan ta net in soad opliedings folge kinnen hawwe.
- Fleksstudearje makket it foar studinten makliker om harren stúdzje in jier te kombinearjen mei in bestjoersfunksje of meisizzenskipried, mantelsoarch of oar maatskiplik wurk, sûnder dat jier it folsleine bedrach oan kolleezjejild kwyt te wêzen. By de ynrjochting fan fleksstudearjen stiet it belang fan studinten foarop.

### Foar elkenien tagonklik ûnderwiis

Tagonklikheid fan it ûnderwiis foar elkenien is in kearnwearde. Dy stiet no ûnder druk. Allinnich tagonklik ûnderwiis kin de besteande ûngelikensens ferlytsje. Dat jildt foar elk skoaltype, mar yn it bysûnder foar de trochstream nei oare ûnderwiisfoarmen. Middelbere (berops)opliedings binne fan fitaal belang foar de maatskippij. Dat belang is allinnich mar tanommen, no't de enerzjytransysje grutte ynspannings freget. Tink allinne al oan it grutte ferlet oan duorsume ynstallaasjebedriuwen. Mar dy opliedings krije net altyd de wurdearring dy't se fertsjinje, wylst se oan 'e basis stean fan in duorsume maatskippij. It oplieden (en it learen fan in oar fak) fan technisy yn ûnder oaren duorsume enerzjy, duorsum bouwe en duorsum iten is fan krúsjaal belang. Troch lear/wurk-ûnderwiis te stimulearjen, binne nije technisy gelyk klear om oan 'e slach te gean.

- Frijstelling fan it kolleezjejild yn it earste jier fan it mbo draget by ta it ferminderjen fan

krapte op 'e arbeidsmerk foar minsken dy't yn bepaalde rjochtings ôfstudearre binne. (salang't in ûntwikkelbudzjet noch net ynfierd is).

- De yntream fan mbo-studinten nei heger ûnderwiis wurdt ferbettere troch nauwere gearwurking tusken hbo en mbo.
- De OV-kaart foar studinten wurdt omset yn in jefte en bliuwt jildich salang't de studint stúdzjefinansiering kriget.
- Universiteiten en hegeskoallen wurde fierder demokratisearre: studinten en dosinten krije yn de meisizzenskiprieden mear ynfloed. Bestjoerders wurde keazen, yn plak fan beneamd troch de minister.
- Der komme mooglikheden foar it sammeljen fan stúdzjepunten mei frijwilligerswurk.
- Der komt in offisjeel erkende oplieding foar natuer-ynklusive lânbou.

### Underwiis dierproeffrij

It brûken fan dieren yn it middelber en heger ûnderwiis, yn snijpraktika, by demonstraasjes en by proeven moat beëinige wurde. Salang't dit noch net realisearre is, garandearret de oerheid it rjocht fan studinten om it brûken fan dieren foar ûnderwiisdoeleinen te wegerjen, ek yn it middelber ûnderwiis.

- Der is in trochrinnende kampanje om learlingen en ûnderwiisynstellings op 'e hichte te bringen fan 'e rjochten fan dierproefwegers en de beskikbere alternativen.
- Studinten yn (bio)medyske opliedings wurde standert ûnderwiisd yn én mei it brûken fan alternativen foar dierproeven.

### Wittenskip is ûnôfhinklik en frij

De ûnôfhinklikheid en de kwaliteit fan 'e wittenskip wurdt beskerme en fergutte. Wittenskip mei net ûnderwurpen wurde oan de tucht fan 'e merk of rendemintstinken. Om

kwalityt en ûnôfhinklikheid fan wittenskiplik ûndersyk te fergrutsjen wurdt in grutter part hjirfan finansierd fia fêste (mearjierrige) finansiering. De wurkdruk op 'e universiteiten en hegeskoallen is ek fierstente folle tanommen. It oerheidsbudzjet foar earste en twadde jildstreamûndersyk wurdt dêrom struktureel ferhege. Dêrmei krije net allinne dosinten, mar ek ûndersikers en promovendi foldwaande tiid en romte om harren wurk te dwaan.

- De oerheid ynvestearret ekstra jild yn fûneminteele ûndersyk. Der sil minder fia twadde en tredde jildstreamen finansierd wurde. Matchingseaken fan ûndersyk fan kommersjele opdrachtjouwers wurde beheind.
- Der komme strangere ûnôfhinklikheidseaken by it ynstellen fan bysûndere learstoelen dy't finansierd wurde troch bedriuwslibben of maatskiplike organisaasjes en stiftingen.
- Wittenskiplik ûndersyk wurdt mei publyk jild finansierd en moat dus tagonklikte wurde. Dêrom wurdt de Open Access en Open Science-beweging stipe en finansierd. Ek wittenskiplike artikels en rapporten dy't (foar in part) mei publik jild finansierd binne, binne fergees en sûnder belemmerings yn te sjen.
- Der komt in iepenbier register fan nevenaktiviteiten fan alle ûndersikers, professoaren en dosinten op universiteiten en hegeskoallen.
- Der wurdt troch de etyske kommisjes fan 'e ûnderwiisynstellings tafersjoch holden op eventuele belanfefferfrisseling fan ûnderwizjend persoanel. Benammen by kommersjele nevenfunksjes op 'e fiskale, bedriuwkundige en ekonomyske wittenskiplike mêden. Undersyk en akademysk wurk, dat liedt ta feroaring yn ekonomysk tinken, wurdt stimulearre. Projekten dy't yn 'e universitêre ekonomyopliedings nei mear pluraliteit en diversiteit stribje, wurde stipe.

### Keunst, kultuer, erfgoed foar elkenien tagonklik

Kreativiteit en frijheid binne kearnwearden foar in iepen mienskip. Keunst en kultuer foarmje in

ûnmisbere basis foar in libben yn frijheid, dêr't nije paden yn ferkend wurde kinne en minsken harren folop ûntwikkelje kinne. Keunst en kultuer sette oan ta refleksje, meitsje emoasjes los, treffe je yn it moed of ûntregelje. Keunst stimulearret minsken bûten bewende paden te tinken. Keunst en kultuer jouwe nije betsjutting oan in maatskippij en dus ek oan ús ekonomy. Se wize it paad nei transformaasje, feroaring en ynnovaasje dy't de mienskip nedich hat om te oerlibjen. We wolle útdruklik de kultuersektor belûke by maatskiplike fraachstikken. We kieze dêrom foar werstel fan it hert fan in frije mienskip: in bloeiende keunst- en kultuersektor. Yn 'e koroanakrisis binne ferkearde karren makke. Der moatte gjin miljarden nei fossile bedriuwen, mar mear jild nei de keunst- en kultuersektor. De hurde besunigings fan 'e ôfrûne jierren en de koroanakrisis bringe de besteanswissigens en de tagonklikheid fan keunst, kultuer en erfgoed yn gefaar en moatte dus sa gau as mooglik goed makke wurde.

- It budzjet foar keunst, kultuer en erfgoed wurdt ferhege om keunst en kultuer foar elke Nederlander tagonklikte te meitsjen: de oerheid fasilitearret keunst- en kultueroanbod yn hiel Nederlân, net allinne yn 'e Rânestêd.
- De Ryksoerheid stimulearret gemeenten om kultuerpartisipaasje in fêst ûnderdiel te meitsjen fan harren wolwêzensbelied. Op lokaal nivo komme der goed fersprate, tagonklike, betelbere en fariearre foarsjennings.
- Wy ynvestearje yn behâld en weriepening fan fergese iepenbiere byblioteken. It digitalisearjen fan argiven fan kulturele en histoaryske organisaasjes wurde stimulearre.
- Museumbesite heart finansjeel tagonklik te wurden foar alle boargers.
- Neist popmuzyk hawwe oare muzyksjenres ûnfermindere stipe nedich. Tusken muzyksjenres heart in evenriedige ferdieling te wêzen. Dat betsjut ûnder mear in goed poadiumbelied, romte foar alle muzyksjenres binnen de Ried fan Kultuer en it Fûns Poadiumkeunsten, omtinken foar de ynkommensposysje fan muzikanten

en, yn gearwurking mei it ministearje fan Ekonomyske Saken, effisjinte stipe fan 'e eksportkrêft fan 'e Nederlânske muzyksektor.

- It auteursrjocht en it auteurskontrakterjocht wurdt modernisearre om de posysje fan 'e makkers te fersterkjen. Platfoarms dy't jild fertsjinje oan it oanbod fan films en muzyk sille in reedlik part fan harren winst útkeare oan 'e rjochthawwende makkers.
- De Ryksoerheid befoarderet werbestimming fan monuminten en stimulearret gemeenten om kultuerhistoaryske en argeologyske weardekaarten op te stellen. Histoarysk weardefolle pannen wurde net sloopt, mar natuerynklysyf renovearre.
- De oerheid befoarderet it werstel fan kultuerlânskippen, ûnder mear troch renovaasje of oanlis fan ikkerrânen en houtwâlen mei in romhertich stipeprogramma.
- Kultuer- en muzykedukaasje krije in fêst plak yn it lesprogramma fan it basis-, foartset en middelber beropsûnderwiis. Skoallen wurde in plak dêr't ferbining ûntstiet tusken wyk, âlden, kulturele ynstellings, byblioteken, keuntesintra, musea, ferienings en poadia.
- Der wurdt proaktyf socht nei gearwurkings mei ferskate maatskiplike netwurken, rieden en ynstânsjes út it kulturele domein om mei te tinken oer útdagings yn ús maatskippij.

### Beskermje de sjoernalistyk

Unôfhinklike, plurifoarme sjoernalistyk en media, sawol lanlik as lokaal, binne essinsjeel foar it goed funksjonearjen fan in demokratyske maatskippij. Hjir yn Nederlân, mar ek yn it bûtenlân. De Partij foar de Dieren fynt dêrom dat de media adekwaat stipe en beskerme wurde moat.

- Alde én nije media kinne oanspraak meitsje op stimulearringsfûnsen foar de media.
- Gjinn fierdere besuniging op 'e publike omrop of de regionale opropen.



# 9 In rjochtfeardige mienskip

## Mei in oerheid dy't lústeret, net ôflústeret

De Partij foar de Dieren stiet foar in mienskip dêr't elkenien frij libje kin, salang't dy frijheid net te'n koste giet fan oaren. Deselde behanneling van elkenien is in grûnrjocht en in betingst foar in maatskippij dêr't elkenien him yn thús fielt. Wat ús etnyske achtergrûn, nasjonaliteit, sosjale klasse, godstsjinst, opfettings, sekse, taal, seksuele oriïntaasje, gender-identiteit, leeftyd, sûnens, en mentale en fysike mooglikheden en beheinings ek binne, wy binne allegear gelyk. De oerheid moat diskriminaasje en útsluting krêftich bestride. Demokratyske sizzenkip en in tagonklike rjochtspraak binne belangrike fûneminten foar in frije maatskippij.

Spitigernôch binne frijheid en lykwaardichheid net fanselsprekkend. Artikel 1 fan 'e Grûnwet – elkenien is gelyk foar de wet – kriget pas betsjutting wannear't de oerheid dêr nei hannelet. Dat is iuwenâlde striid, it is tryst dat dy noch altyd fierd wurde moat. De oerheid lit stekken falle, en skoot it probleem op it buordsje fan 'e boarger. In hieltyd gruttere beweging leit tagelyk bleat wêr't diskriminaasje en rasisme yn ús mienskip woartele binne. Dat moatte wy ûnder eagen sjen, en dat moatte wy oplosse, de oerheden foarop. De Partij foar de Dieren stiet foar in ynklusive mienskip dêr't elkenien lykwaardich yn is, deselde kânsen kriget en net bûtenspul komt te stean.

Elkenien fertsjinnet deselde kânsen, en ús rjochtssteat is der om derfoar te soargjen dat alle boargers gelyk en earlik behannele wurde en om de mienskip te beskermjen tsjin oare belangen. Dat hawwe wy sjoen doe't de rjochter oardielde dat Nederlân de klimaatdoelen foar 2020 helje moast (Urgenda-saak). De rjochtssteat is in grut goed en moat foar elkenien tagonklik bliuwe. Dochs sjogge wy no dat de oerheid him hieltyd mear werom lûkt en tinkt dat de boargers der sels wol útkomme. Op dat rjocht wurdt besunige en dat moat oars. De oerheid moat de publike belangen goed beskermje.

De digitalisearring biedt hieltyd mear kânsen, mar ek bedrigings. Wy kinne de tiid dy't wy útsparje troch automatisearring brûke foar mear tiid foar elkoar, omtinken foar duorsumens en sinfol wurk. Wy kinne kennis fan oer de hiele wrâld mei-inoar diele en soargje dat duorsume transysjes sa flugger ferrinne. As wy net oppasse, is de kearside lykwols grut. Fiergeande data-sammeling troch multinasjonals en oerheid set de privacy fan boargers op it spul. De Partij foar de Dieren stiet foar in maatskippij dêr't it rjocht op privacy en sels-ûntjouwing respektarre wurde.

### Rasisme en diskriminaasje

De oerheid moat ynklusyf belutsen wêze. Hoewol't net in soad minsken bewust

diskriminearje, komme rasisme en oare foarmen fan diskriminaasje noch altyd foar. Sawol direkt en sichtber, as hast ûnsichtber ferweven yn ús systemen en struktueren. Dat de maatskiplike diskusje oplôget is logysk omdat der gjin aksje is. It is tiid foar selsrefleksje en in diedkrêftige oanpak út 'e oerheid wei, dy't net mear oan de kant sitte mei.

- De oerheid behannelet alle boargers gelyk. Yn it ferline hat etnysk proflearjen laat ta stigmatisearring en grutte problemen by yndividuele boargers. Dêrom meie etnisiteit en nasjonaliteit yn alle gefallen gjin faktor mear wêze by seleksjebeslissingen en risikoprofilen. Ek etnysk proflearjen troch de plysje wurdt tsjingien troch in registraasjesysteem wêryn't byholden wurdt wêrom't ien steande holden is. Previntyf fouillearre wurket etnysk proflearjen en stigmatisearjen yn 'e hân en stean wy net langer ta.
- Ofkomst, aard, genderidentiteit, leauwensoertsjûging of hûdskleur meie gjinien mear belemmerje om in staaazjeplak, baan of wente te finen. Minsken mei in beheining hawwe ek rjocht op in duorsume baan en earlike betelling. Dúdlike wetjouwing en diedkrêftige hanthavening sille derfoar soargje dat diskriminaasje op 'e arbeids- en wenningmerk oanpakt wurdt.
- Elkenien hat rjocht op anonime sollisitaasje. De motivaasje en eigenskippen fan in sollisitant foarmje hjir it útgongspunt by foar it útnûgjen fan sollisitanten en komme diskriminaasje foar op basis fan bygelyks etnisiteit. Alle sollisitanten hawwe rjocht op in earlik en transparant proses en (sollisitaasje) petear, wêrby't belangen, basearre op oannames, en generalisaasje, fan in wurkjouwer net de paadwizer foarmje.
- Erfgoed dat bestriden wurdt, wurdt yn kaart brocht en wy sykje op demokratyske wize in oare, selskrityske omgong mei dit erfgoed. Sinteklaas wurdt in moai feest foar alle bern: Swarte Pyt wurdt ôfskaft, en ferfongen troch bygelyks roetfeechpiten. It koloniale ferline

kriget in fêst plak yn it lespakket.

- Nederlân biedt eksklusies oan foar it koloniale- en slavernijferline.
- De oerheid treedt krêftich op tsjin alle utingsfoarmen fan diskriminaasje en komt mei in plan om ynstitusjoneel rasime út te bannen. In nasjonaal koördinator rasisme en diskriminaasje nimt hjir de lieding oer en soarget ek foar mear ynklusiviteit by de oerheid. It amtnerapparaat wurdt in lykwichtige ôfspegeling fan 'e gearstalling fan 'e befolking.
- Yn 'e learareopleiding wurdt standert omtinken jûn oan it bestriden fan diskriminaasje gelikense kânsen.
- Selslearende systemen, wêrby't kompjûters besluten nimme oer minsken, sûnder minsklike ynminging, wurde oan strang etysk en privacy tafersjoch ûnderwurpen. Ek wurdt der op let oft dy systemen net ûnbewust diskriminatoare besluten nimme. De oerheid brûkt gjin 'black box' algoritmes.
- Minsken mei in beheining moatte folweardich meidwaan kinne yn 'e maatskippij. Tagong ta oerheidsgebouwen en publike foarsjennings – ûnder oaren ûnderwiis, iepenbiere ynstellings en iepenbier ferfier – wurdt fanselsprekkend foar elkenien. Falidisme wurdt serieuus nommen as foarm fan diskriminaasje. It VN-ferdrach oangeande de rjochten fan persoanen mei in handicap wurdt strang neilibbe.
- Alle pearen krije deselde rjochten as heteroseksuele pearen. Foarmen fan mearâldenskip wurde wetlik erkend, mei deselde rjochten.
- De oerheid fiert in krêftich LHBTIQA+-emansipaasjebelied en ynvestearret yn LHBTIQA+-emansipaasje yn it ûnderwiis. LHBTIQA+-learlingen en -leararen binne op alle skoallen wolkom.
- Wy skaffe de offisjele geslachtsregistraasje ôf. Oant dy tiid kriget elk dy't dêr ferlet fan hat in leechdrompelige offisjele erkenning fan harren sekse en/of genderidentiteit.
- Geweld tsjin LHBTIQA+ wurdt sintraal registrearre. Wy soargje dat oanjeft

dwaan by alle foarmen fan diskriminaasje leechdrompeliger wurdt en de oanjeftereëns fan slachtoffers fergutte wurdt.

- Boargelike steat wurdt sjoen as in privee-oangelegenheid, dy't allinnich útfrege wurde mei wannear't dit juridysk needsaaklik is.

### In rjochtssteat dy't de maatskippij beskermet

De rjochtssteat is der om boargers te beskermjen. Tsjin kriminaliteit, tsjin machtige bedriuwen, mar ek tsjin de oerheid. Dêrom bliuwt it rjocht foar elkenien tagonklik. De rjochtssteat is der net allinne foar yndividuele boargers, mar ek foar dieren, natuer, de maatskippij as gehiel en takomstige generaasjes.

- De sosjale advokatuer moat genôch tiid en fergoeding krije, sadat elkenien wis wêze kin fan goede rjochtsbystân.
- Eangst foar hiele hege kosten meie boargers mei in lytse beurs net langer tsjinhâlde om de rjochter om in oardiel te freegjen. Hjirfoar ferleegje wy de standert griffykosten en biede wy bettere rjochtshelp foar minsken mei in beheind ynkommen.
- De finansjele problemen yn 'e rjochtspraak wurde oplost en wy draaie de besunigings werom.
- De natuer ferliest de slach kear op kear tsjin koarte-termyn-belangen oer. Natuergebieten kinne rjochten takend wurde om ek it lange-termyn-belang fan 'e natuer mei weagje te litten.
- In jildboete wurdt net troch elkenien as straf ûnderfûn: ien mei in bystânsútkearing wurdt folle hurder rekke dan in bankdirekteur. Dêrom wurde boetes ynkommensôfhinklik.
- Wy sille grutte bedriuwen yntinsiver kontrolearje op it skeinen fan minskerjochten, ferneatiging fan natuer en miljeu, wytwashjen en oare foarmen fan fraude. Dêr folgje proporsjonele straffen op.
- It brûken en de produksje fan softdrugs wurdt

legalisearre, sadat teelt legaal wurdt en der aksyns oer heft wurde kin.

- Foegen fan ferskate oarde-, hanthavenings- en feilichheidsjinsten sûnder tuskenkomst fan 'e rjochter wreidzje wy net út.
- Lytse plysjeburo's wurde wer opnij iepene en wy ynvestearje yn mear wykaginten. Want plysjes dy't de wyk kenne, kinne yngripe as minsken it ferkearde paad op reitsje, en sa oan previnsje fan kriminaliteit dwaan.
- Plysjes hawwe in grutte maatskiplike ferantwurdlikens, dêr't in hege wurkdruk, ûnregelmjittige oeren en ûnferwachte (gefaarlike) barrens by hearre. Sy fertsjinje hjir leansferheging foar.
- Fysyk letsel trochdat de plysje geweld brûkt, moat wêr't dat mooglik is foarkommen wurde. De nekkelem wurdt ferbean en de plysje kriget gjin beskikking oer stroomstjitwapens. BOA's wurde net bewapene.

### Ynteger en adekwaat bestjoer

De oerheid faalt systematysk om boargers te beskermjen troch oare belangen foarop te setten. Dit sjogge wy bygelyks wannear't ús sûnens yn gefaar komt troch it loazjen fan giftige gemikaliën yn ús miljeu, en de enoarme fertragings by de ôfhanneling fan skea troch ierdbevings yn Grins binne gewoan beskamsum. De taslagge-affêre hat de ôfrûne tiid hielendal goed sjen litten dat der in burokratysk meunster kreëarre is dêr't minsken oan kapot gean. Us oerheid lûkt him werom en lit minsken yn 'e steek, en it fertrouwen fan boargers nimt dêrom stadichoan ôf. Dat is logysk: in oerheid moat fertrouwen ek fertsjinje. Dêrom sille wy derfoar soargjen dat de oerheid de belangen fan 'e boarger wer op it earste plak set.

- De taslagge-affêre hat oantoand hoe hurd oft minsken troch de oerheid rekke wurde kinne. Alle dupearren wurde fuortendaliks romhertich kompensearre, wêrby't rjocht dien wurdt oan de skea dy't de dupearren werklik lijd hawwe. Neist de kosten foar juridyske bystân moat der ek sjoen wurde nei ferlies fan baan, wente of

ynkommen en ymmateriële skea.

- Ynspeksje, fersterking en ôfhanneling fan skea oan wenten yn Grins kriget prioriteit.
- It regear biedt ekskuses oan foar de wize wêrop't de Q-koartsepidemy nei 2007 oanpakt is, erkent har ferantwurdlikheid foar it fersomjen fan adekwate foarsoarchsmatregels en fergoedet romhertich alle skea oan 'e slachtoffers.
- De kommunikaasje troch de oerheid wurdt ienfâldiger, ûndûbelsinnich en flugger makke.
- Op alle nivo's fan bestjoer en folksfertsjintwurdiging komt in iepenbier lobbyregister. Bestjoersstikken lykas wetsfoarstellen en beliedsmatregels fermelde hokker ynfloed lobbyisten op 'e foarstellen hân hawwe. In ûnôfhinklike autoriteit hâldt tafersjoch op 'e yntegriteit fan lobbyisten en politisi.
- Klokkelieders binne in belangrike boarne foar it opspoaren fan misstannen yn bedriuwen en (oerheids)organisaasjes en wurde dêrom goed beskerme. Bûtenlânske klokkelieders, dy't de misstannen fan in steat bleatlizze, wurde net útlevere.
- Taken en ferantwurdlikheden fan 'e lanlike oerheid kinne allinne ûnder skerpe betingsten oan provinsje of gemeente oerdroegen wurde. De taak moat him derfoar liene en de oerheden dy't de nije taak derby krije moatte (finansjeel) genôch fet op 'e bonken hawwe.
- Bestjoerders yn publike en semipublike ynstellings fertsjinje net mear as de premier.
- Yn 'e rin fan 'e tiid binne oerheidstaken mear en mear op ôfstân set en ûntlûke harren foar in part oan demokratyske kontrôle en beslútfoarming troch keazen folksfertsjintwurdigers. De Wet Mienskiplike Regelings wurdt fernijd sadat it rjocht fan amendemint en it budzjetrjocht foar folksfertsjintwurdigers better ferankere wurdt en dêrmei in ferplicht ûnderdiel fan gearwurkings tusken gemeenten, provinsjes en wetterskippen. Ek de Wet op 'e Feiligensregio's wurdt oanpast, sadat gemeenterieden harren kontrolearjende taak better útfiere kinne.

### Demokratyske fernijing

Us demokrasy is fan grutte wearde. Wy binne allegear ferantwurdlik foar it behâld fan 'e demokrasy. Mar in soad minsken fiele harren net mear heard troch de polityk, en dat is in probleem dat wy oanpakke moatte. Foarmen fan direkte demokrasy krije in promininter plak, en minsken krije mear sizzenkip oer harren direkte leefomjouwing.

- De polityk makket karren dy't in grutte ympakt op 'e takomst fan jongerein hawwe. De kiesgerjochtige leeftyd wurdt dêrom ferlege nei 16 jier.
- It ynisjearjen fan in boargerynisjatyf wurdt ienfâldiger.
- It riedjouwend referindum wurdt opnij ynfierd en kriget in plak by belangrike besluten.
- Wy fiere in korrektyf binend referindum yn by fiergeande besluten dy't bygelyks ús demokrasy bedriigje.
- Der wurde boargerpanels ynfierd, dêr't troch lotting selektearre dwerstrochsneden fan 'e Nederlânske befolking serieuus yn meiprate oer belangrike nasjonale kwestjes, lykas oanfolging op en ferriking fan 'e hjoeddeistige parlemintêre demokrasy.
- Der jildt gjin oanmeldingsplicht mear foar lytse demonstraasjes. Foar demonstraasjes nei oanlieding fan aktuele barrens wurdt de oanmeldtermyn koarter makke.
- Minsken moatte mear sizzenkip oer harren direkte leefomjouwing krije. Dêrom fersterkje wy wyk- en buertferienings en wurde dy aktyf belutsen by besluten oer de buert. Buertferienings krije nei Britsk foarbyld mear rjochten om mei te beslissen oer de funksje fan publike gebouwen.
- De wetterskipsbestjoerders bliuwe direkt keazen yn plak fan yndirekt fia de gemeenterieden. Der komt in ein oan de boarge sitten yn 'e wetterskippen.

### It keningshûs

De Partij foar de Dieren is foarstanner fan modernisearing fan it keningskip, wêrby't de rol fan de Kening beheind wurdt ta in seremonieel keningskip.

- De kening en syn famylje sille lykas elkenien belesting betelje en wy nimme oare finansjele saken wêrby't de keninklike famylje finansjeel yn 'e mjitte kommen wurdt en fergoedings, kritysk ûnder de loep. Persoanlike ynkomen fan 'e leden fan it keningshûs sille ûnder de Wet normearing topynkommens falle.
- De kosten foar it keningshûs wurde transparant.
- It Keninklik Jachtdepartemint wurdt opheft. Kroandomein Het Loo wurdt it hiele jier tagonklik foar publyk en der wurdt net mear jage.
- De kening bliuwt net langer foarsitter fan 'e Raad van State en hat gjin politike rol mear by de kabinetsformaasje.

### Rjocht op goede ynformaasje

Digitalisearing bringt ús in soad. Wy kinne maklik yn kontakt mei-inoar bliuwe, effisjinter wurkje en hawwe in ôfgryslke soad ynformaasje foar hannen. Spitigernôch binne der troch nepnijs en algoritmes dy't minsken misynformaasje foarsette ek hieltyd mear negative kanten fan 'e digitalisearing. Just yn dizze tiden wêryn't safolle nepynformaasje foar hannen is moatte wy ûnôfhinklike, krityske sjoernalistyk goed stypje. Nepnijs en it monopoalje fan inkelde grutte digitale spilers kinne in bedriging foarmje foar it funksjonearjen fan 'e demokrasy. Boargers moatte warber makke wurde tsjin desynformaasje. Op basis fan 'clicks' bepale grutte online platfoarms wat brûkers te sjen krije, en dit soarget derfoar dat de ynformaasje dy't presintearre wurdt iensidich is en hieltyd faker net kloppet.

- Wy ûndersykje hoe't wy ynternetgiganten mear ferantwurdlikens jaan kinne om nepnijs

tsjin te gean sûnder dat sy te folle macht krije oer de ynhâld dy't op 'e platfoarms dield wurdt. Wy sille der yn alle gefallen foar soargje dat ynternetbedriuwen as Facebook en Google mear transparânsje biede oer wat sy de brûkers sjen litte en wêrom, en lizze microtargeting (wêrby't hiel rjochte advertearre wurdt) oan bannen.

- Open-source-projekten biede in soad kânsen om kennis en ynformaasje te dielen. Troch bygelyks technologyske oplossings te dielen, kinne oare lannen, ûndernimmers en yndividuen besteande kennis brûke om fierder te ûntwikkeljen. De oerheid giet iepen standerts, open-source-software en open hardware stimulearjen en wêr't dat mooglik is ek brûken.
- Boargers krije goede, deeglike ynformaasje fan oerheidstsjinsten en bedriuwen dy't publyk jild besteegje. De oerheid is iepen oer hoe't belied ta stân komt. It regear wurdt oan 'e grûnwet holden en mei gjin ynformaasje achterhâlde foar de folksfertsjintwurdigers.
- Undersykssjoernalisten en krityske boargers wurde net langer tsjinwurke mar holpen om de oerheid te kontrolearjen. De Wet iepenbierheid fan bestjoer (Wob) wurdt oanskerpe sadat ynformaasje flugger tagonklik wurdt, en it tal útsûnderingsgrûnen om ynformaasje te wegerjen beheind wurdt.
- Unôfhinklike ûndersykssjoernalistyk is needsaaklik foar de kontrôle op 'e macht. Der wurdt net mear besunige op 'e basisynfrastruktuer fan publike omroppen op lanlik en lokaal nivo: regionale media krije in realistysk budzjet foar nijs, ûndersyk en regionale identiteit.
- Wy modernisearje it auteursrjocht, sadat dit better oanslút by de digitalisearring. Hjirby is it belangryk dat makkers in passende fergoeding krije.
- Ynternasjonaal stiet de feiligens fan sjoernalisten ûnder druk. Nederlân bliuwt him hjir och sa tsjin útsprekken en biedt needhelp oan sjoernalisten wêr't dat nedich is.
- Boargers dy't har net mei de digitale middels fan 'e oerheid rêde kinne, kinne telâne by

in fysike baly yn harren eigen gemeente. Kommunikaasje per post bliuwt mooglik.

### Privacy is feilichheid

Privacy is ôfgrypslik wichtich yn in frije maatskippij. Allinne mei privacy kinne wy in frij libben liede, sûnder yntervinsjes fan oaren en fan 'e steat. Troch de opkomst fan nije techniken stiet ús privacy ûnder druk. It sammeljen fan DNA, it ophingjen fan hieltyd mear kamera's en de digitalisearring fan gefoelige dossiers bringt risiko's mei him mei. Mar dêr't wy ús miskien noch wol it measte soargen om meitsje moatte, binne de pear gigantyske ynternetbedriuwen dy't hieltyd mear macht nei harren talûke en ús data sammelje en ferkeapje. Facebook en Google meitsje winst mei de ferkeap fan ús meast persoanlike gegevens. Sûnder dat wy dêr sels wat oer te sizzen hawwe, en sûnder wat foar kontrôle fan 'e oerheid dan ek. Identiteitsfraude leit op 'e loer en multinasjonals dogge der alles oan om ús (keap)hâlden en dragen en ús miening te beynfloedzjen. Us frije persoanlike libbensfear makket ús ta wa't wy binne en is in basisrjocht. Ek al tinke je dat je neat te ferbergjen hawwe, dan noch kinne gegevens yn ferkearde hannen telâne komme as wy der net hoeden mei omgean.

- Grutte ynternetbedriuwen sille twongen wurde om mear iepenheid te jaan oer harren opslach en it brûken fan data en de wurking fan algoritmes. Wy begrinzje de mooglikheden dêr't ús data foar brûkt wurde mei en ferbiede de ferkeap fan data sûnder eksplisite tastimming. Nederlânske data wurde safolle mooglik yn datasintra yn Nederlân opslein, sadat dy net ûnder Amerikaanske of Sineeske wetjouwing falle.
- Gegevens sammelje mei allinne as dêr werklik tastimming foar jûn is, wêrby't op in koarte, maklik lêsbere wize oan de brûker útlein wurdt wêr't dy foar brûkt wurde. Wegerje is altyd in opsje.
- Studinten meie wegerje software dy't meisjocht, ek wol 'proctoring software', te ynstallearjen op harren kompjûter foar it meitsjen fan tentamens. Underwiisinstellings

wurde holpen om op feilige wize tentamens te organisearjen sadat dy software net mear nedich is en mooglike fraude tafalt. Software dy't meisjocht foar thús wurkjende wurknimmers wurdt ferbean.

- Boargers hawwe rjocht op in frij ynternet sûnder filters, blokkades of trochjeffe fan gegevens troch providers.
- Bank- en betelgegevens fan boargers binne fertroulik, dêrom moatte wy net tastean dat treden sûnder eksplisite tastimming yn bankrekken sjen kinne. It ûnderdiel 'tagong fan treden ta de betelrekken' fan 'e nije rjochtlân betelstjinsten (PSD2) wurdt ôfskaft.
- Ynset fan kameratafersjoch mei allinne tydlik, yn in troch de rjochter oanwiisd risikogebiet. Kamera's dy't yn 'e iepenbiere romte, winkels en horeka gesichten weromkenne stean wy net ta.
- Nederlân sil persoansgegevens op it heechste nivo beskermje. De oerheid sil struktureel ynvestearje yn softwareprojekten om de digitale ynfrastruktuer better te befeiligjen. De Autoriteit Persoonsgegevens sil útwreide wurde om it neilibjen fan 'e AVG (Algemene feroardening gegevensbeskerming) te kontrolearjen.

### It skeinen fan privacy as skynfeilichheid

De oerheid brûkt graach de mooglikheden dy't der binne om boargers te kontrolearjen ûnder it mom fan feilichheidsmaatregels en effisjinsje. Wy moatte hjir just tige hoeden mei omspringe. Feiligens berikke je net mei it skeinen fan grûnrjochten. Wy foarkomme dat ús gegevens yn ferkearde hannen falle en tsjin ús brûkt wurde.

- Systemen dy't de privacy net boargje wurde ôfskaft of oanpast, lykas lanlike elektroanyske pasjintedossiers. Medyske dossiers wurde net iepensteld sûnder eksplisite tastimming.
- Allinne wannear't der sprake is fan konkrete fertinking dy't troch de rjochter toetst wurdt, meie plysje, justysje en ynljochtingstjinsten gegevens oer boargers opfreegje by

bedriuwen. Boargers krije mear sicht op gegevens dy't oer harren opslein binne en bettere mooglikheden harren út datasystemen ferwiderje te litten (it rjocht om te ferjitten).

- Opspoaringsynstânsjes meie net omsneupe yn kompjûters sûnder dat dêr in swierwichtige, troch de rjochter toetste reden foar is. Der komme strangere noarmen foar it ôftaapjen fan telefoans. It kommunikaasjegeheim wurdt beskerme en respektarre.
- Al it belied op it mêd fan ôftaapjen, sammeljen en opslaan fan gegevens fan boargers wurdt skerp op 'e nij besjoen yn it belang fan 'e privacy.
- De privacy en data fan brûkers binne by in soad Internet of Things-apparaten (mei Wifi en/of Bluetooth) net feilich. De oerheid set him yn foar it realisearjen fan cybereasken oan apparatuer.
- Nettsjinstende in dúdlik 'Nee' fan Nederlân by it referindum, waard de Sleepwet foar massale ynsameling fan data ynfierd. De Sleepwet wurdt ynlutsen en der komt in nije privacy-freonlike Wet op 'e ynljochtings- en feilichheidstjinsten (Wiv). Ek de foarstelde 'Super SyRi' wet (WGS), wêrby't de oerheid massaal gegevens sammelet, keppelet en analysearret, fiere wy net yn.
- Wy binne och sa hoeden mei data-eksperimenten yn 'e publike romte.
- Sina en de Feriene Steaten behearskje de digitale wrâld. Wy bliuwe tige kritysk oer de bûtenlânske ynfloed op technology en it ynternet. Wy soargje foar in robúste taskforce dy't spionaazje opspoart en tsjingiet. De AIVD is wakker hoeden mei it dielen fan gegevens fan boargers mei bûtenlânske feilichheidstjinsten.

# 10 Europa en ynternasjonale solidariteit 95

## De Ierde foarsjocht yn it ferlet fan elk, mar net yn 'e habsucht fan elk

Elkenien hat ferlet fan in feilige, sûne en stabile leefomjouwing. Dat binne universele behoeften, wêr't je op 'e wrâld ek berne binne. Mar op it stuit is foar in soad minsken de ferfolging fan dy behoeften in ein fuort. Troch klimaatferoaring wurde gebieten ûnbewenber, troch bioferskaat komt op guon plakken de wissigens fan iten yn gefaar, troch miljeufersmoarging wurdt de lokale leefomjouwing ferneatige en troch konfliktten mei wapens binne in soad minsken net wis fan harren libben.

Gauris is der in ferbân tusken dizze problemen. Sy binne faak de grûnoarsaken wêrom't minsken út harren heitelân wei flechtsje. De Partij foar de Dieren kiest foar ynternasjonale gearwurking mei minsken dy't harren oeral op 'e wrâld ynsette foar in leefbere Ierde.





De Partij foar de Dieren set har och sa yn foar in leefbere planeet en foar in earlike ferdieling fan wat de planeet te bieden hat. As de hiele wrâld sa libje soe lykas wy yn Nederlân dogge, dan soenen wy trije ierdbollen nedich hawwe. Wy brûke mear dan ús earlike diel oan natuerlike boarnen. Dat is foar ús planeet ûnhâldber en foar ús meiminsken ûnearlik. Wy kinne de karren dy't wy yn Europa en Nederlân meitsje dêrom net los keppelje fan 'e problemen dêr't minsken yn oare lannen mei te krijen hawwe.

### In better Europa

De Partij foar de Dieren wol in demokratyske Europeeske Uny (EU) dy't de beskerming fan kwetsbere wearden op ien set. De EU kin as gearwurkingsplatfoarm ommers helpe om problemen op te lossen dy't oer de grinzen hinne gean. Op it stuit hat de EU it each noch te folle op it promoatsjen fan 'e wrâldwide frijhannel en it beskermjen fan belangen fan grutte bedriuwen. Kwetsbere wearden lizze it yn dizze EU meastal ôf tsjin de belangen fan it grutte jild. Troch frijhannelsferdraggen, lânbousubsydzjes en de promoasje fan biomassa is de EU ien fan 'e driuwende krêften achter de klimaat- en bioferskaatkrisis. Troch de westerske ferslaving oan dierlike aaiwiten –noch altyd mei Europeeske subsydzjes promoate– ymportearje wy op grutte skaal feefoer út oare lannen, wat te'n koste giet fan it klimaat, minsken, dieren en de natuer.

Europeese beslútfoarming moat demokratysk en transparant barre. Op it stuit fynt de beslútfoarming noch te faak bûten ús sicht plak. Unbegryplike wetjouwingstrajekten, dêr't de boarger gjin ynfloed op hat, en de enoarme ynfloed fan lobbyisten, hawwe derfoar soarge dat de EU de ôfrûne desennia ôfglide is nei in dreech te kontrolearjen lobbykrasy. De fossile yndustry, de agro-yndustry en de produsinten fan lânbougif hawwe yn Brussel in soad te sizzen, wêrtroch't de EU dizze sektoaren te folle romte jout. It wurdt de nasjonale parleminten boppedat te dreech makke om ynfloed út te oefenjen

op wat der yn 'e EU besletten wurdt, wylst dy besluten de beliedsfrijheid fan lidsteaten bot beheine kinne.

It Europeesk Parlemint hat ek te min mooglikheden om de Europeeske Kommissje te kontrolearjen. It kin sels gjin wetten meitsje, dat kin de Twadde Keamer wol. Wy moatte net mear foegen nei de Europeeske Kommissje oerhevelje, maar de rol fan it Europeesk Parlemint foar dy fan 'e Europeeske Kommissje oer fersterkje. Sawol de ferdjipping (de Europeeske Kommissje lûkt hieltyd mear macht nei him ta) as de ferbreiding (mear lannen trede ta) fan 'e EU wurdt troch de Partij foar de Dieren in halt taroppen.

Yn ien EU dy't kwetsbere wearden op ien set, wurde klimaatrjochtfeardichheid, regionalisearring fan produksje en lânbou, earlike hannel, it ferlytsen fan ús ekologyske fuotprint, diererjochten, demokratyske kontrôle en transparânsje útgongspunten yn plak fan slútposten. De EU lústeret dan net langer allinne nei grutte bedriuwen, mar brûkt de macht dy't sy hat om derfoar te soargjen dat dy bedriuwen minsken en dieren helpe.

- Subsydzjes yn it ramt fan Mienskiplik Lânboubelied wurde ôfskaft. De frijkommen middels moatte ynset wurde foar de needsaaklike transysje nei in agro-ekologyske en dierfreonlike lânbou.
- Middels út it koroana-ophelppakket en út takomstige needfûnsen meie net bestege wurde oan aktiviteiten fan sektoaren dy't ferantwurdlik binne foar de klimaat- en bioferskaatkrisis, lykas de bio- en fossile yndustry.
- De EU en de eurosône wurde net fierder útwreide.
- De Europeeske Mearjierrebegrutting giet net omheech, en minimaal 50% fan 'e begrutting giet nei it klimaat, de natuer en it miljeu.
- De mienskiplike ophelppakketten binne op it stuit frijwol folslein rjochte op it werom kearen nei business as usual fan 'e fossile ekonomy. Ophelppakketten moatte just

helpe om de klimaat- en bioferskaatkrisis te bestriden. Dêr komt by dat dy pakketten der net ta liede meie dat lidsteaten mei-inoar de skulden fan oare lidsteaten drage.

- Rekkenkeamers op nasjonaal en Europeesk nivo krije in belangrike rol by it tafersjoch op Europeeske (need)fûnsen.
- De Europeeske Sintrale Bank (ECB) stoppet mei it massaal en samar opkeapjen fan obligaasjes en oare skuldpapier.
- De ECB wurdt yngreven herfoarme en ûnder parlemintêre kontrôle brocht. Op dy wize kin der rekkenskip jûn wurde foar de effekten fan it opnij ferdielen fan it ECB-belied. Ynterne notulen wurde iepenbier en bestjoerders fan 'e ECB kinne troch nasjonale lidsteaten ta ferantwurdiging roppen wurde.
- Der wurde senario's útwurke wêrby't lannen by in nije eurokrisis de eurosône ferlitte kinne, sadat by in krisis net langer alles op alles set wurdt om de euro yn 'e foarm dy't it no hat te rêden. De EU jout leden fan 'e eurosône de mooglikheid om plannen te ûntwikkeljen foar parallelle munten en wannear't in lidsteat beslút út 'e EU of de eurosône te stappen, wurdt dat troch de EU fasilitearre.
- De útbetelling fan Europeeske fûnsen (lykas strukturfûnsen) kin útsteld wurde of hielendal stopset as de rjochtsteat yn in lidsteat yn de knipe komt. Lannen as Hongarije en Poalen hoege net langer te rekkenjen op (ek Nederlânsk) belestingjild as sy de rjochtsteat ûndermynje en de rjochten fan harren ynwenners skeine.
- Der gean gjin nije foegen nei de EU. Der komt gjin Europeeske minister fan Finânsjes, gjin Europeesk leger en gjin Europeesk pensjoenstelsel. Dit soarte fan fûnemintele foegen hearre by nasjonale parleminten.

### It ferset tsjin frijhannelsferdraggen groeit

Under oanfiering fan 'e Partij foar de Dieren is it tinken oer frijhannelsferdraggen definityf feroare. Foar it earst yn 'e skiednis wie in mearderheid fan 'e Twadde Keamer mei tank oan de Partij

foar de Dieren tsjin in troch de EU ôfsletten frijhannelsferdrach; it EU-Mercosur-ferdrach mei de Súd-Amearikaanske lannen Brasilië, Argentinië, Uruguay en Paraguay.

Dêr't de Nederlânske polityk de ôfrûne desennia yn mearderheid út 'e skroeven wie as de EU nije frijhannelsdeals ôfsleat, wie dat no krekt oarsom. Yn sawol de Twadde Keamer as de Nederlânske maatskippij is it besef goed groeid dat allinne multinasjonals better wurde fan dy frijhannelsferdraggen, wylst kwetsbere wearden troch sokke deals as earste yn 'e lytse loege komme.

Ek yn 'e rest fan 'e wrâld is it ferset tsjin dizze ferdraggen de lêste jierren flink tanommen. Boeren, wittenskippers en miljeuaktivisten hawwe de lapen gearsmiten en harren hieltyd lûder en effektiver ferset tsjin dy hannelsdeals dy't de hiele boel ûntwrichtsje. En dat is mar goed ek. Wrâldwide frijhannel, benammen yn lânbouprodukten lykas soaja foar feefoer, fleis en palmoalje, liedt ta grutte problemen foar it klimaat en bioferskaat. Foarbylden binne ûntbosking en it ta woestyn wurden fan kwetsbere natuergebieten lykas de Amazone, de Cerrado (Brasilië) en it reinwâld yn Súdeast-Azië.

De koroanakrisis hat ús mei de noas op 'e feiten drukt: de minske moat ek út eigenbelang fan 'e oerbosken en reinwâlden ôfbliuwe. Ekonomyske aktiviteiten yn kwetsbere natuergebieten soargje derfoar dat hieltyd mear minsken yn oanrekking komme mei yn it wyld libjende dieren. Hjirtroch nimt it risiko op it oerspringen fan firussen en bakteryen fan dier nei minske fluch ta en dêrmei wurdt de kâns op it ûntstean fan nije soënoazen ek allinne mar grutter. In soënoatyske pandemy pakt, lykas elkenien ûnderfûn hat, ellindich út foar de folkssûnens, de geastlike sûnens, minsklike ynteraksje, kultuer en de ekonomy. Hânnen ôf fan it reinwâld is ek foar de minske letterlik fan libbensbelang.

Op it stuit ûnderhannellet de EU mei in tal lannen, wêrûnder de Feriene Steaten, Australië,

Tailân en Yndonesië oer frijhannelsferdraggen mei ynvestearringsbeskerming. De Partij foar de Dieren wol dat dy ûnderhannelings stoppe wurde, krekt as de ûnderhannelings oer de ferdraggen mei ynvestearringsbeskerming. Dy beskerming soarget derfoar dat multinasjonals ekstra rjochtsbeskerming krije, bôppeop de gewoane rjochten dy't se dochs al hawwe. Under de driging fan claims kinne dizze multionasjonals it belied fan regearen, wêrûnder de Nederlânske, yn harren foardiel beynfloedzje. De multinasjonals stean benammen in ambisjeus klimaatbelied ôfgrysliek yn it paad, en taaste sa de demokratyske rjochtssteat oan.

De Partij foar de Dieren wol dat it klimaat, bioferskaat, de folkssûnens, minske- en diererjochten en regionale lânbou it útgongspunt fan hannelsbelied wurde, en net de koartermyn-belangen fan multinasjonals en de agro-yndustry. Dêrmei kieze wy de kant fan miljeu- en minskerjochtebeskermers oer de hiele wrâld. Wy hawwe goed harke nei de needgjalpen fan aktivisten út ûnder mear Kanada, Brazilië, Yndonesië en Sina om in ein te meitsjen oan frijhannels- en ynvestearringsferdraggen dy't lokale mienskippen, minskerjochten, de natuer en de dieren skeine. It wurdt tiid foar in kabinet dat dat ek docht.

- Nederlân lûkt (definityf) har stipe yn foar ferdraggen mei ûnder mear de Feriene Steaten, Mercosur, Kanada (CETA), Meksiko, Tailân, Yndonesië, Australië en Nij-Seelân.
- As der troch de EU dochs frijhannelsferdraggen ôfsletten wurde, moatte alle lidsteaten dêrmei ynstimme en binne lânbou en ynvestearringsbeskerming yn alle gefallen gjin ûnderdiel fan dat ferdrach. By eintsjebeslút kriget de Nederlânske boarger it lêste wurd troch middel fan in binend korrektyf referendum.
- Ferdraggen dêr't ynvestearringsbeskerming (ICS of ISDS) yn opnommen is, wurde troch Nederlân opsein. Foarbylden fan sokke ferdraggen binne CETA en it Enerzjyhânfest (ECT).
- De EU stoppet fuortendaliks mei

de ûnderhannelings mei Sina oer in ynvestearringsferdrach.

### Stopje mei it eksportearjen fan in lânbousysteem dat faalt

De Partij foar de Dieren wol dat de Nederlânske oerheid foarop rint yn in radikale feroaring fan it eigen hannelsbelied. It hannelsbelied komt folslein yn tsjinst fan it ferdigenjen en promoatsjen fan kwetsbere wearden yn plak fan, sa't dat no giet, it ferdrukken fan kwetsbere wearden.

De Partij foar de Dieren wol dat Nederlân stoppet mei it eksportearjen fan 'e bio-yndustry. Op de hannelsmisjes dy't alle jierren organisearre wurde, reizgje fertsjintwurdigers fan 'e bio-yndustry mei ús kening en keninginne mei om ús folslein falende lânboumodel oan oare lannen op te kringen. Nederlânske produsinten fan stâl- en slachtsystemen ferkeapje dêr harren morbide hannel oan lannen earne oars, wylst se witte dat de bio-yndustry yn eigen lân ta gigantyske problemen foar dieren en de natuer soarge hawwe. Ek blommen en bollen, teeld mei foar minske, dier en natuer tige skealik lânbougif, wurde mei help fan 'e Nederlânske oerheid yn it bûtenlân promoate. Spesjaal op 'e lânbou rjochte diplomaten dy't mei Nederlânsk belestingjild betelle wurde dogge neat oars as yn oare lannen lobbye foar de private belangen fan 'e Nederlânske agro-yndustry (de saneamde Lânbourieden). Dieren wurde op lange transporten set, soms nei fier bûten de EU. Dat moat stopje.

- Produkten dy't yn Nederlân of de EU ynfierd wurde foldogge minimaal oan deselde miljeu- en dierewolwêzenseasken as produkten dy't hjir produsearre wurde. As dat net mooglik is binnen de regels fan 'e Wrâldhannelsorganisaasje (WTO), lizze Nederlân en de EU de regels fan 'e WTO neist harren del. Nederlân en de EU skrikke der net foar werom om it ta in (proef)proses komme te litten.

- Nederlân sil produkten keare dy't produsearre binne te'n koste fan minsken, dieren of miljeu en makket him der yn Brussel sterk foar dat lidsteaten dat ûnderling ek dwaan kinne. In foarbyld is guosse- en einelever (foie gras) út Frankryk, Spanje, Bulgarije en Hongarije.
- Diertransporten wurde binnen Europa flink oan bannen lein. Diertransporten duorje net langer as twa oeren. Op waarme dagen meie dieren net op transport set wurde. Transporten fan libbene dieren nei lannen bûten de EU binne net langer tastien.
- Nederlân stoppet mei it opbouwen en fasilitearjen fan fee-yndustry earne oars, lykas ûnder mear yn Oekraïne, Sina en Ruslân bard is. De eksport fan fokdieren of stâlssystemen om yn lannen earne oars de bio-yndustry op te bouwen wurdt net mear tastien.
- De eksport fan feehâlderijssystemen dy't yn Nederlân sels net tastien binne wurde yn alle gefallen ferbean. Ek lânbougif en oare gemikaliën dy't hjir ferbean binne, meie net mear eksportearre wurde.
- De minister fan Lânbou sil net mear mei hannelsmisjes mei, krektsa mei fertsjintwurdigers fan 'e feehâlderij. Nederlân stoppet fuortendaliks mei it eksportearjen fan 'e bio-yndustry nei oare lannen. Alle besteande budzjetten foar eksportpromoasje ferdwine. De Lânbourieden wurde opheft.
- Ek bedriuwen út sektoaren dy't earne oars op 'e wrâld net te ferhelpen skea oanrjochtsje oan ekosystemen en de leefomjouwing fan minske en dier, lykas de oalje- en gasyndustry, wurde útsletten fan hannelsmisjes.
- De Nederlânske oerheid staakt belutsenens by en finansiering fan oerlisorganen wêryn't multinasjonals grutte ynspraak krije oer it te fieren belied om de ymport fan grûnstoffen hinne lykas soja en palmoalje. De rûne tafels foar 'duorsume' soja en palmoalje binne neat oars as greenwashing en wurde ôfskaft. Binende ôfspraken wêryn't de sûnens fan 'e planeet it spearpunt foarmet komme hjir foar yn it plak.

### It fersterkjen fan ûntwikkelingsgearwurking

It bedrach dat troch de westerske wrâld oan ûntwikkelingsgearwurking bestege wurdt, sil noait kompensearre kinne wat troch it westen oan lannen earne oars oan skea tabrocht wurdt. Oant op 'e dei fan hjoed liede de (ekonomyske) karren dy't hjir makke wurde ta grutte problemen yn oare lannen, benammen op it súdlik healrûn.

De rykste ien prosint fan 'e wrâld stjit krekt safolle CO<sub>2</sub> út as de earmste fyftich prosint fan 'e wrâld, wylst just it earmste part fan 'e wrâldbefolking as earste troch klimaatferoaring troffen wurdt. Al desennialang wurde lannen earne oars brûkt as produsint fan basale grûnstoffen (mineralen, soja foar feefoer, palmoalje) wêrby't de westerske bedriuwen de winsten yn harren bûsen stekke, te'n koste fan it miljeu en de befolking earne oars. Us koloniale ferline en de slaverij hawwe oant op 'e dei fan hjoed djippe spoaren neilitten.

Untwikkelingsgearwurking begjint dus by it stopjen mei it tabringen fan skea oan minsken en ekosystemen earne oars. De Partij foar de Dieren wol boppedat ôf fan de 'help-is-hannel-doktrine' dy't de lêste jierren it Nederlânske ûntwikkelingsbelied kenmerke hat. Om dat te berikjen moat der opnij in minister fan Untwikkelingsgearwurking komme. Utgongspunt fan sawol it hannels- as ûntwikkelingsbelied wurdt in sterke regionalisearring fan produksje en tsjinsten.

De Partij foar de Dieren wol ekstra omtinken foar de posysje fan froulju en famkes. No liede sy faak in libben yn tsjinst fan 'e oar: de echtgenoat, famylje, in (grut) gesin of it húshâlden. Sy krije mear grip op harren eigen libben as se mear perspektiven en karfrijheid hawwe. Dat wurdt realisearre troch better en tagonklikker ûnderwiis, krêftige lokale mienskippen en fersterking fan 'e rjochten fan froulju en famkes. Op lytse skaal soarget dat foar mear kânsen en in better libben foar froulju, op grutte skaal daalt it bertesifer omdat froulju einliks de posysje krije wêryn't se

sels beslisse kinne. De hannel yn grûnstoffen lykas palmoalje, soja en mineralen helle lokale mienskippen út it ferbân, wat benammen te'n koste giet fan froulju en famkes. Wy stoppe dit neoliberales hannelsbelied en helpe minsken yn kwetsbere gebieten in duorsume ekonomy op te bouwen dy't harren wól te'n goede komt.

- Der komt wer in aparte minister fan ûntwikkelingsgearwurking.
- Minimaal ien prosint fan ús bruto nasjonaal ynkomen (BNI) wurdt bestege oan ûntwikkelingsgearwurking. By in delgeand BNI wurdt der net besunige op ûntwikkelingsgearwurking. It budzjet foar ûntwikkelingsgearwurking sil by in delgeand BNI dêrom automatysk boppe de ien prosint fan it BNI útkomme.
- ûntwikkelingsgearwurking wurdt rjochte op 'e belangen fan minsken en net op 'e belangen fan it Nederlânske bedriuwslibben. De posysje fan 'e earne befolking wurdt fersterke, benammen de posysje fan froulju en famkes.
- Nederlân betellet yn it ramt fan klimatrjochtfeardigens har fair share oan klimaatfinansiering, dat boppeop de besteande ûntwikkelingsgearwurking komt.
- Jild foar ûntwikkelingsgearwurking wurdt oanwend om minsken earne oars perspektyf te bieden, net foar migraasje- en asylbelied.
- ûntwikkelingshelp wurdt oanwend om in regionale, duorsume (lânbou)ekonomy op te bouwen. ûntwikkelingsgearwurking wurdt net brûkt om yn it bûtenlân de feehâlderij op te bouwen.
- ûntwikkelingslannen krije mear ynfloed op it belied fan it Ynternasjonale Monetêre Fûns en de Wrâldbân.
- As ûntwikkelingslannen harren merken (tydlik) ôfskermje foar ymporten fan it westen út om sa harren eigen ekonomy te fersterkjen, folgje gjin represaillemaatregels. Nederlân helpt ûntwikkelingslannen om harren produkten sels te bewerkjen, sadat se sels tafoege wearde kreëarje kinne, yn plak fan grûnstoffen te eksportearjen.
- Belestingwetjouwing en belestingferdraggen

wurde sa feroare dat ûntwikkelingslannen net mear miljarden oan ynkomen misrinne fia belestingûntwiking troch multinasjonals. Ek Nederlân sels is net langer in belestingparadys foar brievebusfirma's.

### Grûnoarsaken oanpakke en minsken helpe

Foar in soad minsken yn oare dielen fan 'e wrâld ûntbrekt it oan in takomstperspektyf en besteanswissigens. De klimaatkrisis en bioferskaatkrisis soargje der net allinne foar dat gebieten net leefber wurde en dat de wissigens fan iten fan minsken yn gefaar komt, mar binne ek in boarne fan (wapene) konflikten. Wannear't minsken troch konflikten bedrige wurde, wannear't lân ûnfruchtber wurdt of wannear't der net mear genôch wetter is om te drinken, slaan minsken op 'e flecht. De Partij foar de Dieren wol de grûnoarsaken oanpakke sadat minsken harren net langer twongen fiele om harren gebiet te ûntflechtsjen.

Uteinlik komt in grut part fan 'e minsken dy't flechtsje net yn Nederlân of yn Europa telâne. 85 of 90 prosint fan 'e flechtlingen wurde yn 'e regio opfongen, faak ûnder erbarmlike leefomstannichheden. Humanitêre help moat basearre wêze op twa pylders: it ferbetterjen fan de direkte leefomstannichheden en it kreëarjen fan takomstperspektyf.

- Ynternasjonale ferdraggen lykas it Flechtlingeferdrach en it Europeesk Ferdrach foar de Rjochten fan 'e Minsk foarmje it útgongspunt. Nederlân sil net akkoart gear mei ôfspraken, lykas de Turkijedeal, dy't hjir yn striid mei binne.
- Nederlân wurket mei oan it ferbetterjen fan de leefomstannichheden en it kreëarjen fan in takomstperspektyf foar minsken yn flechtlingekampen. Nederlân stelt dêr jild en kennis foar beskikber.
- Der komt in earlike ferdieling fan flechtlingen yn Europa. It kwotum fan 'e Flechtlinge-organisaasje fan 'e Feriene Naasjes (UNHCR) wurdt ferhege.

- Minsken yn flechtlingekampen hawwe rjocht op in minskweardich bestean. Dat betsjut yn alle gefallen rjocht op feiligens, foldwaande iten en drinken, juridyske bystân, medyske soarch en in minskweardige hûsfesting.
- Ngo's en oare humanitêre organisaasjes meie rêdingsaksjes op see organisearje sûnder dêryn tsjinholden of beboete te wurden. Nei in rêdingsaksje op see wurde minsken nei lokaasjes brocht dêr't se asyl oanfreegje kinne.
- De EU stoppet mei it trainen en it finansierjen fan 'e Libyske kustwacht, dy't beskuldige wurdt fan ernstige minskerjochteskeiningens.
- De Europeeske grinsbewekking Frontex moat ferfongen wurde troch humanitêre misjes, rjochte op it helpen fan minsken yn need. Der komt in ûndersyk nei beskuldigingen fan it skeinen fan ynternasjonale ferdraggen en it seerjocht troch Frontex.

### Ynvestearje yn opfang hjir

In hiel lyts part fan de minsken dy't harren hûs en hiem ûntflechtsje, komt nei Nederlân. Neist it weinimmen fan 'e grûnoarsaken fan migraasje, wol de Partij foar de Dieren ynvestearje yn de opfang en yntegraasje fan flechtlingen yn Nederlân, én ynvestearje yn de akseptasje fan nijkommers ûnder de Nederlânske befolking.

Frijwol alle minsken hawwe fan natuere de motivaasje om minsken yn need te helpen. Mar wy sjogge dat dy motivaasje op 'e proef steld wurdt. In soad minsken binne huverich foar grutte oantallen minsken dy't hjir komme te wenjen en oanspraak meitsje op 'e Nederlânske foarsjennings en wenten yn in al krappe wenningmerk. Dat is begryplik, want in soad jongerein, studinten en hûshâldings hawwe it dreech om in passende wente te finen. Dêrom moatte wy mear wenten bouwe, en moat de opfang soarchfâldich plakfine. Wannear't minsken inoar ien kear kenne, is de ûnderfining dat wy faak begripfol en behelpsum binne foar de opfongen flechtlingen. De Partij foar

de Dieren wol dêrom humane opfang mei goede begelieding en flugge dúdlikheid oer de status fan in asyloanfraach. Sadra't minsken in ferbliuwsfergunning krije moatte se fluch en folslein meidwaan kinne yn 'e maatskippij.

- Nederlân toarnet net oan it Flechtlingeferdrach en stjoert dus gjin minsken werom nei it lân dêr't se wei komme as sy dêr ferfolge wurde fanwegen harren aard, religy, politike oertsjûging of etnyske ôfkomst.
- Minsken dy't yn Nederlân in ferbliuwsfergunning oanfreegje, krije fluch in soarchfâldich beslút oer harren ferbliuwsrjocht. De wachttiid by de IND wurdt gâns ferkoarte.
- Bernerjochten, lykas fêstlein yn it Ynternasjonale Ferdrach oangeande de Rjochten fan it Bern (IVRK), wurde yn 'e Frjemdlingewet fêstlein. Bern dy't hjir woartele binne wurde net útset en krije in ferbliuwsfergunning.
- We meitsje in ein oan ferfeling en útsichtleasheid yn asylsikerssintra. Minsken dy't ferbliuwe yn in asylsikerssintrum kinne harren tenei ûntwikkelje en hawwe rjocht op goede begelieding, taalkursussen, soarch, en minderjierrigen op ûnderwiis. Dêrneist komt der mear omtinken foar psychyske help, want flechtlingen hawwe faak in heftige reis achter de rêch en/of trauma's oprûn yn it gebiet dêr't se út wei flechte binne.
- De hûsfesting fan minsken mei ferbliuwsrjocht fynt soarchfâldich plak: wy soargje foar in evenredige ferdieling oer gemeenten, dêr't it kin op wykivo. Dêrneist sette wy yn op lytsskalige mingfoarmen wêrby't bygelyks studinten en nijkommers in wenkompleks diele, en projekten wêrby't flechtlingen mei in bepaalde beropsachtergrûn keppele wurde oan potinsjele lokale wurkjouwers. Hjir soargje wy foar foldwaande begelieding sadat dit liedt ta bettere yntegraasje en begrip fan beide kanten yn 'e wyk. Gemeenten moatte yn steat steld wurde hjir safolle mooglik it ynisyatyf yn te nimmen.

### Gjin hannel yn konfliktgrûnstoffen

De Partij foar de Dieren wol dat Nederlân strange regels stelle sil oan de ymport fan grûnstoffen wêrfan't de winning of produksje skea tabringe kin oan minsken, dieren, miljeu of de natuer. Grûnstoffen lykas soaja, palmoalje, koper en koalen komme op 'e list fan konfliktmaterialen. Hjir komme strange kriteria foar yn it ynternasjonale hannelsferkear. Ek swiet wetter komt op dy list. It tydperk fan frijbliuwendheid fan ynternasjonaal maatskiplik ferantwurde ûndernimme (IMVO) rint te'n ein. It hat net wurke.

- Der komt binende Nederlânske IMVO-wetjouwing.
- Bedriuwen wurde ferplichte om minskerjochtenskeinings (ynklusyf berne-arbeid), miljeufersmoarging, oantaasting fan it dierewolwêzen en it ferlies fan bioferskaat yn harren ketens te identifisearjen, te foarkommen en oan te pakken.
- Grutte bedriuwen jouwe ferplicht ynsjoch wêr't de materialen wei komme dy't sy brûke en de omstannichheden yn de produksjeketen. Sy publisearje alle jierren in winst- en ferliesrekken foar minsken, dieren, natuer, miljeu en klimaat dy't ynsjoch jout yn 'e ympakt fan it bedriuw op 'e wolfeart en wolwêzen yn brede sin.
- De Universele Ferklearring fan de Rjochten fan de Minsk wurdt respektarre, ek yn it produksjeproses yn it bûtenlân. Produzenten yn ûntwikkelingslannen krije help om hjir oan te foldwaan.

### Echte frede en feiligens

Westerske regearings, ek Nederlân, moatte harren rjochtsje op it weinimmen fan 'e fiedingsboaiem fan konflikten. De Partij foar de Dieren wol dat Nederlân stoppet mei it stypjen fan gefjochtsmisjes. Westerske bombardeminten en militêre belutsenens by konflikten lykas yn Afganistan, Irak en Libië hawwe de wrâld

net feiliger makke. Yn plak dêrfan sloegen miljoenen minsken op 'e flecht en is de driging fan terrorisme noch altyd oanwêzich. De Partij foar de Dieren is fan miening dat gefjochtsmisjes en bombardeminten noait liede sille ta duorsume frede en dat militêre belutsenens by konflikten en bombardeminten yn striid binne mei de wearden fan moederaasje en duorsumens. By fredesoperaasjes stiet it earbiedigjen fan minskerjochten en diererjochten op it earste plak.

De Partij foar de Dieren wol allinne fredesoperaasjes fan 'e Feriene Naasjes mei in sterk polityk mandaat. Wy beoardielje alle foarstelde VN-misjes ôfsûnderlik op proporsjonaliteit, effektiviteit en legitimiteit, en altyd mei respekt foar it ynternasjonaal rjocht.

- Nederlân wurket net mei oan gefjochtsmisjes, ek net fan 'e NAVO.
- Nederlân behâldt it folsleine sizzenkip oer syn eigen kriichsmacht. Der komt gjin Europeesk leger.
- Nederlân keapet gjin nij grut fjochtmaterieel lykas strieljagers en dûkboaten.
- De leeftyd wêrop't ús militêren útstjoerd wurde meie op misjes wurdt ferhege fan 18 nei 21 jier.
- Definsje ûnthâldt harsels op elke wize fan it aktyf rekrutearjen fan minderjierrigen, ek yn it ramt fan tariedende militêre opliedings.
- It wapeneksportbelied wurdt sa oanskerpe dat der fan Nederlân en de EU út gjin wapens levere wurde oan repressive en autoritêre steaten dy't minskerjochten skeine. Nederlân set him – ek binnen de EU – yn foar neilibbing fan ferdraggen tsjin lânminen en klustermunysje en foar wrâldwide regulearring fan 'e wapenhannel.
- Nederlân ûndertekenet it VN-ferdrach foar in ferbod op kearnwapens. Oanwêzige kearnwapens wurde op koarte termyn út Nederlân ferwidere. Nederlân wurket gear mei oare lannen oan in universeel ferbod op it brûken fan kearnwapens.

- Nederlân nimt it ynisjatyf yn 'e ûntwikkeling fan in ynternasjonaal juridysk ramt foar it brûken fan bewapene drones (ûnbemanne fleanmasines).
- By ynternasjonale humanitêre helpoperaasjes wurdt ek help oan dieren jûn.
- It Nederlânske bûtenlânske belied is no faak rjochte op hannel en net op it opkommen foar minskerjochten. Nederlân sil him útsprekke oer minskerjochten en it rjocht op selsbeskikking fan ûnderdrukte folken, lykas de Papoea's, Oeigoeren en Tibetanen.



**Partij voor  
de Dieren**